

[0707]

IG-TIIDWURDEN EN G-TIIDWURDEN*

Jarich Hoekstra

Summary

This study discusses the relationship between ig-verbs (e.g. sinnigje 'like') and g-verbs (e.g. priizgje 'praise') in West Frisian. These two types of verb have sometimes been lumped together in literature. This is not surprising considering the fact that they show some remarkable similarities (both have an original stem ending in a dental consonant) and are easily mixed up (ig is, for example, reduced to g occasionally). Nevertheless, it will be argued that a distinction should be made between ig-verbs and g-verbs, at least from a diachronic point of view.

The ig-element will be analysed as an augment (a syntactically and semantically void morpheme), that is attached to verbs formed by conversion. For the fact that ig is only added to verbs with a stem ending in a dental consonant, a functional explanation is suggested: the ig-augment serves to separate the verbal stem and the inflectional endings (which often have an initial dental consonant), thus preserving morphological transparency.

Whereas ig-verbs occur in most West Germanic languages and date back to the late Middle Ages, g-verbs are confined to West Frisian and are relatively young. They are first found in the work of the Renaissance poet Gysbert Japiks (1603-1666). Moreover, whereas insertion of ig is basically a morphological phenomenon, g-insertion is purely phonologically motivated. It is shown that the g-element can result from three different phonological processes: affricatisation, assimilation and velarisation. It is hypothesised that the g-verbs and some other phenomena in Gysbert Japiks' work are indicative of a strong palatalising effect of the verbal ending -je in his days.

The g-verbs that are found in Frisian after Gysbert Japiks, reflect only partly a natural (i.e. a phonological) development. Many of them are the result of Gysbert Japiks imitation and analogy formation. Yet, g-verbs have kept a certain popularity in the written language because of their stylistic heaviness (as compared to the g-less

* It útgongspunt foar dizze stúdzje hat west de tekst fan myn doktoraalskripsje foar de stúdzje Frysk oan 'e Ryksuniversiteit Grins (ôfsletten yn 1984). Dat, de earsten dy't ik hjir betankje wol, binne Geart van der Meer en Nils Århammar, dy't de skripsje doedestiids beoardiele ha. Har opmerkingen binne yn it neikommende ferarbeide. Oaren dy't troch kritysk kommintaar makke ha dat dizze tekst posityf ôfwykt fan 'e oarspronklike binne Rolf Bremmer, Siebren Dyk, Tony Feitsma en Willem Visser.

forms in the spoken language) and because of the fact that they were considered as more typically 'Frisian' (compared to their g-less equivalents in Dutch).

1 Ynlieding en ferantwurding

1.1 It doel

Yn it Frysk fynt men, lykas yn 'e measte oare Germaanske talen, in skift tiidwurden dy't ik hjir tenei oantsjutte sil as *ig-tiidwurden*, ferl. Fr. *sinnigje*, Holl. *spijzigen*, Dú. *schädigen*, De. *beskadige*. It giet om tiidwurden dy't ôflaat binne fan in haadwurd (inkeldris in eigenskipswurd of in telwurd) en dêr't in elemint *ig* oan taheakke is. Dat elemint *ig* sil yn dizze stúdzje opfette wurde as in augmint of stamútwreiding (sj. 2.3.2). Ta de *ig-tiidwurden* yn 'e boppesteande definysje hearre net de tiidwurden dy't ôflaat binne fan in adjektivysk grûnwurd op *-ich*, lykas *hilligje*, *rjuchtfeardigje*, *besunigje*.

Nêst de *ig-tiidwurden* besteane der yn it Frysk ek tiidwurden dêr't sa't it liket oan 'e oarspronklike stamme in *g* taheakke is. Foarbylden binne *priizgje*, *wearzgje*, *treastgje*. Ik sil sokke tiidwurden *g-tiidwurden* neamme. It is net alhiel dúdlik hoe't de *g-tiidwurden* en foaral de *g* dy't him deryn oppenearret, beoardiele wurde moatte. By in stikmannich *g-tiidwurden* liket it derop dat de *g* út *ig* ûntstien is, ferl. *tiidgje* nj. *tidigje*, *belêstgje* nj. *belêstigje*. Guon grammatisy (Epkema, Sytstra & Hof) wolle der op út, dat *g* yn alle *g-tiidwurden* op *ig* tebek giet of dat nei analogy fan *g-tiidwurden* mei *g* út *ig* nije *g-tiidwurden* foarme binne. Der binne yndie oerienkomsten tusken *ig-* en *g-tiidwurden*, bgl. it feit dat har (oarspronklike) stamme hast altyd op in dintaal útgiet. Mar der binne oan 'e oare kant ek eigenaardige ferskillen. De oarspronklike 'stamme' fan in *g-tiidwurd* hoecht bygelyks net in haadwurd te wêzen lykas by de *ig-tiidwurden*, mar kin ek in tiidwurd wêze, ferl. *priizgje* nj. *priizje*, *drinzgje* nj. *drinz(j)e*.

Wêr 't it my yn dit ûndersyk earst en meast om gean sil, is it histoarysk teplakbringen fan 'e *g-tiidwurden*. Dêrta sil ik it ûntstean en de ûntjouwing fan 'e *ig-* en de *g-tiidwurden* neigean. Ik hoopje op sa'n wize út te finen, wêr't beide skiften tiidwurden ferbiningen ha en wêr't se apart hoden wurde moatte.

Mei't de *g-tiidwurden* foar it earst op grutte skaal foarkomme yn it wurk fan Gysbert Japiks, kin dizze stúdzje ek beskôge wurde as in bydrage ta it ûndersyk nei de taal fan Gysbert Japiks.

1.2 *It materiaal*

It materiaal dêr't myn ûndersyk op basearre is, bestiet út in samling fan *ig-* en *g-*tiidwurden (sj. taheakke I). De tiidwurden binne gearfandele út Fr.W. (1900-I, 1903-II, 1911-III) en út Fr.W. (1952, 1956). De list befettet dêrnêst tafallige fynsten út 'e literatuer en is ferlike en oanfolle mei materiaal út 'e kartoteek fan it Wurdboek fan 'e Fryske Taal (WFT) op 'e Fryske Akademy. Fierders is Brandsma (1936) útslachte om de *ig-* en *g-*tiidwurden yn it wurk fan Gysbert Japiks benei te kommen. Mei't der gjin nije *ig-* en *g-*tiidwurden mear foarme wurde, binne se yn prinsipe te tellen.¹ De list yn taheakke I pretindearret dêrom muoi folslein te wêzen.

By tiidwurden op *-igje* is net altyd mei wissichheid út te meitsjen oft se ôflaat binne fan in haadwurd of fan in eigenskipswurd op *-ich*. Yn gâns gefallen kin de betsjutting útslútsel jaan. Sa betsjut *sinnigje* 'nei 't *sin* wêze' en net '*sinnich* wêze, wurde, meitsje', dat men mei frij oannimme dat *sinnigje* in *ig-*tiidwurd is, ôflaat fan it haadwurd *sin*.

At nêst it tiidwurd op *-igje* yn ien fan 'e talen dêr't *ig-*tiidwurden foarkomme, in wjergader sûnder *ig* te finen is, kin dat der ek op tsjutte dat men mei in *ig-*tiidwurd te krijen hat; nêst Fr. *sinnigje* stiet bgl. it ferlykbere Holl. *zinnen*. At allinnich foarmen mei *ig* foarkomme, bgl. Fr. *bemoedigje*, Holl. *bemoedigen*, Dú. *ermutigen*, dan kin men der muoi wis fan wêze dat it tiidwurd ôflaat is fan in eigenskipswurd op *-ich*.

At ik sis dat *bemoedigje* fan it eigenskipswurd *moedich* ôflaat is, dan bedoel ik dat suver histoarysk; it wurd dêr't Fr. *bemoedigje* by eintsjebeslút op tebek giet - faaks Holl. *bemoedigen* - is oarspronklik ôflaat fan it eigenskipswurd. Dat hoecht lykwols net te betsjutten dat it wurd yn elk syngroan stadium ek troch elkenien as in ôflieding fan *moedich* mei de betsjutting 'moedich meitsje' ynterpretearre is of wurdt. It kin likegoed analysearre wêze of wurde as in ôflieding fan *moed*, subst., mei de betsjutting 'moed jaan'. At men net fan in strang diagroan stânpunt útgean wol, is in kar - al of net *ig-*tiidwurd - by datsoarte fan wurden feitliks net te meitsjen.

Oarsom hat men deselde swierrichheid: tiidwurden dy't histoarysk besjoen *ig-*tiidwurden binne, kinne op in stuit skoan analysearre wêze of wurde as ôfliedingen fan eigenskipswurden. Sa kin *bekrêftigje*, dat in *ig-*tiidwurd is oarspronklik, syngroan likegoed as 'krêftich meitsje' as as 'krêft jaan' ynterpretearre wurde. Ik ha datsoarte fan gefallen allegear opnommen yn 'e list.

¹. Sûnder euvelmoed sil net ien mear in nij *ig-* of *g-*tiidwurd foarmje, mar it is fansels altyd mooglik dat ien it mei opset sin docht. Foarbylden fan *g-*tiidwurden dy't (moolk) mei sin foarme binne, komme fierderop noch tepraat (sj. 3.4).

Inkeld dúdlike ôfliedingen fan eigenskipswurden op *-ich*, lykas *befeiligje*, *ferivigje* en *rjuchtfeardigje*, haw ik weilitten.

De Aldfryske *ig*-tiidwurden binne net yn 'e list opnommen. Ik ha my beheind ta it Mid- en it Nijfrysk. De wichtichste reden dêrfoar is dat de *g*-tiidwurden earst yn 'e Midfryske tiid by Gysbert Japiks ferskine (faaks op in inkelde útsûndering nei) en it binne de *g*-tiidwurden dy't my earst en meast ynteressearje. Dat seit net dat de Aldfryske *ig*-tiidwurden net fan belang wêze kinne, dat sadwaande sille se fan en ta dochs wolris yn it ûndersyk behelle wurde. Foar myn doel kin it lykwols ynearsten wol ta mei de list fan 43 Aldfryske tiidwurden op *-igia* dy't Van Zuiden (1934: 2-3) út 'e wurdboeken fan Richthofen (1840) en Holthausen (1925) opfandele hat (sj. Taheakke II).² Dy list jout grif net it folsleine tal tiidwurden op *-igia* dat yn Aldfryske teksten te finen wêze soe. Aldwestfrysk en Aldeastfrysk binne der net ûnderskaat. En fierders binne net alle tiidwurden dy't deryn opnommen binne, wiere *ig*-tiidwurden yn myn definysje (bgl. *bitigia* [sic], *hêligia*).

1.3 It bestek

It eigentlike ûndersyk bestiet út twa parten. Yn it foarste part komme it ûntstean en de ûntjouwing fan 'e *ig*-tiidwurden op it aljemint en yn it twadde it ûntstean en de ûntjouwing fan 'e *g*-tiidwurden.

Yn it foarste part sil alderearst besjoen wurde wêr't de *ig*-tiidwurden weikomme en wêr't se foarkomme (2.2). Yn 2.3 komt de morfology fan 'e *ig*-tiidwurden tepraat. Ik sil it ha oer it aard fan it grûnwurd, oer de status fan it elemint *ig* en oer de prefiksen dy't by *ig*-tiidwurden foarkomme kinne. Fierders jou ik in tentative ferklearing foar it ûntstean fan 'e *ig*-tiidwurden. Yn 2.4 komme in pear spesifyk Fryske ûntjouwingen fan 'e *ig*-tiidwurden op it aljemint: de oergong *ig* > *g* en de oergong *stg* > *sk*. Ik beslút mei it besprekken fan in pear aparte gefallen (2.4.3, 2.5).

Yn it twadde part gean ik earst nei, hoe't yn 'e Fryske grammatika's de *g*-tiidwurden en de *ig*-tiidwurden beskreaun binne en wat de oerienkomsten en ferskillen tusken beide skiften tiidwurden binne (3.1). Yn 3.2 wurdt besocht om in ferklearring te jaan foar it ûntstean fan 'e *g*-tiidwurden. Dêrnei sil ik de fierdere ûntjouwing fan 'e *g*-tiidwurden yn it Frysk besjen: yn it Midfrysk (3.3) en yn it Nijfrysk (3.4). Yn 3.5 besprek ik dan noch in stikmannich oarspronklike *g*-tiidwurden dêr't *g* ta *ig* wurden is.

It ûndersyk wurdt ôfsletten mei in koart haadstik konklúzjes.

². By Holthausen hat Van Zuiden oars *bihlestigia*, *bikostigia*, *kristegia* en *kriusgia* oer de kop sjoen.

2 *ig-tiidwurden*

2.1 *Oanrin*

In folslein en yngeand ûndersyk nei ûntstean en ûntjouwing fan 'e *ig-tiidwurden* sil hjir net ûndernommen wurde. De ombocht nei it wichtichste objekt fan dit ûndersyk, de *g-tiidwurden*, soe dan fierstente grut wurde. Dat, ik sil my, wat de *ig-tiidwurden* oanbelanget, beheine ta de rûge halen en fierders allinnich de spesifike ûntjouwing fan dat type tiidwurden yn it Frysk mei sin besjen. Wol woe ik in pear algemiene problemen op it aljemint bringe dy't yn Van Zuiden (1934), better net te witten de iennichste stúdzje oer de *ig-tiidwurden*, oan 'e krapperein komme of alhiel net behannele wurde, ntl. de fraach nei it (geografysk) komôf en de spried fan 'e *ig-tiidwurden* en de fraach nei it ûntstean derfan.

2.2 *Komôf en spried fan 'e ig-tiidwurden*

2.2.1 *De ig-tiidwurden yn oare Germaanske talen*

Tiidwurden mei in *ig*-augmint fynt men benammen yn it Dútsk, it Hollânsk en it Frysk. Yn 'e kontinintale Skandinaafske talen komme se ek foar, mar dêr binne se folle minder machtich. Nielsen (1976: 174) wol ha, dat De., No. *-ige* en Sw. *-iga* ûntliend binne oan it Midheechdútsk.³ De measte *ig-tiidwurden* yn it Deensk, Noarsk en Sweedsk sille oars wol streekrijucht liend wêze út it Midheech- of Midleechdútsk, want botte produktyf hat tiidwurdfarming mei *ig*-augmintaasje yn dy talen net west. Yn it Föringersk en it Yslânsk fynt men gjin *ig-tiidwurden*. En itselde hâldt foar it Ingelsk.

De iennichste stúdzje oer de *ig-tiidwurden* is, lykas sein, de dissertaasje fan Van Zuiden (1934). Van Zuiden giet nei, hoe't de tiidwurden op *-igen* (dêr 't er nammers ek de ôfliedingen fan eigenskipswurden op *-ig* ûnder beflapt) har yn it Dútsk ûntjûn ha fan 'e Aldheechdútske tiid ôf oant no ta. Yn syn ûndersyk behellet er ek ferskate Dútske dialekten. Boppedat jout er yn in taheakke in list fan Mid- en Nijnedêrlânske *ig-tiidwurden* dy't er ferliket mei de Dútske.

Yn it Aldheechdútsk fynt Van Zuiden inkeld tiidwurden op *-igôn*, dy't ôflaat

³. Midleechdútske ynfloed sil nammers by it oerwaaien fan *ig-tiidwurden* nei Deensk, Noarsk en Sweedsk ek grif meispile ha.

binne fan eigenskipswurden op *-ig*. Wiere *ig*-tiidwurden komme yn it Aldheechdútsk noch net foar. Dy ferskine earst yn 'e Midheechdútske en Iernijheechdútske tiid (ca. 1250 - 1650). Yn dy snuorje sette har de *ig*-tiidwurden, dy't men yn it lettere Dútsk ek hyltiten wer fine sil. Neitiid komt der noch wolris in inkelde nijfoarming mei *ig* by, mar yn it ginneraal bliuwt it by de al besteande tiidwurden.

Nei oanlieding fan it muoi grutte tal *ig*-tiidwurden yn it Midnederlânsk seit Van Zuiden (1934: 220): "Auch hier werden ähnliche Entstehungsgründe (ntl. as by de Dútske *ig*-tiidwurden, J.H.) gewirkt haben. Zum Teil mögen die Verben in direktem Zusammenhang mit dem Niederdeutschen entstanden sein, zum größern Teil aber wohl selbständig". Ferlykjen fan 'e Nij Nederlânske en de Nijheechdútske *ig*-tiidwurden smyt op, dat it tal tiidwurden mei in ûngelikenze betsjutting yn 'e beide talen tige lyts is. Van Zuiden konkludearret dêr tige hoeden út: "Die große Zahl der Verben mit gemeinsamer Bedeutung könnte auf die enge kulturelle Verbundenheit der beiden germanischen Nachbarvölker hinweisen". Van Zuiden hâldt him wat op 'e romte wat de krekte relaasje tusken 'e Dútske en de Hollânske *ig*-tiidwurden oanbelanget.

It bliuwt lykwols eigenaardich, dat it Dútsk en it Hollânsk in aardich espeltsje *ig*-tiidwurden mandélich ha en dat nettsjinsteande taaleigene ûntjouwingen (nijfoarming, betsjuttingsferoaring) dy kearn fan *ig*-tiidwurden in muoi homogeen gehiel foarmet. Soks tsjut earder op in mienskiplik komôf as op in "polygeneze" (eventueel ôfswakke troch in "enge kulturelle Verbundenheit"). De oarsprong fan 'e *ig*-tiidwurden kin men nei alle gedachten it bêste sykje yn it Dútske taalgebiet. It Deensk, Noarsk en Sweedsk ha har *ig*-tiidwurden foar it grutste part liend út it Midheechdútsk en it Midleechdútsk. Dat jildt faaks ek foar it Hollânsk. Op basis fan 'e liende wurden kin dêrnei in beheinde eigen ûntjouwing úteinset wêze. De geastlike en amtlike taal en de hannelstaal, dy't neffens Van Zuiden (1934: 219) de *ig*-tiidwurden benammen fuortsterke ha, kinne der ek foar soarge ha, dat de *ig*-tiidwurden oer de swetten fan it Dútske taalgebiet wreide ha. De nije terminology út 'e niisneamde taalsfearen is faaks oernommen. Dat de betsjuttingen inoar sa'n bytsje ûntrinne, kin ek gearhingje mei it feit dat it by de *ig*-tiidwurden gauris giet om min of mear offisjele termen dy't trochstrings minder bleat lizze foar betsjuttingsferoaring.

It boppesteande is fansels frijwat hypotetysk. Der sil mear ûndersyk nedich wêze nei bgl. de ûnderskate *ig*-tiidwurden yn 'e ûnderskate talen en nei de skiednis fan it hannelsferkear en it amtlike ferkear en de ynfloed dêrfan op 'e taal om yn it probleem fan it komôf en de spried fan 'e *ig*-tiidwurden mear klearrichheid te bringen.

2.2.2 *De ig-tiidwurden yn it Frysk*

De list fan Aldfryske *ig*-tiidwurden dy't Van Zuiden (1934: 2-3) jout (sj. Taheakke II), lit sjen dat de *ig*-tiidwurden yn it Aldfrysk ek al aardich hiem wienen. In part dêrfan sil oan it Hollânsk of Leechdútsk ûntliend wêze, mar oaren wize út dat it Aldfrysk ek selsstannich nije *ig*-tiidwurden foarmje koe. Fan bgl. *bôstigia*, *lâvigia* en *sennigia* binne yn oare talen gjin wjergaders oerlevere.

It Mid- en Nijfrysk ha nei alle gedachten ek noch ferskate *ig*-wurden út it Hollânsk liend. De measte *ig*-tiidwurden dy't yn it hjoeddeiske Frysk foarkomme, ha wol wjergaders yn it Hollânsk en/of yn it Dútsk, eventueel yn âldere fazen dêrfan, en wike dêr wat de betsjutting oanbelanget kwealik fan ôf. Sa fynt bgl. Fr. *beïerdigje* syn gelikens yn Dú. *beerdigen*, wylst Fr. (*jin*) (*fer*)*hastigje* oerienkomt mei (en faaks ûntliend is oan) it ferâldere Holl. (*ver*)*haastigen* (WNT). Sjoch foar mear foarbylden Taheakke I.

Fan 'e neikommende Nijfryske *ig*-tiidwurden haw ik yn oare talen (oant no ta) gjin wjergaders fine kinnen:

(1) (*jin*) *bekweadigje* (*nj. bekweadzje*)

It tiidwurd komt einliks allinnich mar foar yn 'e ferbining *jin bekweadigje oan eat = jin besûndigje oan eat*. *Bekweadigje* is ôflaat fan it haadwurd *kwea* (nei analogy fan *besûndigje*?).

boaskje (Afr. *bôstigia*)

Sjoch foar in besprek fan 'e ûntjouwing fan *boaskje* en oare tiidwurden mei *-sk-* út *-stg-* 2.4.2.

sinnigje

sinnigje 'nei it sin wêze, noaskje' is in ôflieding fan *sin*. Ferl. Holl. *zinnen* yn bgl. *dat zinde hem niet* en Fr. *sinne* yn bgl. *dêr hie ik net op sind*.

ûnstjoer(i)gje (*G.J. ontstjoer(ri)gje*)

Foar de oergong *-ig-* > *-g-*, sj. 2.4.1. It tiidwurd *ûnstjoer(i)gje* 'yn ûnstjoer bringe' is foar it neist ûntstien út *ûnstjoerigje* (foar *ûn-* > *ûnt-*, sj. 2.3.3.2), in ôflieding fan *ûnstjoer* (Holl. *onstuur* (WNT)).⁴

By oare *ig*-tiidwurden dy't typysk Frysk lykje, bgl. *itigje*, *seinigje*, *tidigje*, is *ig* faaks sekondêr út *g* ûntstien. Sokke sabeare *ig*-tiidwurden mei *ig* út *g* komme tepraat yn 3.5.

⁴. It is oars ek skoan mooglik dat **ûnstjoerigje* net in *ig*-tiidwurd is, mar in ôflieding fan it eigenskipswurd **ûnstjoerich*, Holl. *onsturig* (WNT).

2.3 *De morfology fan 'e ig-tiidwurden*2.3.1 *It grûnwurd*

It grûnwurd fan 'e ig-tiidwurden is yn fierwei de measte gefallen in haadwurd. Foarbylden binne:

- | | |
|-----------------------------|---------------------------------------|
| (2) <i>beëdigje: eed</i> | <i>sinnigje: sin</i> |
| <i>begeunstigje: geunst</i> | <i>stiennigje: stien</i> |
| <i>einigje: ein</i> | <i>fredigje (nj. freedzje): frede</i> |
| <i>handigje: hân</i> | <i>krusigje: krús</i> |

Yn myn materiaal haw ik de neikommende ig-tiidwurden fûn mei in adjektivysk grûnwurd:

- (3) *reinigje: rein*
 Holl. *reinigen*, Dú. *reinigen*
 (jin) *be-*, *ferwissigje* (nj. *be-*, *ferwisje*): *wis*.
 Holl. (zich) *vergewissen*, Dú. (sich) *vergewissern* (mei *er*-augmint), *vergewissigen*
 (Van Zuiden (1934: 261)).
besêftigje: sêft
 Fr.W. (1900); faaks in germanisme, ferl. Dú. *besänftigen*.
fersêftigje: sêft
 Allinnich fûn by S. Kloosterman, bgl. yn De Hoara's fan Hastings (1921: 108):
 'Der forsêftige him hwet yn't âlde forware antlit'.
 Holl. *verzachten*, Midned. *sachtigen*, Dú. *besänftigen*.
 G.J. *forseftgje* (Fr.W. (1900-I): *forsêftgje*, *forsêftsje*) is foar 't neist in g-tiidwurd.
fersiedigje
 Allinnich by G.J., hyperkorrekt foar Holl. *verzadigen*, Dú. *sättigen*, Fr. *sêdzje*.
(be)ffêstigje: fêst
 Afr. *(be)festigia*, G.J. *(be)fest(i)gje*, Holl. *(be)vestigen*, Dú. *(be)festigen*.

It tiidwurd *forswiet(g)je* by G.J. is grif, lykas *forsêftgje*, in g-tiidwurd, nettsjinsteande Midned. *soetigen* (nj. *soeten*).

Der is fierders ien ig-tiidwurd dat fan in telwurd ôflaat is:

- (4) *(fer)ienigje* (nj. *(fer)ienje*): *ien*
 Holl. *(ver)en(ig)en*, Dú. *(ver)ein(ig)en*.

En ien *ig*-tiidwurd dat in ûnbeskaat foarnamwurd as grûnwurd hat:

(5) *ferneatigje: neat*

G.J. *fornaetigje, naettigje*, Holl. *vernietigen*, (Midned. *verniet(igh)en*), Dú. *vernichten* (Mldú. *vernichtigen nj. vernihten*).

Alle *ig*-tiidwurden binne ôflaat fan in grûnwurd dat op in dintaal einiget. Yn 2.3.4 kom ik dêr wiidweidich op werom.

2.3.2 *It augmint*

De *ig*-tiidwurden wurde trochstrings opfette as ôfliedingen fan in haadwurd (of eigenskipswurd) mei in suffiks *-ig(je)* dat ûntstien is troch metanalyse. Ferlykje foar dy opfetting bgl. Van Loey (1959: 209):

"Van de adjektiva op *-ig* werden werkwoorden gevormd; in 't got. heeft men er twee voorbeelden van: *gabigjan* en *audagjan*; vgl. nld. *heilig-en, zondig-en* e.a., vooral de vele met het praefix *be-* (*be-moedig-en, be-krachtig-en, be-veilig-en* enz.). Doordat men verschillende van die werkwoorden ook kon opvatten als afleidingen van znw. (b.v. *zondigen, bemoedigen, beangstigen*: *zonde, moed, angst*), ontstond in 't jongere wgm. eem nieuw suffix *-ig(en)* tot vorming van werkwoorden, b.v. reeds mnl. *be-gift-igen, end-igen, sten-igen, huld-igen, pin-igen, cruc-igen, rein-igen*, naast ouder *begiften, enden, stenen, hulden, pinen, crucen, reinen*."

Fan trije foarbylden út 'e oanhaal, ntl. *bekrachtigen, zondigen* en *beangstigen*, is it, hoewol't Van Loey dat suggerearet, net wierskynlik dat se fan eigenskipswurden ôflaat binne; nêst foarmen mei *ig* binne ntl. ek foarmen sûnder *ig* oerlevere yn it (âldere) Hollânsk of Dútsk, ferl. Holl. *bekrachten* (ferâldere); Mldú. *engesten*, Nhdú. *ängsten*; Mldú. *sunden*, Mhd. *sunden, sünden*.

Krekt it feit dat de *ig*-tiidwurden suver altyd in âldere foarm sûnder *ig* nêst har ha, makket dat ik der net sa wis fan bin oft *ig* wol in suffiks is yn sokke tiidwurden. It elemint *ig* draacht formeel noch ynhâldlik wat by ta *ig*-tiidwurden; *ig*-tiidwurden soenen 'foar 't selde' keale ymplisite ôfliedingen fan haadwurden/eigenskipswurden wêze kinne. Dêrfandinne soe ik *ig* leaver beskôgje wolle as in augmint of stamútwreiding, in elemint dat oan it stamwurd taheakke wurdt, mar dat gjin syntaktyske (wurdsarteferoarjende) en/of semantyske (betsjuttingsferoarjende) funksje hat. Sa't bgl. it tiidwurd *barg-* in ymplisite ôflieding fan it

haadwurd *baarch* is, sa beskôgje ik bgl. *sinnig*- as in ymplisite ôflieding fan it haadwurd *sin*. Yn it lêste gefal is de stam fan ôflieding lykwols útwreide mei it augmint *ig*. It augmint *ig* yn tiidwurdôfliedingen is dêrmei krekt sa'n elemint as de augminten⁵ *s*, *e*, *ers*, *el* yn gearsettingen, ferl.

- | | |
|--|---|
| (6) a. <i>twibakspof</i>
<i>keningsdrama</i>
<i>arbeidsbetingst</i> ⁶ | b. <i>heitelân</i>
<i>druvestrús</i>
<i>toskedokter</i> |
| c. <i>boartersguod</i>
<i>littersmes</i>
<i>witerskalk</i> ⁷ | d. <i>hingelbrêge</i>
<i>sieddelsie</i>
<i>sinkelsûs</i> ⁸ |

Twibakspof is in gearsetting fan *twibak* en *pof*, dêr't oan it earste lid in net-funksjoneel elemint *s* taheakke is, ensfh.

ig is net it iennichste augmint dat him oppenearret by tiidwurdôflieding. De neikommende ileminten, dy't fanâlds as suffiks opfette binne, soe ik ek as augminten beskôgje wolle:

- | | | |
|----------------|-------------------|------------------------|
| (7) <i>k</i> | <i>ear</i> | <i>isear</i> |
| <i>fûstkje</i> | <i>soberearje</i> | <i>modernisearje</i> |
| <i>noaskje</i> | <i>grûndearje</i> | <i>ginneralisearje</i> |
| <i>dokje</i> | | <i>aktualisearje</i> |

⁵. Foar augminten yn gearsettingen wurdt gauris de term 'bynfoneem/morfeem' brûkt. Ik bin net sa wiis mei dy term. De term 'bynfoneem/morfeem' suggerearret dat der twa dingen troch in tuskenelemint meiinoar ferbûn wurde. Hy jout net oan dat it giet om eleminten dy't oan it earste lid fan 'e gearsetting taheakke wurde. Dat it augmint wier by it earste lid heart, docht û.o. bliken oan 'e feiten by konjunksjereduksje:

(i) keamers- en kokensdoarren
(ii) keamersdoarren en -ruten

At earste lid it 'oerbliuwsel' is by reduksje, dan bliuwt it augmint ek (i); at it earste lid weiredusearre wurdt, dan komt it augmint ek net foar it ljocht (ii).

⁶. Sjuch foar de 'tusken-s' yn it Frysk Schippers (1967).

⁷. De earste dy't wiisd hat op it augmintkarakter fan *ers* (yn it Grinslânsk fan it Westerkertier) is De Vries (1920: 64). It augmint *ers* komt ek foar yn it Westfrysk (Pannekeet (1979: 18). Sjuch fierders foar in wiidweidich besprek Hoekstra (1987).

⁸. Sjuch foar gearsettingen mei in *el*-augmint yn it Frysk Tamminga (1963: 112-115) en Hoekstra (1987). Tamminga praat oars lykas Sipma (1949-II: 58) fan in suffiks.

Lykas de *ig*-tiidwurden binne de boppesteande tiidwurden troch konverzje ôflaat fan net-tiidwurden. Suffigearring komt sadwaande neffens my net foar by tiidwurdôflieding fan net-tiidwurden. Prefigearring oars ek net, sa't ik yn 2.3.3. sjen litte sil. Ien en oar betsjut dat tiidwurdsôflieding fan net-tiidwurden altyd bart troch konverzje. Affigearring komt wol foar by tiidwurdsôflieding fan tiidwurden, ferl. *drave* - *drafkje*, *hippe* - *hippelje*, *prate* - *beprate*, *lizze* - *wjerlizze*.

De histoaryske ferklearring foar it ûntstean fan 'e *ig*-tiidwurden, sa't Van Loey dy jout, kin fierders stean bliuwe, allinnich is *ig* nei myn betinken net in suffiks, mar in stamútwreiding.

2.3.3 De foarheaksels

2.3.3.1 *be-*, *fer-*, *ûnt-*

In stikmannich *ig*-tiidwurden binne prefigearre. De foarheaksels dy't wy by *ig*-tiidwurden tsjinkomme, binne *be-*, *fer-* en *ûnt-*:

- (8) *beïerdigje*
ferwissigje
ûntlêstigje

De morfologysk struktuer fan 'e tiidwurden yn (8) is in bytsje problematysk. De foarheaksels *be-*, *fer-* en *ûnt-* ha ornaris in tiidwurd by har, ferl. *beprate*, *ferskuorre*, *ûntstelle*. De grûnwurden fan 'e prefigearringen yn (8), **-ierdig(je)*, **-wissig(je)*, en **-lestig(je)*, binne lykwols gjin besteande Fryske tiidwurden. Itselde probleem oppenearret him nammers by de neikommende prefigearre tiidwurden, sûnder *ig*-augmint:

- | | | | |
|------------------------|---------------------|-------------------|---------------------|
| (9) a. <i>befolkje</i> | (* <i>folkje</i>) | b. <i>bewisje</i> | (* <i>wisje</i>) |
| <i>ferkoaljje</i> | (* <i>koaljje</i>) | <i>ferlytsje</i> | (* <i>lytsje</i>) |
| <i>ûnthaadzje</i> | (* <i>haadzje</i>) | <i>ûntfryskje</i> | (* <i>fryskje</i>) |

In oplossing dy't gauris tebaat nommen wurdt, is om oan te nimmen dat mei de foarheaksels *be-*, *fer-* en *ûnt-* ek streekrjucht tiidwurden foarme wurde kinne fan haadwurden en eigenskipswurden of yn it ginneraal fan net-tiidwurden. De prefigearre tiidwurden yn (8) en (9) soenen dan net ôflaat wêze fan net-besteande tiidwurden, mar fan haadwurden/eigenskipswurden.

Sa'n oanpak hat lykwols in beswier. Foarheaksels bewurkje nammentlik gewoanwei gjin transposysje fan it grûnwurd, d.w.s. de syntaktyske kategory fan

'e prefigearing is meastentiids deselde as de syntaktyske kategory fan it grûnwurd, ferl. *ûnmooglik*, *ûngrûn*; *tebrekke*; *wjerlizze*; *misbrûke*; *mistaast*; *poerlik*; (*net*) *oergrut*; *oertiid*. De foarheaksels *be-*, *fer-* en *ûnt-* soenen no oan 'e iene kant neffens de regel dwaan - se liede tiidwurden ôf fan tiidwurden (*beprate* ensfh.) -, mar him oan 'e oare kant skeine troch ek tiidwurden fan net-tiidwurden ôf te lieden.

Ik soe dêrom dochs oannimme wolle dat de tiidwurden yn (8) en (9) fan har net-besteande ferbale grûnwurden ôflaat binne (ferl. ek Veenstra (1988), dy't soks foar de *be*-tiidwurden úthâldt). Dy grûnwurden meie dan net bestean, se binne wol *mooglik*; it foarmjen fan tiidwurden troch ymplisite ôflieding (eventueel mei augmintaasje) is yn it Frysk in tige produktyf prosedee. It tastean fan mooglike wurden as basis fan ôflieding is net nij yn 'e morfology, sjuch bgl. Booij (1977: 28-29) en Scalise (1984: 146-151), en it jout ek in linige oplossing foar ôfliedingen lykas *ûnferwinlik* (**ferwinlik*) en *ûnúteagber* (**úteagber*). Hoewol't de grûnwurden fan dy *ûn*-prefigearingen net besteane, binne se skoan mooglik; *-ber* en *-lik* liede beide eigenskipwurden ôf fan tiidwurden (*brûkber*, *skiklik*).

It oannimmen fan mooglike grûnwurden by de tiidwurden yn (8) en (9) makket dat wy twa ginneralisaasjes meitsje kinne: (i) foarheaksels bewurkje gjin transposysje⁹; (ii) alle tiidwurdôflieding op basis fan *net*-tiidwurden bart troch ymplisite ôflieding (net troch suffigearing (sj. 2.3.2) en ek net troch prefigearing).

Nei dizze opmerkingen oer de morfologyske struktuer fan prefigearre *ig*-tiidwurden wol ik noch in stikmannich prefigearre *ig*-tiidwurden besprekke dêr't yn it foarheaksel in aparte histoaryske ûntjouwing plakfûn hat.

2.3.3.2 *ûnt-* < *ûn-*

Yn guon *ig*-tiidwurden mei it foarheaksel *ûnt-* is *ûnt-* faaks net oarspronklik, mar ûntstien út *ûn-* (Van Loey (1959: 205)):

(10) - *ûntskuldigje*

(Holl. *verontschuldigen*, Midned. *veronschuldigen* nj. *ontschuldigen*, Dú. *unschuldigen* nj. *ent-*)

⁹ In útsûndering is faaks it foarheaksel *ge-*, dat sa't it liket op basis fan tiidwurden haadwurden foarmet (Tamminga (1963: 230-232)):

(i) *geëamel*
geútsyk
geskodhol

- *ûntreinigje*
(fan *ûnrein*; Holl. *verontreinigen*, Midned. *onrein(ig)en*, Dú. *verunreinigen*)
- *?ûntrêstigje*
Holl. *verontrusten*, Midned. *ontrust(ig)en*, Dú. *entrüsten*
- *ûntstjoer(i)gje* (fan *ûnstjoer*)
- *ûnthilligje*
(Holl. *(ver)ontheiligen*, Dú. *verunheiligen* nj. *entheiligen*)

Foar it Hollânsk kin men noch wize op *verontwaardigd*: ferl. Midned. *Feronwerd(igh)en* en letter: *veront-*, Mhdú. *verunwërden*, Mldú. *vorunwerd(ig)en*.

It (hjoeddeiske) Hollânsk hat foarmen mei *t* lykas it Frysk, wylst it Dútsk allinnich foarmen sûnder *t* hat. It Hollânsk en Dútsk ha yn dizze gefallen gewoanwei prefigearing mei *fer-*; yn it Frysk mist dat foarheaksel der. Yn it gefal fan *ûntskuldigje* en *ûnthilligje* is it min út te meitsjen oft *ûnt-* oarspronklik tebek giet op *ûn-*. De wjergaders yn it Hollânsk en it Dútsk wize op konkurrearjende foarmingjen. Hoewol't Franck/Van Wijk (1912) *verontrusten* besjucht as in tiidwurd mei *ont-* út *on-*, haw ik dêr in skalk each op. Der binne gjin foarmen sûnder *t* oerlevere. It Midned. hat *ontrust(ig)en*, dat syn wjergader hat yn Dú. *entrüsten*. Dú. *verunruhigen* heart hjir muoi wis net by. Dú. *entrüsten*, Holl. *verontrusten* en Frysk *ûntrêstigje* ha nammers etymologysk neat te krijen mei *rêst* 'requies' (ferl. Kluge/Götße (1951¹⁵) s.v. *entrüsten*).

It ferfangen fan *ûn-lon-* troch *ûnt-lont-* yn it Frysk en it Hollânsk kin foar in part ferklearre wurde troch de 'hast-homonymy' fan beide foarheaksels en foar in part trochdat *ûnt-lont-* de semantyske funksje fan *ûn-lon-* yn 'e oanbelangjende tiidwurden kreas oernimme koe.

Der binne net in soad tiidwurden ôflaat fan in grûnwurd mei it foarheaksel *ûn-lon-*. It tal tiidwurden dat prefigearre is mei *ûnt-lont-* is frijwat grutter, dat bleat kwantitatyf kin der in oanstriid west ha om *ûn-lon-* troch *ûnt-lont-* te ferfangen. It hast gelyk wêzen fan de beide oanheaksels hat sines dêrta dien. Dat it Dútsk net meidien hat, kin komme om't dêr foar *ûn-* oer in foarheaksel *ent-* stiet as wjergader fan *ûnt-lont-* yn Frysk en Hollânsk; *un-* en *ent-* lykje wat te min opinoar.

De Frysk-Hollânske ûntjouwing *ûn-lon-* > *ûnt-lont-* hie lykwols grif net syn beslach krige as de betsjutting der net op wierre hie. Ferlykje it tiidwurd *ûntreinigje* < *ûnreinigje*; *ûnreinigje* betsjut 'ûnrein (smoarch) meitsje'. Tiidwurden dy't mei *ûnt-* ôflaat binne, kinne ek it tsjinstelde oantsjutte fan wat yn it ferbale grûnwurd neamd wurdt, ferl. *ûntdekke*, *ûntmerke*, *ûnthilligje*, en ha wol gauris in negative betsjutting. Dat, de oergong fan *ûnreinigje* nei *ûntreinigje* ('it omkearde dwaan fan reinigje') hie semantysk alle eigenskip.

2.3.3.3 *mis-*

Niis haw ik sein dat *ig*-tiidwurden beselskippe wêze kinne fan 'e foarheaksels *be-*, *fer-* en *ûnt-*. Der is lykwols ien *ig*-tiidwurd mei it foarheaksel *mis-*, ntl. *misledige*. Nêst Frysk *misledigje* stean Holl. *beledigen* en Dú. *beleidigen* mei *be-*. *Misledigje* wykt formeel en semantysk ôf fan 'e oare *mis*-tiidwurden. It foarheaksel *mis-* wurdt ornaris kombinearre mei net-gearstalde tiidwurden (*misliede*, *misdwaan*, *missizze*, *misbrûke* ensfh.); it net-besteande **-ledigje* is lykwols ôflaat fan it haadwurd *leed*. Tiidwurden mei *mis-* ha gewoanwei in betsjutting dy't rûchwei parafrazearre wurde kin as 'ferkeard (tiidwurd)'; *misbrûke* is 'ferkeard brûke'. Yn *misledigje* liket *mis-* lykwols frijwat tautologysk, mei't **-ledigje* sels al in negative betsjutting 'leed dwaan' ha kin.

Nei alle gedachten is *misledigje* ûntstien út it âldere *beledigje* troch substitúsje fan *be-* troch *mis-*. Faaks hat de negative betsjutting fan *beledigje* dêrby it foarheaksel *mis-* oanlutsen.¹⁰ De mooglikheid fan substitúsje fan *be-* troch *mis-* yn *misledigje* wurdt stipe troch it feit dat der mear foarbylden binne fan wurden mei in negative betsjutting, dêr't in foarheaksel *be-* of yn 't ginneraal in ûnbeklamme earste wurdlid ferfongen is troch *mis-*. Ferl:

- (11) *mishipt*, *-hypt* < *behipt*, *-hypt*¹¹
mislearje < *felearje*¹²

¹⁰. Hof (1957) fettet *misledigje* op as in mjuksfoarm. Yn syn hânskrift mei oanfollingen op Fr. W. (1900-I; 1903-II; 1911-III) skriuwt er: "Hy hat my raer *misledige*. Ook deze contaminatie weigerde W.D. Maar ze werd in mijn jeugd toch maar veel gebruikt en zal nog wel niet geheel in 't vergeetboek zijn." Hof seit der net by wêr't *misledigje* neffens him út kontaminearre is (*beledigje* en *missizze*?).

¹¹. Buma (1980) ferbynt Fr. *behyp* mei Holl. *behept* (met). Dy wurden soenen ôflaat wêze fan in tiidwurd dat 'treffe, reitsje' betsjut (ferl. Fr. *hippe* yn *it hipt nau*) en sa semantysk te ferlykjen wêze mei Dú. *betroffen* yn bgl. *von einem Unfall betroffen werden*. Oer *mishipt*, *mishypt* seit Buma (1980:12): "mishypt, mishipt (moat) oarspronklik 'misrekke' (misbeslein, misbiteard, mistribele) west ha". Dat liket my lykwols semantysk minder gaadlik ta; ien dy't *mishipt* is, is earder ien dy't 'behyp', 'oanhelle', 'oanklaud' is, ntl. mei in ferwoeksen lea. Dêrom nim ik leaver oan dat *mishipt* ûntstien is út *behipt* troch substitúsje fan *be-* foar *mis-*. Oare etymologen (bgl. De Vries (1971)) ferbine Holl. *behept* oars mei Midned. *behacht* 'verstrikt, overvallen door', Ahd. *bihaft* 'vastgebonden', *behept* (Dú. *behaftet*) ensfh., dat gearhinget mei it tiidwurd *heftsje*. Dy ôflieding is faaks wol sa wierskynlik as Buma sines en it is dúdlik dat yn dat gefal *mishipt* = 'mishefte' semantysk alhielendal gjin eigenskip jout.

¹². Yn it hânskrift fan Fr. W. (1900-I; 1903-II; 1911-III) dat op 'e Fryske Akademy is, stiet s.v. *felearje*: "Salv. Sprw. 82: *forlearje*. It kin ien *forlearje*. Boven *for* schreef Salverda *miz*, doch heeft dat weer doorgehaald. De spelling van G.J. is zeker juister zoowel naar uitspraak als afleiding. Fransch *faillir*." Sjuch oer *felearje* fierders Stapelkamp (1957: 531). Kontaminaasje mei tiidwurden as *mislokke*, *misbetearre* ensfh. leit by *mislearje* (en ek by *mistribelje*) wol yn 'e reden.

miskearje < *mankearje* [mækjɛrjə]¹³
mistribelje < *fertribelje*
 (Heare/O) *mistyt!* < (Heare/O) *myn tiid!* [møtit]¹⁴

Nêst semantyske faktoaren ha by de substitúsje troch *mis-* moolk ek noch fonologyske faktoaren meispile. It ilemint dat troch *mis-* ([məs]-) út it stee keard wurdt, bestiet teminsten altiten út in folge fan labi(odint)aal (*b, f(v), m*) en sjwa.

2.3.4 De 'funksje' fan *ig*

Yn 2.3.2 haw ik ornearre dat augminten, dus *ig* ek, ileminten binne sûnder ynherinte syntaktyske en/of semantyske funksje. Der is lykwols reden om te ûnderstellen dat *ig*, doe't it noch produktyf wie yn 'e ta(a)l(en) dêr't it yn ûntstien is, al in beskate yndirekte funksje hân hat.

It is opfallend dat *ig* allinnich ynfoege wurdt yn ymplisite ôfliedingen mei in grûnwurd dat útgiet op in dintaal (ferl. 2.3.1). Dy distribúsjonele eigenskip fan *ig* kin al min streekrjucht ôflaat wurde fan it feit dat it augmint *ig* troch metanalyze ûntstien is út it adjektyfsuffiks *-ich*. Mei dat efterheaksel wurde net allinnich eigenskipswurden foarme fan grûnwurden op dintaal, mar likegoed fan grûnwurden dy't op oare bylûden einigje. Dat der moat, soe men sizze, in aparte reden west ha foar it feit dat *ig*-augmintaasje beheind wie ta stammen op dintaal.

Ear't ik in mooglike ferklearing jou foar dy distribúsjonele beheining fan *ig*, wol ik der noch op wize dat de ferdieling fan 'e ûnderskate dintalen oer de grûnwurden hyn ofte nei net lykwichtich is. At men nei de Fryske *ig*-tiidwurden sjucht, dan hat fierwei it grutste part in grûnwurd op *-t* of *-d*.

It feit dat *ig* altyd nei dintaal komt en de ûnlykwichtige ferdieling fan 'e dintalen oer de grûnwurden fan 'e *ig*-tiidwurden, soe ik no gearbringe wolle mei it feit dat *ig* de oarspronklike stamme fan it tiidwurd altyd skaat fan 'e bûgingsútgong, ferl. *sinn-ig-et*. At yn 'e Germaanske talen yn in bûgingsútgong in konsonant stiet, dan is dat altiten in dintaal, om krekt te wêzen in *t, d, s, n* of *r*.

¹³. Hânskrift Fr. W. (1900-I; 1903-II; 1911-III) s.v. *miskearje*: "Eig. is het eene verbastering van *mankearje*, mankeren."

¹⁴. Ferlykje foar dy útroep de neikommende oanhalen:

(i) a. Heare mistijt!

[W. de Jong Jz., Fr.V.Alm. 138 (1889)]

b. Do Brecht hjar mirk wie 't: "O mistyt!"

[T.J. Bonnema, S. en R. 110 (1898)]

Allinnich yn it Frysk fynt men útgongen mei *j*, dat in palataal is.

De mooglike konsonanten yn 'e tiidwurdsútgong en de mooglike einkonsonanten fan it grûnwurd fan in *ig*-tiidwurd strike aardich meiinoar, dat men soe jin ôffreegje kinne: soe, doe't it gefaar wankte dat twa dintalen opinoar botse soenen en assimilaasje-prosessen bewurkje dy't de tiidwurdsstam ûntrochsichtiger meitsje soenen, it augmint *ig* net muoi fan pas west ha om dat te kearen? Soks soe in ferklearring jaan kinne foar it feit dat *ig* altyd nei dintalen komt.

Men soe dêr tsjin ynlizze kinne dat de *ig*-tiidwurden yn it Frysk ta de twadde swakke klasse fan 'e *je*-tiidwurden (Aldfrysk *ia*-tiidwurden) hearre, dêr't tusken 'e tiidwurdsstamme en de dintaal fan 'e útgong altyd in fokalysk ilemint komt (ferl. Van Helten (1890²: 235-237)) en dêr't yn it jongste Aldfrysk boppedat de *d* fan 'e doetiidsútgongen en fan 'e mulwurdsútgong weifoel (Meijering (1980)). Mar faaks binne wy it (Ald)Frysk hielendal net brek foar it beânderjen fan 'e fraach wêrom oft *ig* nei dintalen komt. It hat nammentlik wol eigenskip dat de measte *ig*-tiidwurden yn it Aldfrysk ûntljeningen binne. It lytse protsje eigen Fryske *ig*-tiidwurden (*bostigia*, *sennigia* ensfh.) kin nei it mal fan 'e liende wurden foarme wêze. Yn dat ramt is it nijsgjirrich en merk op dat der yn alle gefallen ien Aldfrysk *ig*-tiidwurd is dêr't *ig* net nei in dintaal komt, ntl. *lavigia* (nj. *lavia*, *leva* sûnder *ig*).

Dat lêste bringt ús wer by it Dútsk. It is opfallend dat it Van Zuiden (1934) by syn ûndersyk nei de Dútske tiidwurden op *-igen* sa't it liket net yn 'e wei west hat dat *ig* yn 'e regel nei in dintaal komt. Dêr kinne twa reden foar wêze. De wichtichste is grif dat Van Zuiden by de tiidwurden op *-igen* net dúdlik ûnderskie makke hat tusken 'wiere' *ig*-tiidwurden, d.w.s. sokken mei it augmint *ig*, en tiidwurden ôflaat fan eigenskipswurden op it suffiks *-ig*. Yn dat lêste skift kin *-ig* ek nei net-dintalen ferskine. De twadde reden soe lykwols wêze kinne, dat yn it Dútsk ek in stikmannich wiere *ig*-tiidwurden foarkomme dêr 't *ig* net nei in dintaal komt. Foarbylden binne *beglaubigen* (nj. *beglauben*), *belobigen* (nj. *beloben*) en *genehmigen*, mei grûnwurden op in labiaal (*b*, *m*).

Faaks mei men it feit dat yn it Dútsk ek in stikmannich *ig*-tiidwurden foarkomme mei in grûnwurd op in net-dintaal beskôgje as in swakke stipe foar de hypoteze dat de boarne fan 'e *ig*-tiidwurden it Dútske taalgebiet west hat. Dêr kin *ig* sa produktyf west ha dat it in kearmannich bûten 'e stringen fan syn eigentlike basis, de grûnwurden op dintaal, stapt is.

No't ik yn 'e paragrafen hjirfoar in karakterisearring fan 'e *ig*-tiidwurden yn it algemien jûn ha, soe ik yn 2.4 in stiktwa spesifike fierdere ûntjouwingen besjen wolle dy't guon fan sokke tiidwurden yn it Frysk meimakke ha.

2.4 De fierdere ûntjouwing fan 'e ig-tiidwurden yn it Frysk

2.4.1 *sabeare g-tiidwurden: ig > g*

Yn in steal *ig*-tiidwurden kin de sjwa fan it augmint *ig* útstaat wurde. Hast al dy synkopearre foarmen komme direkt of yndirekt by Gysbert Japiks wei. Ferlykje:

- (12) *be-ængstge* (nj. *be-ængstige*, G.J.)
befest'gje (fierders *ig*-foarmen, G.J.)
befreed'gje (G.J.)
beginstgje (G.J.)
behandge, behânge (mar: 't *oer-handigjen*, G.J.)
bekroadgje (G.J.)
belest'gje, belestge / belest'ge, belestgene (nj. *belestige*, G.J.; Fr.W. (1984): *belêstgje, belêstigje*)
beschædge (G.J.)
beschild'get (fierders *ig*-foarmen, G.J.)
besteed'gje (G.J.; Halbertsma (1872): *bisteedgje, bisteegje*, sj. 2.4.3)
boostge (1x yn Friesche Tjerne, fierders *k*-foarmen *boaschjen, boaskien* ensfh. G.J.; Waatze Gribberts: *boostge*; Fr.W. (1900-I): *boaskje, boastgje*; sj. 2.4.2)
eyngje ensfh. (1x *einigje* nj. *eynje*, G.J.; Halbertsma (1872) *einigje, einje, eine*: Fr.W. (1900-I): *einigje, eindigje, einje*)¹⁵
festge, fest'ge (sa ek: *huwz-festge*, G.J.)
(fol-)focht'ge (nj. *fochtige*; ek: *oerfochtget*, G.J.)
forkundgje (ek: *oon-kund'ge* en *kund'gje uwt*, G.J.)
forsiedgje, forsiedge (nj. *forsiedigje*, G.J.)
*krjueschje*¹⁶, *crjuesget* (G.J.)
naett'get (nj. *fornaetigt*, G.J.)
noadgje (nj. *noadsje*, Fr.W. (1903-II); Fr.W. (1956): *noadigje*)
nutgje, nutge (nj. *nuttigje, nuttige*, G.J.; ferl. Halbertsma (a. 1872: 315): Ien beam binutgje)
oer-kreftgje, oer- in uwt-kreftge (nj. *kreftig(h)je, bekreftigje*, G.J.)
oer-lestgje, oer-lestge, oer-lest'ge (G.J.; Fr.W. (1903-II): *oerlêst(i)gje*)
oerwjealdgjen (nj. *ig*-foarmen, G.J.)

¹⁵. Om't njonken *eyngje* ek *eynje* stiet en *einigje* mar ien kear foarkomt by G.J., is it yn prinsipe mooglik dat *eyngje* net in *ig*-tiidwurd, mar in *g*-tiidwurd is.

¹⁶. De letterkloft <schj> yn *krueschje* moat faaks opfette wurde as [skj] (ferl. G.J. *boaschjen, booschje, oon-boosche* nj. *boaskien, boaske* en nj. *boostge*). Sjoch foar de oergong *s(t)g > sk* 2.4.2.

ontlestge (G.J.; Fr.W. (1903-II): *ont-*, *ûntlêstigje*, *-lêstgje*)
ontstjoergje (nj. *ûntstjoerrigde*, G.J.; Fr.W. (1952) s.v. *verontrusten*: *ûntstjûr(i)gje*; sj. 2.2.2).
pyngje (nj. *pijnigjen*, G.J.)
roastgje, *rôstget* (G.J.; sj. 2.4.2)
spizgje (G.J.; Fr.W. (1911-III): *spizigje*, *spiizgje*)
suwngjende (ek: *ontsuwngje*, G.J.)

De measte tiidwurden yn (12) binne ûnfertochte *ig*-tiidwurden; se komme sa ek yn 'e oanbuorjende talen foar. By guon is njonken de *g*-foarm de *ig*-foarm ek oanwêzich yn Gysbert Japiks syn wurk, wat it oannimlik makket dat de earste fan 'e lêste ôflaat is. It feit dat it Frysk, sa't ik aansjen sjen litte wol, ek in skift *g*-tiidwurden hat, makket it spul al wat lestiger. Yn guon gefallen soe men twifelje kinne oft men dochs net mei in *g*-tiidwurd te krijen hat, benammen at njonken de *g*-foarm by G.J. (ek) in foarm sûnder (*i*)*g* bestiet (sjuch bgl. noat 15).

De apostroffen dêr't Gysbert Japiks oars muoi rij mei is, helpe jin net in soad. Hy set se yn 'e redusearre foarmen yn (12) faker net as al. Boppedat brûkt er ek wolris in apostrof, at der neat weifallen is, bgl. yn wiere *g*-tiidwurden lykas *forsmaed'ge*, *betracht'get* en *sied'ge*.

It weifallen fan 'e sjwa yn it neistlêste wurdlied by *ig*-tiidwurden kaam ek wol yn it Aldfrysk foar, ferl. *festgade*, (*festigia*), *creftgade* (*creftegia*), *byhlestgia*, *to pyngchien* (*pinigia*) (foarbylden út Richthofen (1840)).

De *ə*-synkope yn 'e *ig*-tiidwurden by Gysbert Japiks en yn it Aldwestfrysk is net in isolearre ferskynsel. It is ien utering fan 'e muoi algemiene tendins om it tal oaninoarfolgjende ûnbeklamme wurdliiden yn in taal safolle mooglik te beheinen. *ə*-synkope oppenearre him ek net allinnich yn 'e *ig*-tiidwurden; yn gâns wurden mei twa ûnbeklamme syllaben oan 'e ein koe de sjwa fan 'e paenultima útstaat wurde, ferl. G.J. *bleack'ret*, *speeg'len*, *hanljen*, *somge* en Awfr. *timret*, *gadria*, *wandlya*.

Hof (1919: 195-196) wol ha dat *ə*-synkope yn 'e neistlêste syllabe fan 'e *je*-tiidwurden yn it Aldwestfrysk en it Midfrysk (fan Gysbert Japiks) it gewoane wie en hy ornearret dat it weifallen fan 'e sjwa yn 'e lêste syllabe, sa't dat yn it hjoeddeiske Frysk foarkomt yn 'e 2de en 3de persoan fan 'e notiid, bgl. *timmer(e)t*, *-(e)st*, *hannel(e)t*, *-(e)st*, dêrom in gefolch wêze moat fan analogywurking ûnder 'e ynfloed fan net-Fryske dialekten. Nettsjinsteande *timmer(e)t*, *-(e)st* bestiet oars yn it hjoeddeiske Frysk ek noch, likegoed as yn 'e eardere taalstadia, in (opsjonele) regel dy't in sjwa útstaat yn 'e paenultima, ferl. *tim(me)re*, *rink(e)le*, *bluod(de)rich*, *ferdi(i)g(e)ner*, ensfh.

Sûnder hjir yn te gean op 'e krechte eigenskippen fan synkopearring en de ferskillen datoangende tusken it Midfrysk (en Aldwestfrysk) en it Nijfrysk, sil it

klearrichheid ha dit ferskynsel in komplisearjende faktor is by it ûnderskieden fan 'e *ig*- en *g*-tiidwurden.

2.4.2 *Sabeare k-tiidwurden: s(t)g > sk*

Guon *ig*-tiidwurden kinne, nei't se de *ə*-synkope fan 2.4.1 ûndergien ha, noch in fierdere feroaring meimeitsje. It giet dan benammen om *ig*-tiidwurden mei in grûnwurd op *-st*. Yn sokke wurden wurdt de konsonantkloft *stg*, dy't troch it útstjitten fan 'e *sjwa* ûnstiet, ta *sk*.

In moai foarbyld fan dy ûntjouwing is it tiidwurd *boaskje*. Yn it Aldwestfrysk fynt men de 'folle' foarm *bostigia*, mei dêrnêst it grûnwurd *boste* 'trouwen, houlik'. In foarm *boostge* komt ienris foar by G.J. yn 'e 'Friesche Tjerne' fan 1640 (útjûn yn Sipma (1932)). Yn 'e ferzje fan 'e 'Friesche Tjerne' dy't yn 'e Boalserter Utjefte fan 'e 'Friesche Rymlerye' (1668) stiet, is *boostge* feroare yn *boaske*. En fierders fynt men yn Gysbert Japiks syn wurk ek al oars net as *k*-foarmen fan it tiidwurd (sj. Brandsma (1936: 49)). It grûnwurd ferskynt by Gysbert Japiks as *boaste*, *boast(-forgesarringe)*, mar faker yn 'e op basis fan it tiidwurd werstrukturearre foarm *boasch*, *boasck*.

Hoe moat men jin de ûntjouwing fan *bostigia* ta *boaskje* en benammen fan *st(i)g* ta *sk* no fonologysk krekt foarstelle? Der binne yn 'e literatuer better net te witten twa eksplisite útstellen datoangeande:

(I) Brandsma (1936:50):

"*boostgje* is de oudste vorm (< *bostigia*), waaruit zich door assimilatie **boostkje* ontwikkelde, en vervolgens door synkope van de t: *booskje* (met de verschillende spellingsvarianten)."

(II) Gosses (1952: 144):

"Wy sille wol útgean moatte fan âldfrysk *bostigia* 'boaskje' > *bôstgia*; *t* rekket dan fuort tusken de beide konsonanten *s* en *g* en *g* (spirans?) assimilearret ta *k* eksplosyf). Dat lêste: spirans > eksplosyf is hwat nuver of is *g* foartiid al eksplosyf? - In oare forklearring is dizze: it yntensive suffiks *-kje* taest yn it Nijfrysk sa fûl om him hinne - Yn it Aldfrysk ken ik allinne *harkia* - byg. *buorkje*, *bljirkje*, *doukje*, *farkje*, *gnyskje*, *mûlkje*, *noaskje* ensfh. - en dat alles sûnder stipe fan âldere foarmen mei *-ig* -, dat de mûglikheit fan in yntensyf-formaesje yn it gefal fan *boaskje* iepenbliuwe moat."

Lit ús earst ris nei Gosses syn twadde ferklearring sjen, ntl. dat *boaskje* foarme

wêze soe mei it yntinsyfsuffiks *-kje*, of better *-k*. It is net alhiel dúdlik hoe't Gosses ien en oar sjucht, om't er ûnder it yntinsyfsuffiks net allinnich it 'wiere' yntinsyfsuffiks *-k* beflapt, dat tiidwurden fan tiidwurden ôflaat (*farkje* fan *farre*, *gnyskje* fan *gnize*), mar ek wat ik it augmint *k* neamme soe, dat ynfoege wurdt yn tiidwurden dy't ymplisyt ôflaat binne fan net-tiidwurden (*bljirkje* fan *blier*, *dookje* fan *do*, *mûlkje* fan *mûle*). Nei alle gedachten bedoelt er dat *boaskje* foarme wêze kin fan it haadwurd *boast(e)* en dan soe *-k* - yn myn termen - in augmint wêze. Oars soe men tinke moatte oan ôflieding fan *boaskje* út *bostigia* troch in foech suffikssubstitúsje (augmintsubstitúsje). Hoewol't beide mooglikheden teoretysk mooglik binne, is de nulhypotese, tinkt my, dat *boaskje* streekrijucht fan *bostigia* komt.

De earste fraach dy't men dan dwaan kin, is wat der bart mei de *g* at dy, nei it útfallen fan 'e sjwa, yn kontakt komt mei de *t*. Dêr hinget mei gear de fraach wat einliks op it stuit dat ien en oar syn beslach krige de kwaliteit fan 'e *g* wie. Wie it in eksplosyf of in spirant? Brandsma wol ha fan it earste en Gosses hinget nei it lêste oer, mar twifelet.

Neffens Brandsma assimilearret de eksplosive *g* oan 'e *t* ta *k*. Dat soe dus in gefal fan progressive assimilaasje wêze. Hoewol't regressive assimilaasje yn it hjoeddeiske Frysk it algemienst is, fynt men dêr ek gefallen fan progressive assimilaasje fan in stimhawwende eksplosyf, i.c. in *d*, oan in stimpleaze obstruïnt. Sokke assimilaasje is beheind ta it gefal dat de assimilant de earste konsonant is fan ien fan 'e 'lytse wurdjes' *de*, *dit*, *dat*, *dizze*, *do*, *dyn*, *doe*, *dan*, *dêr*, *der*, *doch* en *dus* (sj. Van der Meer (1979: 140-141), Tiersma (1985: 28)):¹⁷

(13) <i>rop de</i> [rop tə]	<i>mis dat</i> [mɪs tət]
<i>ik dy</i> [ɪk ti]	<i>grif dyn</i> [grɪf tin]
<i>yt dan</i> [it tən]	<i>rach do</i> [rax to:]

It domein fan 'e progressive assimilaasjeregel is it fonologyske wurd; dat betsjut dat de regel allinnich wurket at it 'lytse wurdje' as in foech 'clitic' mei syn gast gearraand is ta ien wurd. Dêrfandinne is de progressive assimilaasjeregel frijwat fariabel. Oft gearraning plakfynt hinget nammentlik ôf fan stilistyske faktoaren lykas sprekfaasje.

In oar foarbyld fan progressive assimilaasje is de oergong fan *d* nei *t* yn it swakke doetiidsuffiks *-de* nei stimpleaze obstruïnten. Ferlykje:

¹⁷. Sjuch yn it ginneraal oer de status fan progressive assimilaasje yn it Frysk ek Visser (1988).

(14) <i>eazde</i>	nj.	<i>miste</i>	<i>prate</i> (< /pra:t+tə/))
<i>doogde</i>		<i>rachte</i>	<i>nukte</i>
<i>draafde</i> -[vd]-		<i>hufte</i>	<i>skopte</i>

It giet yn beide boppeneamde gefallen fan progressive assimilaasje om in oergong fan *d* nei *t*. Foarbylden fan progressive assimilaasje fan *g* ta *k* of fan *b* ta *p* nei stimleaze obstruinten haw ik net fine kinnen, mar dat kin tafallich wêze. De progressive assimilaasje fan *g* ta *k* yn *boaskje*, dêr't Brandsma op út wol, kin yn alle gefallen net yn 't foar útsletten wurde.

Ferskate fonologyske prosessen yn it Aldfrysk, dêr't in *g* ta in *j* wurdt, pleitsje lykwols earder foar in spirantyske as foar in eksplosive kwaliteit fan 'e *g* (ferl. Siebs (1901: 1297-1302)).¹⁸ It is mooglik dat de eksplosive *g* fan it hjoeddeiske Frysk navenant noch net iens sa âld is (Tiersma (1979: 177 noat)). Yn dat ramt is it nijsgjirrich om op te merken dat de eilândialekten, it Skiermûntseagersk en it Skylgersk, hast allinnich de spirantyske *g* ha (Fokkema (1969: 10), Roggen (1976)).

Ik gean der hjir dêrom fan út dat de *g* yn *bostigia* in stimhawwende spirant ([ɣ]) west hat. At de sjwa útstaat is, wurdt dy spirant stimleas ([x]) troch progressive assimilaasje oan 'e *t*. It giet hjir om 'e progressive assimilaasje fan spiranten, sa't dy ús bgl. ek út it Hollânsk bekend is, ferl. *postgiro* -[stx]-, *stofzuiger* -[fs]-, *klompvoet* -[mpf]- (Trommelen en Zonneveld (1982: 43)).

Tusken *s* en *x* falt de *t* wei, in gefal fan konsonantkloftferienfâldiging. De *sx*-kloft dy't nei *t*-deleasje ûntstiet, wurdt dan ta *sk*. Neffens Gosses assimilearret de *g* - Gosses praat der net oer oft dat in [ɣ] of in [x] is - ta *k*, mar hy seit derby dat sa'n oergong spirant > eksplosyf al wat nuver is. As *assimilaasje* soe sa'n oergong yndie eigenaardich wêze, mar neffens my ha wy by de oergong *sx* > *sk* net te krijen mei assimilaasje mar mei dissimilaasje: de stimleaze en spirantyske *x* dissimilearret oan 'e lyksa stimleaze en spirantyske *s* ta *k*. It spegelbyld fan dy frikatyfdissimilaasje, ntl. de oergong *xs* > *ks* yn bgl. *nachts* [naks], *rjuchts* [rjöks], *heechst* [he:kst], wurdt beskreaun troch Tiersma (1979: 159).

Gearfetsjend en skematisearre sjucht myn útstel foar de ûntjouwring fan *bostigia* ta *boaskje* der sa út:

¹⁸. Foarbylden fan *g* > *j* -oergongen yn it eardere ((i) en (ii)) en lettere Aldfrysk ((iii) en (iv)) binne: (i) *g* > *j* yn 'e anlaut foar palatale fokaal (bgl. Afr. *ieva* 'jaan'); (ii) *eg* > *ei* yn 'e auslaut en foar in dintale konsonant (bgl. Afr. *dei* 'dei', Afr. *neil* 'neil'); (iii) *ig* > *i(j)* (bgl. Afr. *-inge* > *-iga* > *-i(j)a* > *-ie* > *-je*, ferl. Afr. *brandinge* > Nfr. *branje*; (iv) *g* > *j* foar *-ia*, *-ie* (= *-[jə]*?) (bgl. Afr. *jagia* > Nfr. *jeie*).

- (15) <bostigia>
 [bɔ:stə]-
 [bɔ:st]- (ə-synkope)
 [bɔ:stx]- (progressive assimilaasje)
 [bɔ:sx]- (t-deleesje)
 [bɔ:sk]- (frikatyfdissimilaasje)
 <boaskje>

Deselde ûntjouwing soe ik oannimme wolle foar de neikommende wurden:

(16) *roastkje* (*rustkje*)

G.j. *rôastgje*, *rôstget* (ferl. Midned. *verrostigen*, *verrosten*, Ahdú. *rostigôn* 'eruginare'¹⁹).
belestkje (nj. *belest(i)gje*) 'hite, opdracht'

Yn Fr.W. (1900-I) foar 'Tietj.' (troch S.K. Feitsma?) opjûn as *bilêskje*.

Ferl. fierders:

- Do moast tot hudde wud/dat moost er eest dog uit//dat him beleske wie (B. Fabrycius, Genisis Vjouwer ves 1 van Ysaks Bootschen. Yn Feitsma & Bosma (1960: 205, r. 185-6));

- Hja den seijen tsjin har, lyk as Jezus bilêske hie (S.K. Feitsma, Het evangelie van Markus (1897: 63)).

(jin) *ferhastkje* (nj. *ferhast(ig)je*)

Allinnich fûn yn Jan fan 'e Gaestmar, Omstikken en sydstikken (1907: 299):

- Hja forhastke hjar en rekke danich út it lead.

fertoarstkje (nj. *fertoarst(g)je*)

Allinnich yn Sytstra en Hof (1925: 55);

fertoarstgje soe in *g*-tiidwurd wêze kinne, foarmen mei *ig* binne net oerlevere. Gysbert Japiks hat allinnich it ôfslutend mulwurd *fortoarst* (fan *fortoarste?*): *fertoarstgje* mei *g* fynt men foar it earst yn Fr.W. Nal. (1911-III).

De tiidwurden yn (16) meie dan histoarysk *ig*-tiidwurden wêze, it seit himsels dat se syngroan opfette wurde as tiidwurden mei in *k*-augmint. *Boaskje* is syngroan besjoen in ymplisite ôflieding fan *boask*.

Ik ha hjir allinnich *ig*-tiidwurden besprutsen mei in grûnwurd op *-st*, mar yn prinsipe soenen *ig*-tiidwurden mei in grûnwurd op *-s* likegoed foar in ûntjouwing

¹⁹. Ahdú. *rostigôn* is oars foar 't neist net in wier *ig*-tiidwurd, mar in ôflieding fan in adjektyf op *-ig*; wiere *ig*-tiidwurden kamen yn it Aldheechdútsk noch net foar (sj. 2.2.1).

fan (*sy-* >) *sx* > *sk* yn 'e beneamming komme. Der binne mar twa *ig*-tiidwurden mei in grûnwurd op *-s*, ntl. *be-*, *ferwissigje* en *krusigje*. In mooglik foarbyld fan 'e oergong *sx* > *sk* fine wy by Gysbert Japiks dy't nêst inoar de foarmen *crjuesget* en *krjueschjen* hat; de <sch> yn dy lêste foarm mei faaks opfette wurde as [sk]. Der bestiet nêst *krusigje* yn it Nijfrysk ek in wurd *krúskje* 'in krústeken meitsje' (ek (*jin*) *bekrúskje*); 'omswalkje' (ek: *omkruse*), dat lykwols al sa goed in ôflieding mei *k*-augmint wêze kin (sj. ek 3.2.4).

2.4.3 'besteegje'

It tiidwurd *besteegje* is net mear werom te kennen as in *ig*-tiidwurd, mar it giet tebek op Aldfrysk *bestedigia* (ferl. ek G.J. *besteed'gje*, W.N.T. +*bestedigen* nj. *besteden*). De kombinaasje *-ede-* is yn it Aldwestfrysk nei it útfallen fan 'e *d* gearlutsen ta *ĕ* dat ta Nijfrysk [e:] wurden is (Spenter (1968: 187-188)). Ferlykje:

- (17) *leech* (< Afr. *lethich*)
preekje (< Afr. *predikia*)
steech (< Afr. *stedich*)

Fr.W. (1900) neamt ek in foarm *bisteedzje* dat grif in hollanisme is. Dat jildt sûnder mis ek foar *bestede* dat Fr.W. (1984) s.v. *besteegje* opnommen hat.

2.5 'sanigje, sanikje'

De tiidwurden dy't ik yn 2.4 behannele ha, binne troch histoaryske ûntjouwingen syngroan net mear (dúddlik) as *ig*-tiidwurden werom te kennen. Der binne lykwols ek tiidwurden dy't foar it uterlike wakker op *ig*-tiidwurden lykje, mar it histoarysk net binne.

In foarbyld dêrfan is it tiidwurd *sanigje* 'seure, eamelje', mei dêrnjonken oars it algemienere *sanikje*. Yn it Hollânsk komt it ek foar as *zaniken* en yn it Leechdútsk fynt men dialektysk *sānken* 'omseure, seamelje'. De Hollânske etymologyske wurdboeken ferwize ûnder *zaniken* ornaris nei it Frysk; Franck/Van Wijk (1912) skriuwe "van **zanen* = fri. *sane* in *s. of mane*" en De Vries (1971) ornearret "met fries vocalisme afgeleid van fr. *sane*".

Dat Fryske *sane*, dat allinnich foarkomt yn it rympear *sane of (noch) mane* 'moanje om te beteljen', is foar 't neist troch fergoedingsrekking foar ûntdûbele geminaat (Spenter (1968: 16) ûntstien út Aldfrysk *sanna* 'bestride, protestearje'. Men soe no yn 'e wille wêze kinne en ferbyn *sanigje* mei it Aldfryske *sannigia*

'bestride, oanfjuchtsje'. It ferbinen fan *sanigje* mei Nijfrysk *sane* en Aldfrysk *sanna*, *sannigia* liket my lykwols semantysk net botte oannimlik ta. Boppedat is it min te ferklearjen, hoe't *sanigje* dan ta *sanikje* wurden is.

Dêrom foldocht in ferbining mei Aldnoarsk *seinka* 'omseure' en (sûnder *k*-suffiks) Aldingelsk *āsānian* 'slop wurde', Aldnoarsk *seina* 'fertraagje', Midheechdútsk *seinen* 'idem', Goatysk *sainjan* 'omseure' (ferl. De Vries (1971)) my better. Ik soe fierders foar de ferklearing leaver útgean wolle fan it Leechdútske *sānken*. It yndie 'fryskige' fokalisme fan dat wurd (*ā* < Germ. *ai*) hoecht net te betsjutten dat it wurd by eintsjebeslút út it Frysk komt, mar kin der likegoed op wize dat it hjir om in 'yngweonisme' giet. It Hollânske *zaniken* is faaks ûntstien út **zānken* trochdat de *nk*-kloft 'opbrutsen' is om in lange fokaal foar *η* tefoaren te kommen (ferl. ek Holl. *monnik* < Midned. *mōnk*, Holl. *kanunnik* < Midned. *canōnc*, Holl. *grinniken* nj. *grijnen*, *grienen*). Frysk *sanikje* is ûntliend oan it Hollânsk en *sanigje* sil dêr wol troch in foech 'morfeemsubstitúsje' fan ôflaat wêze (ferl. *aaklich*, *boartlich* nj. *aaklik*, *boartlik*).

Oare sabeare *ig*-tiidwurden binne bgl. *seinigje*, *itigje*, *tidigje*. Om't dy tiidwurden nei alle gedachten oarspronklike *g*-tiidwurden binne, sil ik se lykwols bewarje foar it tredde haadstik (sj. paragraaf 3.5).

3 *g*-tiidwurden

3.1 *ig*-tiidwurden en *g*-tiidwurden

3.1.1 *De behanneling yn 'e grammatika's*

No't de kategory fan 'e *ig*-tiidwurden yn haadstik 2 in einhinne ôffrede is, tekenje de *g*-tiidwurden har faaks ek wat klearder ôf as in spesifyk skift. Ear't ik lykwols neigean sil ynhoefier oft der oerienkomsten en ferskillen tusken *g*-tiidwurden en *ig*-tiidwurden oan te wizen binne, wol ik besjen wat oant no ta it betinken fan 'e Fryske grammatisy west hat oer de ferhâlding tusken dy beide skiften tiidwurden.

Epkema skriuwt yn 'e grammatikale 'Inleiding' ta syn Gysbert Japiks-útjefte (1821: LIX):

"Nog is er een verscheidenheid in sommige W-W. die de G voor den uitgang van den Infinitivus, *Jen*, krijgen. Achtjen, en achtgjen, -achte en achtge, - achtte en achtge. Doch dit laatste *achtgjen* staat eigenl. voor *achtigjen*, van *achtig*, enz. Zoo ook *Jachtjen*, *jachtgjen* enz. Forplichtjen en gjen, enz., Kostjen, en kostgjen, enz. enz."

Foar Epkema binne dus alle *g*-tiidwurden feitliks *ig*-tiidwurden mei $g < ig$, lykas de 'sabeare *g*-tiidwurden' dy't wy yn 2.4.1 besjoen ha. Lestich foar dy opfetting is uteraard dat by in protte tiidwurden mei *-g-* gjin 'folle' foarm mei *ig* bestiet. De foarm *achtigje* dy't Epkema neamt as grûnwurd fan *achtgje*, is bygelyks net oerlevere, noch yn it Frysk, noch yn oare talen. Sytstra & Hof (1925: 126) binne dêrom in bytsje hoedener; hja ornearje:

"De tusschengevoegde *g* is soms niets anders dan een verkorting van *ig*, in wwn., die afgeleid zijn van op *ich* uitgaande bijv. nwn.: *iengje*, *roastgje*. Zelfs is het niet onmogelijk, dat alle andere aanhechtingen met *g* in analogie hiermee zijn gevormd."

By harren, mei oare wurden, in skift tiidwurden mei $g < ig$ en de ûnderstelling dat alle oare tiidwurden mei *g* dêrútwei analogysk ferklearre wurde kinne soenen.

Epkema likegoed as Sytstra & Hof bringe de *g*-tiidwurden direkt of yndirekt gear mei de *ig*-tiidwurden. Datselde docht ymplisyt Sipma (1949-II: 69) at er *-igje* en *-gje* ûnder ien kopke by de tiidwurdsuffixen set. Der is mar ien Fryske grammatika dy't de *g*-tiidwurden as in selsstannich skift tiidwurden, los fan 'e *ig*-tiidwurden, behannelet, en dat is Van Blom (1889: 121):

"Somtijds wordt eene *g* voor den uitgang *je* gevoegd, zonder dat die tot den stam van het werkwoord²⁰ behoort, als: *hjitfalge*²¹, *priisgje*, *reisgje*, *tjirgje*. By GYSBERT JAPIKS vooral komt dit vaak voor, als *binsgje*, *brinsgje*, *duchtgje*, *eidgje*, *glânsge*, *forwylgje*, *forwoastgje*, *klinsgje*, *peinsgje*, *wrinsgje*.

Somtijds evenwel is de tusschengevoegde *g* blijkbaar eene verkorting van *ig*, zoals in *eingje* voor *eindigje*, *besteedgje* voor *bestedigje*, *spiisgje* voor *spizigje*.

Voorbeelden met den uitgang *igje* zijn voorts: *biginstigje*, *biledigje*, *biskildigje*, *biwilligje*, *fredigje*, *reinigje*, enz."

Van Blom ûnderskaat dus trije skiften tiidwurden: (i) tiidwurden mei in 'ynfoege' *g* dêr't it komôf fierders net fan ferklearre wurdt (myn *g*-tiidwurden), (ii) tiidwurden mei $g < ig$ (myn sabeare *g*-tiidwurden) en (iii) tiidwurden op *-igje* (*ig*-tiidwurden). Yn it neikommende sil ik neigean oft der arguminten by te bringen

²⁰ Mei 'stam' bedoelt Van Blom hjir de 'etymologyske' stamme; de *g* heart fansels wol ta de stamme fan it tiidwurd yn morfologyske sin, d.w.s. it part fan it tiidwurd sûnder de bûgingsútgoing (ferl. (do) *priizg* + *est* mei (do) *seag* + *est*). Dy tiidwurdsstamme is net allinnich de basis foar bûging, mar ek foar ôflieding. At men fan *g*-tiidwurden troch prefigearing mei *ge-* nomina actionis foarmet, kriget men wurden lykas *gebrinzg*, *gereizg*, *gepriizg* (Sytstra & Hof (1925: 125)).

²¹ *Hytfalgje* is net in *g*-tiidwurd; *-falge* hinget gear mei *felgje* 'licht omploeie'.

binne foar it (diagroan) ûnderskieden fan in aparte kategory *g*-tiidwurden.

3.1.2 Oerienkomsten en ferskillen tusken *ig*-tiidwurden en *g*-tiidwurden

Wat hat de grammatisy (útsein Van Blom) beweegd om de *g*-tiidwurden gear te bringen mei de *ig*-tiidwurden? Ik tink dat men twa reden neamme kin:

- (i) De *g*-tiidwurden en de *ig*-tiidwurden falle formeel gear yn 'e sabeare *ig*-tiidwurden mei $g < ig$ (sj. 2.4.1);
- (ii) Net allinnich *ig*, mar ek *g* wurdt taheakke oan in oarspronklik tiidwurdsstamme op dintaal (mar sj. 3.2.4) en foarmet dêr dan min ofte mear in útwreiding fan.

It giet der no om oft dy beide oerienkomsten tafallich binne of oft se tsjutte op in wiere ferbining tusken beide skiften tiidwurden.

De earste oerienkomst liket frijwat oerflakkich; it *ig* fan 'e *ig*-tiidwurden kin faaks ta *g* wurde, mar der is gjin direkte oanwizing dat de *g* fan 'e *g*-tiidwurden út *ig* ûntstien is.²² (i) soe allinnich string hâlde, at de analogy-hypoteze fan Sytstra & Hof bewiisd wurde koe.

De twadde oerienkomst weacht der mear yn; *ig* en *g* komme sa't it liket yn 'e selde fonologyske omkrite foar. At dat tafallich is, dan sil sjen litten wurde moatte hoe't *g* yn dy posysje bedarre is.

Nêst oanrekkingspunten binne der oars ek in stikmannich opfallende ferskillen tusken *g*- en *ig*-tiidwurden:

- (i) Wylst de *ig*-tiidwurden sawat altiten wol in wjergader ha yn it Hollânsk of Dútsk, binne de *g*-tiidwurden alhielendal beheind ta it Frysk²³;
- (ii) Wylst de *ig*-tiidwurden yn it Ald-, Mid- en Nijfrysk muoi konstant foarkomme, ferskine de *g*-tiidwurden, sa't wy sjen sille, earst yn it wurk fan Gysbert Japiks. Se komme fierders yn it Midfrysk amper foar, mar meitsje yn 'e 19de ieu ynienen wer opgong.
- (iii) Yn it hjoeddeiske Frysk ha de *ig*-tiidwurden yn fierwei de measte gefallen

²² Der binne wol gefallen dat de *g* fan in *g*-tiidwurd ta *ig* wurden is, sj. 3.5.

²³ At der nêst in *g*-tiidwurd alris in útlânske foarm op *-igen* foarkomt, hoecht soks noch net te betsjutten dat de *g* fan sa'n tiidwurd út *ig* komt. Sa hat it bygelyks net folle eigenskip om G.J. *buwtgje* en *oanhytgje* gear te bringen mei Swabysk *beutigen* en *erheizigen* (Van Zuiden (1934: 170,171)). En dat jildt grif ek foar G.J. *bekroadgje* en Midleechedútsk *krodigen* = *kroden* (Van Zuiden (1934: 156)).

gjin (syngroane) fariant sûnder *ig*. In útsûndering is bgl. *fredigje* nj. *freedzje*. Dêrfoaroer ha de *g*-tiidwurden suver allegearre in syngroane fariant sûnder *g*; de foarm mei *g* is dan yn 't ginneraal in skriuwtalfoarm, wylst de foarm sûnder *g* mear sprektaal is, ferl. *priiz(g)je*, *glânz(g)je*, *treast(g)je* (ek: *treaste*).

- (iv) Wylst de *ig*-tiidwurden altyd in substantivysk of adjektivysk grûnwurd ha, hoecht dat by de *g*-tiidwurden sa't it liket net it gefal te wêzen, ferl. *drinzgje*, *nytgje*, *grânzgje*.
- (v) Yn it Hynljippersk, Skylgersk en Skiermûntseagersk fynt men wol *ig*-tiidwurden, mar gjin *g*-tiidwurden²⁴.

It sil klearrichheid ha dat de ferbining fan 'e *g*-tiidwurden mei *ig*-tiidwurden net alhiel ûnproblematysk is. Dat sadwaande liket it wol de muoite wurdich en ûndersykje hoe't de *g*-tiidwurden ûntstien binne en hoe't se har yn it Frysk fierders ûntjûn ha.

3.2 It ûntstean fan 'e *g*-tiidwurden

3.2.1 De *g*-tiidwurden by Gysbert Japiks

De *g*-tiidwurden komme foar it earst foar yn it wurk fan Gysbert Japiks en se binne dêr ek machtiger as yn it lettere Frysk. Dat it leit yn 'e reden om foar in andert op 'e fraach nei it ûntstean fan 'e *g*-tiidwurden alderearst by Gysbert Japiks te sykjen.

Wat jin yn 't foarste plak opfalt is dat net alle tiidwurden dy't der yn prinsipe foar yn 'e beneaming komme soenen - *je*-tiidwurden mei in stamme op dintaal -, in *g* ha en dat foarmen mei *g* gauris wikselje mei foarmen sûnder *g*. Dat, botte systematysk liket it ferskynsel fan it ynfoegjen fan *g* yn it earste oankommen net. Hoe moat dy wippelige *g* no ferklearre wurde?

Epkema syn betinken dat *g* yn *g*-tiidwurden lykas *achtgje* út *ig* ûntstien wêze soe, liket my ta, dat net te ferdigenjen is. Men soe dan by de *g*-tiidwurden op syn minst ris in njonkenfoarm mei *ig* ferwachtsje, sa't de sabeare *g*-tiidwurden út 2.4.1 dy gauris ha.

De suggestje fan Sytstra & Hof, dat *g*-tiidwurden analogysk foarme binne neffens de sabeare *g*-tiidwurden mei *g* < *ig*, liket my ek net botte oannimlik ta. De \emptyset -synkope dy't yn 'e sabeare *g*-tiidwurden plakfûn hat, wie in fariabele,

²⁴. Der binne in pear útsûnderingen. Sa hat it Hynljippersk de tiidwurden *reizgje* (nj. *reizje*) en *bedaergje* (nj. *bedaeje*) (Blom (1981)). Ferlykje foar *bedaergje*, 3.2.3.

stylbeskate regel. Foarmen mei en sûnder sjwa kamen nei alle gedachten nêstinoar foar. It is net wierskynlik dat de sjwaleaze foarmen (of in part dêrfan) leksikalisearre wiene. Mei't analogyfoarming him typysk oppenearret yn it leksikon, hat it net folle eigenskip dat de sabeare *g*-tiidwurden har analogysk útwreide ha.

In tredde mooglikheid soe wêze kinne dat Gysbert Japiks de *g*-tiidwurden yn syn wurk *mei sin* foarme hat (faaks nei analogy fan 'e sabeare *g*-tiidwurden). Der is gauris frege ynhoefier't de taalbouwer Gysbert Japiks 'yrreële' foarmen smeid hat. Feitsma (1974: 530) hat der, tinkt my, mei rjucht op wiisd dat men better mar net al te gau sizze kin dat beskate foarmen by Gysbert Japiks wol eigenoanret wêze sille. Sa'n soad witte wy op 't lêst noch net fan 'e taal út dy syn tiid; it is skoan mooglik dat foarmen dy't jin yn 'e earste opslach 'yrreël' oankomme, in muoi natuerlike ferklearring foar fûn wurde kin. Dêr komt by dat der *g*-tiidwurden binne dy't *net* by Gysbert Japiks foarkomme en dy't ek min ferklearre wurde kinne as analogyfoarmingen neffens de *g*-tiidwurden dy't al yn 'e 'Rymlerye' steane.

De fjirde mooglikheid is dat de *g*-tiidwurden in 'reël' fonetysk ferskynsel wjerspegelje dat him yn 'e taal fan Gysbert Japiks syn tiid oppenearre. De *g*-tiidwurden soene har dan yn prinsipe los fan 'e *ig*-tiidwurden (of de sabeare *g*-tiidwurden) ûntjûn ha. It is dy mooglikheid dy't ik hjir fierders útarbeidzje wol.

Yn 't foar kin al fêststeld wurde dat it ferskynsel dêr't wy om sykje net alte dúdlik en frijwat ûnfêst west hat. Gysbert Japiks syn tiidgenoaten hat it net yn 'e wei west, of se ha it yn alle gefallen net de muoite wurdich fûn om it skriftlik wer te jaan. Gysbert Japiks is der by it útarbeidzjen fan syn stavering al oer stroffele en hat besocht om it te fiksearjen, mar botte systematysk hat er dat, sa't ik niis al sein ha, net dien.

Yn 'e neikommende trije paragrafen sil ik de trije skiften *g*-tiidwurden behannelje dy't neffens my by Gysbert Japiks ûnderskaat wurde kinne. Alhoewol't de *g* yn dy tiidwurden ûntstien is troch trije ûngelikense fonologyske prosessen - alneffens de einichste konsonanten fan 'e tiidswurdsstamme -, sil ik sjen litte dat yn alle trije gefallen de *j* yn (in part fan) 'e bûgingsútgongen de wurkmaster west hat.

3.2.2 Affrikatisearring

Yn it âldere Aldfrysk ûndergiene alle felare konsonanten de palatalisearjende ynfloed fan in neikommende *j* of palatale fokaal. Ik haw it al hân oer de frikative *g* dy't ta *j* waard (sj. 2.4.2 en noat 18). Der moat nêst dy frikative *g* fan âlds ek in eksplosiven ien west ha; dy kaam lykwols allinnich foar yn 'e konsonantkloft *ng*

[ŋg] en yn 'e oarspronklike geminaat *gg* [gg].²⁵ De eksplosive *g* en de oare eksplosive felaar, *k*, waarden mûljearre: tusken de felare konsonant en de palatale fokaal skode in *j*, it artikulaasjepunt fan 'e *k* en de *g* ferskode aloan mear fan it felum nei it palatum en dat wie fan dy gefolgen dat de *k* 'omsloech' yn in *t* en de *g* yn in *d* (ferl. Loopstra (1935: 8)). Dy lêste oergong, fan *g* nei *d*, is allinnich mar te begripen, at de *g* eksplosyf wie. Tusken 'e *t* en de *d* en de neikommende *j* ûntstienen respektlyk in *s* en in *z*; de saneamde assibilearring (of affrikatisearring). Ferl. Afr. *tsetel* 'tsjettel' (Goat. *katils*), *fenzen* 'finzen' (<*fangin-), *sidza* 'sizze' (As. *seggian*).

In selde soarte fan ûntjouwing hat plakfûn mei de *k* yn it Noarsk (en it Sweedsk). De *k* waard palatalisearre en mûljearre en feroare lykas yn it Aldfrysk yn in *t*. Hjir allinnich gjin assibilearring, mar affrikatisearring troch in 'ich'-lûd [x'] tusken 'e *t* en de *j*. Dêrnei foel de *t* yn 'e measte dialekten wei foar de [x']²⁶. Foarbylden fan dy ûntjouwing binne *kirke* [x'jirkə] 'tsjerke', *kjeft* [x'jɛft] 'bek', *kjøpe* [x'jœ:pə] 'keapje'.²⁷

It soe moai wêze at de Fryske en de Noarske (Sweedske) ûntjouwing op ien streek brocht wurde koenen. Ik soe dêrta it neikommende útstel dwaan wolle.²⁸

(18)	<i>k</i>	
	<i>k'</i>	palatalisearring foar <i>j</i> en palatale fokalen
	<i>k'j</i>	mûljearring
	<i>tj</i>	omslach fan <i>k</i> nei <i>t</i>
	<i>t^{x'}j</i>	begjin fan 'e affrikatisearring
	---> tx'j	trochsetten fan 'e affrikatisearring
	-----> tsj,, ,, ,, (assibilearring)

(Lyksa foar de Aldfryske eksplosive *g*: *g* > *g'* > *g'j* > *dj* > *d^vj* > *dzj*).

Wichtich yn 'e útstelde ôflieding is it stadium *t^{x'}j*; tusken 'e *t* en de *j* moat op in stuit, likegoed yn it Frysk as yn it Noarsk, in frikatyfeftich lûd skood wêze, nei't ik oannim, in tige palatalisearre *x*. Der wienen no twa mooglikheden: de *x'* koe

²⁵ De geminaat *gg* wie troch de Westgermaanske Geminaasje ûntstien út in inkelde *g* foar *j* (bgl. Krahe (1960⁴-I: 103-106)).

²⁶ In mooglike parallel dêrfan kin men yn it Frysk fine. Yn it Súdwesthoeksk is yn 'e begjinkloft *ts(j)*-de *t* weifallen, bgl. *tsjerke* [sjerkə], *tsiis* [si:s], *tsjil* [sjɪl].

²⁷ Foar Sweedske foarbylden en foar in algemien besprek fan palatalisearring, mûljearring en assibilearring yn it Aldingelsk en it Aldfrysk, sj. Van der Rhee (1977).

²⁸ Foar de dúdlikens brûk ik hjir in wat 'analytyske' fonetyske werjefte fan affrikaten, [tx'j], [tsj], [d^vj] en [dzj]; it soe meskien fonetysk krefter wêze om [tç], [tʃ] ensfh. te brûken.

him sette (dat is yn it Noarsk en it Sweedsk bard) of de *x'* koe ta *s* wurde (de Fryske opsje). De oergong fan *x'* nei *s* kin men jin sa foarstelle: de *x'* waard sa bot palatalisearre dat it ferskil mei de dintale friktyf *s* persepsjoneel besjoen minimaal waard. Mei ûnder beslach fan 'e dintale *t* flapte de *x'* dêrtroch om yn in *s*.

It oannimmen fan in stadium *t^{x'}j* makket it faaks mooglik om in unifoarmere formulearing fan it affrikatisearingsproses yn it Frysk en it Noarsk te jaan, oan 'e oare kant is in streekjuchte ôflieding fan *tj* nei *tx'j* en dêrnêst fan *tj* nei *tsj*, sûnder de tuskenstap *t^{x'}j*, moolk ek wol te ferdigenjen. Ik sil dus bewizen bybringe moatte foar it oannimmen fan in tuskenstadium *t^{x'}j* foar it Frysk (it Noarsk lit ik fierders gewurde). Dat is lykwols in toer; *t^{x'}j* is nammentlik yn myn optyk in oergongsfoarm dy't him stabilisearret yn *tx'j* of *tsj*. It leit yn 'e reden dat sa'n wippelige oergongsfoarm him gewoanwei net lang hanthavenje kin. De oergong fan *tj* via *t^{x'}j* nei *tsj* sil dêrom muoi hastich syn beslach krigen ha. Datte en it feit dat it nei alle gedachten min te hearren wie wat lûd oft dêr no krekt tusken dy *t* en dy *j* yn kaam, meitsje dat it net folle eigenskip hat, dat men yn 'e teksten in soad oanwizingen foar in *t^{x'}j*-stadium fynt. Oanwizingen dy't men ferwachtsje kin, binne (i) ûntspoaringen (wurden dêr't *t^{x'}j* net ta *tsj* mar ta *tx'j* wurden is) en (ii) gefallen dat de oergong fan *tj*, *t^{x'}j* nei *tsj* om de ien of oare reden in skoftke opkeard is. Yn it neikommende sil ik besjen oft der oanwizingen foar in *t^{x'}j*-stadium te finen binne by de saneamde jongere palatalisaasje (en assibilisearring).

Doe't yn it lette Aldfrysk de bûgingsútgong *-ia*, *-ie* [i(j) ə] troch klamferskowing ta [jə] waard, wie dêrmei it paad sljuchte foar in nije, jongere palatalisaasje fan 'e felare konsonanten.²⁹ De (frikative) *g* waard wer ta *j* en de *k* waard (via *tj* en, nei't ik oannim, *t^{x'}j*) ta *tsj*:

- (19) a. *g > j*: Afr. *jagia* Nfr. *jeie*
 Afr. *swigia* Nfr. *swije*
 Afr. *plogia* Nfr. *ploeie*
- b. *k > tsj*: Afr. *makia* Nfr. *meitsje*
 Afr. *(h)lakia* Nfr. *laitsje*
 Afr. *kikia* G.J. *kijtsje*
 Afr. *lokia* Nfr. *loaitsje*

Ik leau dat ik ien foarbyld fûn ha fan in ûntspoaring, in gefal dat in troch jongere

²⁹. Ferlykje Siebs (1901: 1294): "Eine jüngere Palatalisierung bzw. Assibilierung hat das *k* vor folgendem *j* im Neuwfries. erfahren (so auch *t*, *d* ...). Die Anfänge dieser Erscheinung reichen in das 15. Jahrh. zurück". Sjuch fierders Loopstra (1936: 72-136).

palatalisaasje út *k* ûntstien *tj* ta *tx'j* wurden is. It giet om it tiidwurd *itigje* (< *ytgje*) mei de 'regelmjittige' assibilearre njonkenfoarm *ysje*. Yn 3.5 wurdt dat tiidwurd wiidweidich besprutsen.

De hiele ûntjouwing fan *k* nei *tsj* krige noch yn it Aldfrysk syn beslach (ferl. it skema fan 'e ûntjouwing fan *meitsje* by Loopstra (1935: 78)). Gysbert Japiks hat allinnich mar assibilearre foarmen: *meitsje/meitse*, ensfh. At de *t* út palatalisearre *k* assibilearret, dan soe men ferwachtsje kinne dat in oarspronklike *t* foar *j*, yn 'e anlaut en yn 'e inlaut, dat ek dwaan soe. Dat bart lykwols ynearsten net. Gysbert Japiks skriuwt noch *tjienje* foar *tsjinje*³⁰ en *borttje* foar *boartsje* en dat bliuwt yn 'e hiele Midfryske tiid wenst. Itselde jildt foar de *d* foar *j*, ferl. G.J. *boddje* foar *bodzje*. Dochs moat al yn it Midfryske tiidrek de assibilearring fan *t* en *d*, d.w.s. fan *t* yn an- en inlaut en fan *d* inkeld yn 'e inlaut (*djoer* wurdt net *dzjoer*), syn beslach krige ha. De *tj*-kloften dy't troch brekking ûntstienen (bgl. yn *teannen* [tjenn]) dienen nammentlik der net mear oan mei, en de brekking wurdt datearre yn 'e twadde helte fan 'e 18de ieu (Van der Meer (1985: 39-49)).³¹

Wêrom assibilearren in oarspronklike *t* en in *d* net tagelyk mei de *t* út *k*? Yn 'e inlaut ha faaks de paradigmatiske foarmen sûnder neikommende *j* it assibilearjen fan *t* en *d* yn 'e earste opslach opkeard. Assibilearring soe in brek yn it paradigma feroarsaakje. By *meitsje* ensfh. wie dochs al in brek yn it paradigma kommen troch de oergong fan *k* > *t*, dat dêr koe de *t* sûnder folle beswier assibilearje. Dat *tj* yn 'e anlaut net daliks ta *tsj* waard soe komme kinne om't de *tj*-kloft yn dy posysje (de anlaut fan in beklamme wurdlied) resistinter wie as op 'e syllabegrens fan in beklamme en in ûnbeklamme wurdlied.³² Ik lit dat probleem hjir fierders wurde en konstatare allinnich dat it mei de assibilearring fan 'e oarspronklike *t* en de *d* wat minder hurd gongen is as mei de assibilearring fan *t* út palatalisearre *k*, hoewol't men oannimme mei dat it fierders itselde proses west hat.

Wêr't ik no op út wol is dat de *g* yn *je*-tiidwurden mei in stamme op *-t* of *-d* by Gysbert Japiks in besykjen west hat om yn 'e stavering oan te tsjuten dat

³⁰. It is opfallend dat Gysbert Japiks foar de oarspronklike palatalisearre en assibilearre *k* likegoed <tj> as <tz> skriuwt. Sa is it altyd *tjercke*; Ek *fortjearttelboetjen*. Fierders brûkt er <tz>, ferl. *tzierl*, *tzaef*, *tziis*, *tsiezje*. De anonime grammatikus fan it '*Quaedam ad Grammaticam*' dat yn 'e Ljouwerter útjefte fan Gysbert Japiks syn wurk (1681) opnommen is skriuwt foar *tsjoed* (oarspronklike *t!*): *tzjoed* - *tzjoedir* - *tzjoedst*.

³¹. De konstatarearring dat 'Breaking must have followed Affrication' fynt men ek by Tiersma (1979: 130-131).

³². In lytse oanwizing dêrfoar is faaks it neikommende: sa't ik al sein ha, ha *tj*-kloften dy't troch brekking ûntstien binne, net meidien oan 'e assibilearring en foar *dj*-kloften jildt itselde. Der binne lykwols in pear útsûnderingen mei in *tj*- of *dj*-kloft oan it begjin fan in ûnbeklamme wurdlied, bgl. *jierdei* [jIdzjə], [jIdjə], *fjirtsjin* nj. *fjirtjin*.

tusken 'e *t/d* en de *j* in frikatyfeftich lûd te hearren wie. Myn hypoteze is dat yn Gysbert Japiks syn tiid de *t* en de *d* foar *j* yn 'e oergongsfaze sieten foar de assibillearing. De útspraak fan 'e letterkloften *-tgj-* en *-dgj-* hat doedestiids foar 't neist [t^xj] en [d^yj] west. In probleem liket yn 'e earste opslach faaks dat Gysbert Japiks frijwat ynkonsekwint west hat by it skriuwen fan 'e *g*.

Ien en oar soe men lykwols sa ferklearje kinne: sa't ik al sein ha, nim ik oan dat it frikatyfeftige lûd tusken 'e *t* en de *j* min te fiksearjen west hat. Soks kin licht ta betizing by de persepsje laat ha. Gysbert Japiks hat nei alle gedachten allinnich obstrewearre dat der nei de *t* en de *d* bytiden wat te hearren wie dat op in *g* like, sûnder dat er der no krekt weet fan hie yn hokker omkrite oft dat sa wie. Hy hat in *g* skreaun at er miende dat er ien hearde en dêrby hat it gehoar him wolris ferrifele. Soms brûkt er in *g*, at der gjin *j* oan folget, soms brûkt er gjin *g* op plakken dêr't dy wol útsprutsen west ha sil.

Dizze ferklearing is sûnder mis noch frijwat wippelich, mar ik sil yn 3.2.5 sjen litte dat der nêst it ferskynsel fan 'e *g*-tiidwurden yn Gysbert Japiks syn taal noch twa ferskynsels binne dy't deselde kant útwize: de *j* hat in sterke ynfloed útoefene op beskate foarôfgeande konsonanten en Gysbert Japiks hat sa goed sa kwea besocht om it effekt dêrfan yn 'e stavering wer te jaan.

Dat der nei alle gedachten alhielendal gjin ferskil yn útspraak west hat tusken tiidwurden dêr't Gysbert Japiks de *g* al skreau en sokken dêr't er dat net die mei faaks bliken dwaan oan it neikommende rympear:

Uwz' sielen d' ljeave' HEER' God *forwachtje*
 Hy's uwz haed, holp, honck, schuwll' in scherm'.
 Uwz' herten bly, ijn him *fornachtgje*,
 (Brouwer en dy (1966: 206))

De útspraak fan *-tje* hat, at ik it by it rjuchte ein ha, gelyk west oan dy fan *-tgje*, ntl. *-[t^xj]*.

Men soe deroan twifelje kinne oft de skreaune *g* yn 'e *g*-tiidwurden wier wol foar in *g*-effich lûd stiet. Men soe úthâlde kinne dat de *g* allinnich mar in oantsjutting is foar it sterk palatalisearre wêzen fan 'e *t* of foar in *j*. Dat lêste is sa't it liket it betinken fan Brandsma (1936: 31); yn in noat seit er yn ferbân mei rympearen lykas *betracht'get* : *achtjet*, *wengje* : *bewenje* en *forwachtje* : *fornachtgje*: 'Het is waarschijnlijk, dat de *g* hier als *j* werd uitgesproken'. Oanwizing dat der lykwols dochs wol sokssawat as in *g* útsprutsen is (alleast nei *t/d*), soenen de neikommende rympearen jaan kinne:

Wa ijnne schuyll' fenne heagste sit,
 Dy schil ijn't schaed *fornachtje*
 Fenne' Hoeder dy fen slom naet wit
 Dy g'noagsam' God, de' *almacht'ge*
 (Brouwer en dy (1966: 149))

God 's mids ijn her, hy sil-se' *oer-kreftgje*
 Dat's on-ferwrigjende' oan him *jeftgje*
 (Brouwer en dy (1966: 161))

Net by alle tiidwurden by Gysbert Japiks dy't der yn prinsipe foar yn 'e beneamming komme soenen, fynt men *g*-foarmen. Foar in part dêrfan is dat grif tafallich; in hiele protte binne mar ien of in pear kear oerlevere. Mar der binne ek guon dy't muoi frekwint binne en dêr't lykwols gjin spoar fan in *g* te bekenen is, dat it is faaks de muoite wurdich en besjuch ris oft de *g* him dochs net by guon tiidwurden mear oppenearret as by oaren.

In klear byld smyt dat net op, mar in pear obstrewaasjes binne lykwols it neammen wurdich. Fierwei de measte tiidwurden mei in stamme op *-cht* hawwe foarmen mei *g*. It liket suver as hat de *x* foar de *t* dêr de neikommende [^x] 'útlokke'. De 'tsjinfoarbylden' dy't ik fûn ha, binne *plachtje*, *slachtje*, *sljuechtje*, *stichtje* en *suchtje*.³³

Gjin *g*-foarmen hawwe in grut part fan 'e tiidwurden mei in stamme op in koart lûd + bylûd, bgl. *boddje*, *neddje*, *doddje*, *gleddje*, *hottje*, *kneddje/knettje*, *-medje*, *rottje*, *schoddje*, *stuttje*. Wat jin opfalt by dy tiidwurden is de dûbelde *t/d* dy't de measten dêrfan ha. Wie dy dûbelde *t/d* in oantsjutting foar in ambisyllabyske konsonant en kearde dy affrikatisearring op? By oare tiidwurden - mei in lang lûd of mei in koart lûd + sonorant foar *t/d* yn 'e stamme - komt de geminaat ek foar en dêr fynt men dan allikemin *g*-foarmen, ferl. *borttje*, *kâttje*, *knoattje*, *tôdtje*, *uwttje*. Foarmen mei in *g* komme ek hielendal net foar by tiidwurden mei in stamme op sonorant + *t/d*, bgl. *-bijldje*, *forgultje*, *klaardje*, *meldje*, *moardje*, *nyyntje*, *printje*. By oare tiidwurden binne de tallen te lyts of binne de ferhâldingen sawat lyk om lyk.

Alles mei alles jout Gysbert Japiks wol in stikmannich oanwizingen dat de affrikatisearring yn guon omkriten mear (earder) wurke hat as yn oaren, mar net genôch foar hurde konklúzjes.

³³. Ik helje hjir (en tenei) hyltyd oan neffens it lemma by Brandsma (1936).

3.2.3 Assimilaasje

Mei de tiidwurden op *-tgje* en *-dgje*, dy't yn 'e foarige paragraaf te praat west ha, ha wy it meastepart fan 'e *g*-tiidwurden by Gysbert Japiks hân. Wat der oerbliuwt is in stealtsje tiidwurden op *-lgje*, *-zgje* en *-ngje* (en in stiktwa op *-wgje* dy't yn 3.2.4 op it aljemint komme sille):

(20)-*zgje*: *beschinsgje* (1x, rimet op: *to-wrinzgje*)

binzgje

glanzgje (nj. *glanzje*)

klinsgje (yn: *klinsg-bingsgje*)

kransgje

omschansgje (1x)

peinzgje (1x, as *peinzget*)

oon-prijzgje (1x, as *oon-prijzge*)

-lgje: *forwylgje* (nj. *(for)wylje*)

-ngje: *(trog-)gruwngje* (nj. *gruwnje*; 2x, as part. pret. *(trog-)gruwngje*)

seyngje

Ik ha by Gysbert Japiks gjin tiidwurden fine kinnen op *-rgje*. In Nijfrysk foarbyld is lykwols *tjirgje* (nj. *tjirje*); Gysbert Japiks hat dêrfoar *tierje*.

Lit ús earst ris sjen nei de tiidwurden op *-zgje* en op *-lgje* (*-rgje*). Hoe moat men de *g* yn dy tiidwurden ferklearje? It hat der in soad fan dat de *g* ([ɣ]) yn 'e tiidwurden op *-zgje* en *-lgje* (*-rgje*) ynfoege is om de distânsje tusken 'e konsonantyske *z*, *l* (*r*) oan 'e iene kant en de net-konsonantyske *j* oan 'e oare kant oer te brêgjen. De *g* is dêr in gaadlike kandidaat foar, om't er skaaimerken fan beide partijen kombinearret. Lykas *z*, *l* (*r*) is er konsonantysk en mei *z*, dêr't er it meast efter foarkomt, dielt er boppedat it skaaimerke [-sonorant]. Mei de *j* komt er oerien yn 'e skaaimerken [-anterieur], [-koronaal] en [+heech].³⁴

Dat wy by de tiidwurden op *-ngje*, *(trog-)gruwngje* en *seyngje* ek te krijen ha soenen mei assimilative ynfoeging fan *g*, wol my net rjucht oan. Ornaris (bgl. yn

³⁴. In selde soarte fan assimilative ynfoeging nei *l* en *r* hat faaks yn it Noarsk syn beslach krige by tiidwurden lykas *velge* 'kieze' (An. *velja*) en *verge* 'warre' (An. *verja*). In nuveraardige *g* nei *r* fynt men ek yn it ferbûgde eigenskipswurd *ierge* nj. *iere*. Ferlykje bygelyks de neikommende oanhaal:

(i) Siz Gjalt! hwer scil dit, *ier'ge* moarn, / Sa hals oer kop op ta?

(T.J. Bonnema, Slj. en Rj. 176 (1890))

Dat wy dêr mei in *ig*-ôflieding te krijen ha, sa't de apostrof yn 'e oanhaal suggerearret, liket my net botte wierskynlik ta.

it Frânsk) wurdt in *n* troch in neikommende *j* mûljarige ta [ʲ]. It is mooglik dat de ynfoege *g* yn 'e tiidwurden op *-ngje* allinnich dy mûljearring fan 'e *n* oantsjut. Dan is it lykwols al nuer dat *seinigje* yn it Nijfrysk in *g* hat. Sjoch lykwols foar in besprek fan dat wurd, paragraaf 3.5.

In selde ynfoege *g* nei *n* fynt men ek foar it nominale suffiks *-je*.³⁵ Gysbert Japiks brûkt de neikommende ôfliedingen mei dat efterheaksel (ferl. Feitsma (1974: 235)):

- (21) *wengje, wengje'* (nj. *wenje, wenjen* (plur))
miengje (nj. *mienj'*)
ynfjnjjen (plur.)

De *g*-foarm fariearret yn earste twa foarbylden mei de foarm sûnder *g*. De foarm *wengje* rimet op it tiidwurd *bewenje* yn 'dy trye-in-tryttigste psalme':

Uwt sijn feste wengje,
 Sjocht hy s', dy bewenje
 d' Yerd, fen hern' to hern'.
 (Brouwer en dy (1966: 205))

Yn sokke wurden nim ik ek oan dat de *g* inkeld de mûljearring fan 'e *n* oantsjut.

Hjirfoar ha wy sjoen dat de *g* ûntstien wêze kin troch affrikatisearing en troch assimilaasje. Noch in tredde soarte fan *g*-tiidwurden sil ik besprekke yn 'e neikommende paragraaf.

3.2.4 Felarisearring

Oant no ta haw ik úthoden dat *g*-tiidwurden likegoed as *ig*-tiidwurden in oarspronklike stamme op in dintaal ha. Yn syn algemienens is dat sûnder mis wier. Ik ha yn 'e twa foarige paragrafen foarbylden fan *g*-ynfoeging fûn nei *t, d, l, (r)* en *z*. Hoe't de *g* nei *n* opfette wurde moat bliuwt ynearsten noch wat ûndúdlik. Gjin gefallen fan *g*-ynfoeging haw ik fûn mei stammen op *-s*. Men soe jin yntinke kinne dat tusken *s* en *j* lykas tusken *z* en *j* ek in assimilearjende *g* (*x*) mooglik wêze soe; *sjx* soe dan ta *skj* wurde moatte. De iennichste mooglike

³⁵. It suffiks *-je* is ûntstien út *-inge* (sj. Fokkema (1948: 53), Spenter (1968: 23-24) en ek noat 18). It komt allinnich foar nei grûnwurden op *-n, -l* en *-r*, ferl. Nijfrysk *branje, penje; skaljen, dealje; ruorje, snuorje*.

kandidaat foar sa'n ûntjouwing by Gysbert Japiks soe it tiidwurd *krjueschje* (*crjuesget*) wêze, dat lykwols ek in sabeare *g*-tiidwurd mei *g < ig* wêze kin (sj. 2.4.2).

It wurdt no tiid om yn te skikken dat der dochs in stikmannich *g*-tiidwurden binne dy't in oarspronklike stamme ha op in net-dintaal.³⁶ By Gysbert Japiks fynt men nammentlik twa foarbylden fan *g*-tiidwurden mei in stamme op *-w*.

- (22) *dauwgje*: pret. sg. 3 *dauwge*
oer-dauwgje (nj. *oer-dauwje*: part. pret. *oer-dauwe*):
 pres. sg. 3 *oerdauwget*
 part. pret. *oer-dauvge*
lauwgje: pres. pl. 2 *lauwgj'*, *lauwgje*
 pret. sg. 3 *lauwge*
 part. pret. *lauwge*

- Yn gearsettingen:

Hert-lauwgje: pres.sg. 3 *Hert-lauwget*
Lauwg-wiet
lauwg'-fied-wiets oerfloed'
belauwgje (nj. *belauwje* en *bel(j)eauwje*): part. pres. *belauwggjende*

Brandsma (1936: 123) merkt nei oanlieding fan *belauw(g)je* en *beljeauwje* op: 'Opvallend is de klinker bij G.J. Het Nfr. komt overeen met het Ofr. Volgens het Fr.Wb. heeft het Nfr. echter ook: '*bileauwe*, soms in den Zwh.' De *l(j)eau*-vormen zullen ontstaan zijn onder invloed van *l(j)eauwe*, geloven, Ofr. *liuva*: de vormen van *lauwje* en *l(j)eauwe* zijn doorelkaar gelopen. - Moeilijker te verklaren is de *au* van G.J., het is trouwens onzeker welke klank dit teken hier weergeeft'. It liket derop dat Brandsma Nfr. *beloovje*, *belove* as de streekrijchte fuortsetting fan Afr. *bilovia* beskôget. Dat is lykwols net mooglik, om't in Afr. *v* inter vocales fokalisearret ta [u], ferlykje:

- (23) Nfr. *nauwe* 'tuolle (fan tsjil)' < Afr. **nave*, Ai. *nafu*, Ahd. *naba*, Ano. *nöf*;
 Nfr. *skriuwe* Afr. < *skriva*;
 Nfr. *rouwe* 'bestjurre bloed op wûne' < Afr. **rove*, Mned. *rove* 'rudige útslach', An. *hrufa* 'rûch oerflak, koarste';
 Nfr. *do* < Afr. **duve*, Ai. *dufe*, Goat. *dubo*

³⁶. Pitertuerlike gefallen as *stypgje* en *pripgje* (sjuch Taheakke I) mei *g* nei *p* sil ik hjir fierders gjin wurden oer smoarch smeitsje.

Nfr. *beloovje*, *belove* is in hollanisme. In lûdwettige fuortsetting fan Afr. *bilovia* is Hynlj. *belouje* [bəlɔujə] en ek Gysbert Japiks syn *belauw(g)je*.³⁷ De ferklearring foar de njonkenfoarm *bel(j)eauwje* by Gysbert Japiks en foar Súdwesthoeksk *beleauwe* (Fr.W. (1900)) is net sa lestich mear, at men betinkt dat it tiidwurd *leauwe* yn 'e Súd(west)hoeke as [(j)ɔɹə] útsprutsen wurdt (ferl. Hof (1933: 33)). It grûnwurd fan it tiidwurd *belouje/belauw(g)je* koe yn dy krite maklik identifisearre wurde mei *leauwe*. Soks late by Gysbert Japiks ta de staveringsfariant *bel(j)eauwje* njonken *belauw(g)je*; yn 'e útspraak wienen beide foarmen nei alle gedachten presiis-en-gelyk.

No oer de *g* yn 'e tiidwurden yn (22). Wylst it yn 'e beide foarige paragrafen hyltyd gong om in *ynfoege g* soe ik der foar de *g* yn (*oer-*)*dauwgje*, ensfh. op út wolle dat er ûntstien is út in oar bylûd, ntl. út in *w*. Ik soe my dat proses sa foarstelle wolle: De [ɹ] fan it tiidwurd lykas *dauje* [dɔujə] wurdt ambisyllabysk, d.w.s. wurdt likegoed by *dau-* as by *-je* rekkene. Der ûntstiet sa in wurdlied *-wje* mei as begjinkloft in *w* en in *j*. Dy kombinaasje *wj*, mei twa heallûden achterinoar, is lykwols net maklik út te sprekken³⁸ en om him te mijen feroaret it heallûd *w* yn 'e net-sonorante konsonant *g*, dy't fierders de selde skaaimerkspesifikaasje hat as de folgjende *j*.

De *w > g*-oergong by Gysbert Japiks is in swakke echo fan in selde proses dat al earder yn it Frysk plakfûn hie. Ferlykje de ûntjouwing fan 'e neikommende Nijfryske tiidwurden:

(24) Nfr. *skôgje* (nj. *skouje*) <³⁹ *skɔɹgje* < *skɔɹwje* < *skɔɹje* (Afr. *skowia*, *skawia*);

Nfr. *kôgje* (nj. *kauje*) < *kɔɹgje* < *kɔɹwje* < *kɔɹje* (Afr. **kowia*, *kawia*);

Nfr. *bôgje*⁴⁰ (nj. *bouje*, *bauje*) < *bɔɹgje* < *bɔɹwje* < *bɔɹje* (Afr. **bowia*, **bawia* (ôflieding fan Afr. **baw* 'bau', Ai. *beaw*));

Nfr. *roegje* < *rôgje* < *rouwje* < Afr. **rowia* < Afr. *rothia*;

Nfr. *kluie* <⁴¹ *kloeie* < *kloegje*⁴² < *klôgje* < *kloɹwje* < Afr. **kluvia*.

³⁷. Gysbert Japiks brûkt foar Afr. *lovია* 'loovje' ek de lûdwettige foarm *lauwje* [lɔujə].

³⁸. De ûnwinsklikens fan in *wj*-kloft mei bgl. bliken dwaan oan it feit dat de *j* weifallen is op plakken dêr't sa'n kloft troch brekking ûntstien wie: *swierder* [swɪdr̥] (< [swjɪdr̥]), *swellen* [swɛl̥n] (< [swjɛl̥n]), meartal fan *sweal*.

³⁹. De twilûdige [ɔɹ] koe fonotaktysk net foar in *g* stean en waard dêrom monoftongearre ta [ɔ:]. Ferlykje foar datselde proses noch *nôger* (boar) < **nɔɹger* < **naveger* (Holl. *avegaar*).

⁴⁰. Oer it tiidwurd *bôgje* en farianten, sjuch Singelsma (1948).

⁴¹. Ferlykje foar de oergong (-oeg- >) -oei- > -ui-: *druie* nj. *droegje*, *puier* nj. *poeier*, *jui* nj. *joei*.

⁴². Fan *kluie* komme yn it Nijfrysk gjin *g*-foarmen mear foar. Yn it Midfrysk fynt men se lykwols wol:
(i) Hij beklugge him, as d'aerberre de pod (Burmania sprekwurden 508)

De oergong fan *w* nei *g* dy't him yn 'e wurden yn (25) oppenearret, moat syn beslach krige ha foar of yn 'e tiid dat de *ō* oergong nei *oe* (ferl. *roegje*, *kluie*). It moat ek west ha foar de lette Aldfryske palatalisaasje, om't de *g* fan *kôgje* yn guon dialekten ta *j* wurden is foar de *je*-útgong (Hof (1933: 62-63)). It paradigma fan *koaie* sjucht der dêr sa út:

(25) ik koai	ik kôge	ik ha kôge
do kôgest	ensfh.	
hy/hja kôget		
wy/jimme/hja koaie		

Lykas *kôgje* giet *tôgje* (mei in oarspronklike *g* út Afr. *togia*?).

Hoewol't Hof der yn 'e earste opslach fan útgiet dat de *g*-foarm fan *kôgje* de âldste is, rekket er oan it twifeljen troch Aldfrysk *skoaia* foar *skôgje*. Nêst *skoaia* fynt men gjin foarmen mei *g*. Dy binne der likemin by de neikommende wurden:

- (26) Nfr. *beroaie* < ôfsl. mulw. by Afr. **biroia* < **birovia* < *biravia*;
 Nfr. *stoaie* (*boekstoaiing*) < Afr. *stovia*, *stavia*;
 Nfr. *hoaie* (yn *hoaie en troaie*) < Afr. *hovia*;
 G.J. *troaye* 'drave' < Afr. *trovia*, *thravia*.

It jout kwealik eigenskip en nim foar de wurden yn (26) in stjerkefoarm mei *g* oan. Der hat yn it Aldfrysk foar it neist in direkte gearlûking fan *-ovia* ta *-oia* mooglik west. Nijfrysk *skoaie* (yn *lekskoaie*), dat streekrijucht tebekgiet op Afr. *skoaia* mei gearlûking út *skowia*, stiet sa nêst *skôgje* mei in *g* < *w* en *skouje* dat him fierders 'gewoan' ûntjûn hat.

It is yn dit ramt faaks nijsgjirrich en wiis derop dat Dirk Lenige yn syn Makkumer tongslach wurden brûkte lykas *Uwt doagje* foar *útdôvje* (Brouwer (1959: 23)) en *doagg'* foar *dauwe* (ibid. 28).⁴³

By Gysbert Japiks fynt men *schôagje* en *kôagjelkoye*. It opdûken fan 'e *g* yn (*oer*-)*dauwgje*, *lauwgje* en *belauwgje* is dúdlik in jonger ferskynsel. Yn it foarste plak is de *g* ûnfêst; allinnich fan *lauwgje* komme inkeld *g*-foarmen foar. En twad, nei alle gedachten troch dy ûnfêstens, is de *au(w)* foar de *g* oan 'e stavering te sjen noch net ferinkellûde ta /ɔ:/. Ik soe dêrom ek foar de tiidwurden mei *g* <

⁴³. It wurd *doagg'* kin foarme wêze neffens in net oerlevere tiidwurd **doagje* 'dauje', mar perfoarst nedich is soks net. Men fynt nammentlik ek foarbylden fan in oergong *w* > *g* tusken in efterlûd en in sjwa: *hoege* (< *hoeve*), *hogge* 'mes' (< *houwe*), *nôge* (< *nauwe*). Sjuch foar it twadde foarbyld Buma (1958) en foar it tredde Hof (1933: 145).

w úthâlde wolle, dat it dêrby gong om in proses dat 'yn 't hikjen' wie en dêrfandinne min te fiksearjen.

3.2.5 *Stypjende evidinsje: noch twa ferskynsels by Gysbert Japiks*

Oan 'e foarige paragrafen hat bliken dien dat de *g*-tiidwurden in minder monolitysk gehiel foarmje as dat ik ynearsten mar oannommen hie. De *g*-tiidwurden kinne opdield wurde yn trije skiften tiidwurden dy't alle trije har *g* op in oare manier skipe ha. De tiidwurden op *-tgje* en *-dgje* binne de útkomst fan in affrikatisearingsproses, de tiidwurden op *-rgje*, *-lgje* en *-zgje* litte assimilative ynfoeging fan *g* sjen en yn 'e tiidwurden op *-wgje* is de *g* ûntstien troch felarisearring fan *w*. Nettsjinsteande dy ferskillen yn 'e wize fan ûntstean is der lykwols ien ding dat de trije skiften *g*-tiidwurden gearbynt, ntl. de rolle dy't de *j* by har ûntstean spile hat.

It liket derop as hat de *j* yn 'e tiid fan Gysbert Japiks in muoi sterke palatalisearjende ynfloed útoefene op foarôfgeande bylûden. Gysbert Japiks hat besocht om de effekten fan dy ynfloed (foar 't neist mear yntuifyt as beriddeneare) te registrearjen yn syn stavering. Mei't it dêrby gong om fakentiids min te plak te bringen tendinzen, is dat lykwols (en dat jildt foar alle trije skiften *g*-tiidwurden) frijwat ynkonsekwint dien.

No fynt men by Gysbert Japiks noch twa ferskynsels dy't sa't it liket allike ynkonsekwint werjûn binne as de *g*-tiidwurden en dêr't boppedat de *j* mei anneks is. Men soe jin ôffreegje kinne, oft der in ferbân bestiet tusken it foarkommen fan dy beide ferskynsels en it har oppenearjen fan 'e *g*-tiidwurden.

It earste ferskynsel hat te krijen mei de bûging fan 'e twadde klasse fan swakke tiidwurden (op *-je*). Brandsma (1936: 21-22) skriuwt dêroer:

"In praes. sg. 2 en 3 is de *j* verdwenen; útgang: sg. 2 *-est*, sg. 3 *-et*, 't. Er zijn echter uitzonderingen: sommige vormen hebben de *j* behouden. Dit is voornamelijk het geval na explosieven, b.v.: *achtjet*, *ontaerdgjet*, *fordijlgjet*, *dolckjet*, *gloarre-glanzjet*, *gljuerckjet*, *hoapjet*, *ljeafd'-kaerdjet*, *kantjet*, *langjet*, *muwlkjet*, *neæckjet*, *tolckjet*, *tuwlckjet*, *forwijlgjet*.

Zelden na andere medeklinkers, b.v.: *stal-formjet*, *freazjet*, *reckhalzjet*, *heeljet*.

Deze *j* heeft het karakter van een overgangsklank."

Brandsma jout allinnich foarbylden fan 'e 3de persoan op *-jet*, net fan in 2de persoan op *-jest*, en dy haw ik fierders ek net fine kinnen. Dat kin tafallich wêze; it tal tiidwurden yn 'e 2de persoan by Gysbert Japiks is navenant frij lyts.

Yn 'e oanhaal is Brandsma net botte dúdlik oer it komôf fan 'e *j* yn 'e útgong

-jet; hy praat oan 'e iene kant oer in 'behouden' *j* en oan 'e oare kant oer in soarte fan 'overgangsklank'. Dat de *j* bewarre bleaun wêze soe, is ûnmooglik. Yn it Aldfrysk kaam yn 'e 2de en 3de pers. pres. fan 'e tiidwurden op *-ia* gjin *i* foar, ferl. *makast*, *-est*; *makat(h)*, *-et(h)* (Sjölin (1969: 36)).

Dat de *j* yn in beskaat dialekt nei analogy fan 'e oare foarmen yn it paradigma ek ynfoege wêze soe yn 'e 2de en 3de persoan, wol jin allikemin oan. Men hie dêr dan mear spoaren fan ferwachte as allinnich by Gysbert Japiks. Boppedat soe it nuver wêze dat de *j* dan neitiid wer finaal weiwurden wêze soe.

De tredde mooglikheid soe wêze dat Gysbert Japiks sels 'om in aardichheid' ris mei in útgong *-jet* nêst *-et* oan it eksperimintearjen west hat.

It twadde ferskynsel hinget ek gear mei de *je*-tiidwurden. Der is wol gauris op wiisd "dat Gysbert Japicx een sterke voorkeur heeft voor *-je*-werkwoorden" (Brandsma (1936: 23)).⁴⁴ Men fynt by Gysbert Japiks *je*-tiidwurden dy't it neffens de boarnen foar him nea wiene en it nei him ek net wer west ha, hast altiten nammers mei de 'gewoane' foarm op *-e* dernêst. Ferlykje *bruwkje* nj. *bruwke*, *flockje* nj. *flocke*, *lienje* nj. *liene*, *ljeauwe* nj. *ljeauwe* en *restje* nj. *reste*. It is hjir ek al wer net oannimlik dat de fariant mei *-je* út it Aldfrysk komt of in analogysk foarme dialektfoarm is. Dat men soe der wer nei oerhingje kinne om ien en oar op Gysbert Japiks syn eksperimintearnocht te smiten.

Myn strategy oant no ta hat lykwols west om Gysbert Japiks sa serieus mooglik te nimmen en om der fan út te gean dat er yn alle gefallen op fonetysk en morfologysk nivo in einhinne besocht hat om wer te jaan wat er op dat stuit oan Frysk om him hinne hearde. Dat ik soe de twa ferskynsels dy't ik op it aljemint brocht ha net smite wolle op Gysbert Japiks syn fantasij, mar se tebekbringe op in reël taalkundich fenomeen dat him yn syn tiid oppenearre.

En dan kom ik wer werom by de ynfloed fan 'e *j*. Men soe ûnderstelle kinne dat de palatalisearjende ynfloed fan 'e *j* op 'e foarôfgeande konsonant sa algemien wie, dat de mûljearring 'ôfferve' op 'e foarmen fan it paradigma fan 'e *je*-tiidwurden dy't gjin *j* yn 'e útgong hiene en sels fan 'e *je*-tiidwurden op 'e *e*-tiidwurden. It waard perseptueel lestich om út te meitsjen oft men no mei in mûljarige konsonant te krijen hie of net. Dy perseptuele ûnwissichheid wjerspegelet him dan yn Gysbert Japiks syn ynkonsekwinte werjefte fan it ferskynsel yn 'e stavering.

It is opfallend dat men beide ferskynsels foar fierwei it grutste part fynt by tiidwurden mei in stamme op felaar of dintaal. Dat strykt mei myn hypteze:

⁴⁴. Brandsma giet der oars yn syn boek konsekwint fan út dat in 3de pers. sg. pres. op *-t*, bgl. *bruwk't*, *foll't*, *tjuwg't*, by in *je*-tiidwurd heart. Dêr mei men frij oan twifelje, at men yn Gysbert Japiks syn Hollânsk-talich wurk ek staveringen fynt lykas *till't* (Brouwer en dy (1966: 345, r. 48)), *vull't* (352, r. 67), *word't* (366, r. 22) en sels *uytgewied't* (382, r. 133).

felaren en dintalen ûndergeane de direkte ynfloed fan 'e palatale *j*; it palatum leit tusken it felum en de tosken yn. De perseptuele betizing sil dus it grutst west ha by dy konsonanten, al fynt men ek in stiktwa gefallen lykas *stal-formjet* en *hoapjet*, dy't in stamme op in labiaal ha.

Nêst de 3de pers. op *-jet* en de útsûnderlike *je*-tiidwurden oppenearje har noch in stiktwa ynsidintele gefallen dy't moolk deselde kant útwize. Ik wiis op 'e foarm (wy) *jottjen* (Brouwer en dy (1966: 9)) foar de 1ste pers. plur. pret.⁴⁵ en fierders op sokke skriuwwizen as *on-eyngje'* (152) foar *ûneinich* en *eyn-yerdje'* (153) foar *einierd*.

Botte dúdlik leit it lân der hjir net hinne. At myn idee oer de niisneamde ferskynsels lykwols yn 'e kern goed is, dan jouwe se stipe oan myn teory oer it ûntstean fan 'e *g*-tiidwurden.

3.3 De *g*-tiidwurden yn it Midfrysk nei Gysbert Japiks

Yn 'e lêste paragrafen fan haadstik 3 wol ik de fuortsetting beskriuwe fan 'e *g*-tiidwurden yn it Mid- en Nijfrysk. Wat it Midfrysk oanbelanget kin ik koart om 'e hoeke: yn it hiele Midfrysk nei Gysbert Japiks fynt men suver gjin *g*-tiidwurden (wol *ig*-tiidwurden) en foarsafier't se der binne, giet it meast om Gysbert Japiks-neifolging. Minder tûke harkers en staverders as Gysbert Japiks ha it tuskenlûd tusken dintaal en *j* kwealik ergere of it yn alle gefallen net de muoite wurdich achte en honorearje it yn 'e stavering. Sels doe't *-t^xj-* en *-d^yj* al assibilearre wiene ta *-tsj-* en *-dzj-* waard dat nei alle gedachten ynearsten noch net yn 'e stavering werjûn.

Yn in promoasjefers fan in Z.L.R. (Feitsma (1957: 43)) fynt men de rigel: *Sijn holl' om eer kransg' in omtacke*. In klear foarbyld fan Gysbert Japiks-imitaasje; yn Gysbert Japiks syn 'Psalm Acht' stiet hast wurdlik itselde: *Mar heachlijck de' holle' om eer-kransge in omtacke?* (Brouwer en dy (1966: 111)).

Yn Jan Althuysen syn 'Hondert psalmen fin David' (Stapelkamp (1957)) haw ik trije *g*-tiidwurden fûn, ntl. *forwoastgje* (allinnich yn 'e mulwurdsfoarm *forwoastge*), *zeinigje* en *reysgje*. *Forwoastgje* komt grif by Gysbert Japiks wei. It problematyske *zeinigje* komt noch apart te praat yn 3.5. *Reysgje* kin streekrijucht by Gysbert Japiks weikomme, mar kin yn 'e sprektaal ek al in dúdlike *g* hân ha ûnder 'e ynfloed fan *reizger*, dat etymologysk fan in eigenskipswurd op *-ig* ôflaat wurdt, ferl. Holl. *reiziger*.

⁴⁵ De ôfslutend-mulwurdsfoarm *wachtje* (Brouwer en dy (1966: 328)), dy't Brandsma (1936: 206) (en, wat minder wis, allyksa Brouwer en dy (1966-II: 333)) as in printflater beskôgje wol, komt troch de diskusje yn 'e tekst moolk ek yn in oar ljocht te stean.

Stapelkamp (1957: 472) wol *reysget* yn fers 13 fan 'Dy san-in-fyertigste psalme' as in printflater foar *ryesget* beskôgje.

Goad dy reysget op Mey ien græt gerop,
In geschætter blyed Fin 't Folk wyed in zyed.
(Stapelkamp (1957: 121))

Dat hat neffens my net folle eigenskip. Foarst dûkt in *g*-tiidwurd *riizgje* njonken *rize*, *riizje* (G.J. *rijze*, *rijzje*) earst yn it 20ste ieuske Frysk op en dan ek (meast) allinnich mar by E.B. Folkertsma (sj. 3.4.2). Oard hoecht *reysget op* net perfoarst feroare; de Steatebibel brûkt yn it oanbelangjende fers it tiidwurd *opvaren*.

Durk Lenige brûkt út rymtwang in kear *trochmestge* (Brouwer (1959: 69)), dat rimet op *oerlestge* (mei *g* < *ig*), en in kear *bemestge* (36), dat rymje moat op *veastge* (wer mei *g* < *ig*). *Oerdauwge* is in klear foarbyld fan Gysbert Japiks-neifolging. Aardich is noch it tiidwurd *Eiagtsge* mei de fariant *Eiagtje* (63). Yn syn besykjen om Holl. *oogsten* te ferfryskjen, ferslacht Lenige dêr yn 'e konsonantkloft; in serieus *g*-tiidwurd hoege wy yn *Eiagtsge* grif net te sjen.

In steal aparte *g*-tiidwurden fynt men ta beslút yn Gabbema syn útjefte fan 'e 'Fryske Bywirden' (Feitsma (1956)). Ferlykje:

All spergjende momme wol sed ijtte	(28)
Deer de nuwt wol yte motze kraekgje	(206)
Ik wengje in't foarste fek, dir de torf in leyt	(585)
Miggen tzingie nin hea to fieren in wynig wear	(745)
Neat hebben det wol spergjen	(770)
't Iz en ongelyk schyl / rekenscip peatgjen eaf earen off snye, zey de faam	(985)

De foarm *peatgje* yn it lêste foarbyld bringt jin fansels Gysbert Japiks syn *paetgje* yn 't sin. De oare tiidwurden komme by Gysbert Japiks net mei in *g* foar. Ynhoefier't wy dêr dochs mei yndirekte staveringsynfloed fan Gysbert Japiks te krijen ha, is net mei wissichheid út te meitsjen. At dat al sa is, dan suggerearret *kraekgje* mei *g* nei in *k* yn alle gefallen dat Gabbema it 'trúkje' net hielendal trochhân hat. Njonken *spergje* en *kraekgje* fynt men yn Gabbema syn sprekwurden nammers ek foarmen sûnder *g* (*Lang festjen iz nin breadsperrien* (668); *Kraakkjende weynen, durrye alderlangst* (660)).

3.4 *De g-tiidwurden yn it Nijfrysk*

3.4.1 *Twa ûntjouwingen*

Wylst de *g*-tiidwurden yn it Midfrysk nei Gysbert Japiks sa't it liket fierhinne weiwurden binne, komme se yn it Nijfrysk wer foar it ljocht. Men kin dêrby út 'en rûgen twa skiften ûnderskiede: (i) *g*-tiidwurden dy't fan Gysbert Japiks ôfloerd binne en guon dy't nei analogy dêrmei foarme binne, en (ii) *g*-tiidwurden dy't min ofte mear in natuerlike ûntjouwing reprissentearje. Benammen dat lêste skift is foar my fan belang, om't it útwize koe, dat de *g*-tiidwurden ûntstien binne troch natuerlike fonetyske prosessen en net samar in 'útfynsel' wiene fan Gysbert Japiks. De grins tusken beide skiften is bytiden tige ûndúdlik; it is benammen dreech om út te meitsjen wat no analogy is en wat natuerlike ûntjouwing. Oer de konkrete tawizing fan in tiidwurd oan in skift kin dêrom noch wolris tsierd wurde.

3.4.2 *Gysbert Japiks-neifolging en analogy*

At yn it earstoan fan 'e 19de ieu wer *g*-tiidwurden opdûke, is soks uteraard net tafallich. Gâns skriuwers út 'e tiid fan 'e Romantyk gongen wat wurdfoarrie en stavering oanbelanget in einhinne teseil op Gysbert Japiks (ferl. Poortinga (1962)) en namen sadwaande ek gauris de typearjende *g*-tiidwurden fan him oer. Hjirûnder jou ik in foege karlêzing fan sokke Gysbertianismen:

(27) G.J. *achtgje* - R. Posthumus, keapman 106 (1829):

achtgje; ibid. 1: *achtge* (3 sg. pret.); ibid. 22: *achtge* (part. pret.)

G.J. *forwôastgje* - passim.

G.J. *glanzgje* - Iduna 7 (1857): Da stieren *glansigon* mei eindelêase pracht.

G.J. *kranzgje* - R. Posthumus, prieuwcke 84 (1824): Az jon holle *kranzge* wirt.

G.J. *om-schansgje* - ibid. 62: Dy't hert' mej deugd', az mesck in stiel, *om-schânzgje*.

G.J. *ontaerdgje* - P. Boeles, hulde I 66 (1824): Y binne *ontaerdget*.

R. ind. T 8 (1881): In droege kuch, dy *ontaerdigge* yn bluodspijing ind longtarring.

G.J. *wijzgje* - A. Telting, Fr. J. Gen 9 (1833): Mar *wijsge* it steed: dear eern Almenons tsjerke stoe.

Gysbert Japiks is net allinnich streekkrjucht neifolge, der binne nei analogy fan syn *g*-tiidwurden ek nije *g*-tiidwurden foarme. Muoi dúdlike foarbylden binne:

(28) *ûnthaadgje* - J.D. Ankringa, Fr. J. Gen. (kalinder) (1829): 1. Moandey H. Galema, S. Beijem in W. Bonga to Brussel *onthaedge*.

G. Colmjon, ewangeelje 27 (1879): En Herodes sei: Johannes hab ik *ûnthaedge*.

festgje - J.H. Halbertsma, ewangeelje 27 (1884): Dasthou di minsken mei dyn *fæstgjen* naet yn it éach falste. (G.J. brûkt *festgje* allinnich yn 'e betsjutting 'fêstigje'.)

loovgje - G. Colmjon, ewangeelje 3 (1879): Myn siele *loofget* de Heare.

Der binne ek oare gefallen fan *g*-tiidwurden dêr't men fan fiele en taaste kin dat se eigenoanret binne, sûnder dat krekt mei wissichheid nei te gean is neffens hokker foarbyld(en). Ik neam bygelyks

(29) *bonzgje* (*plonzgje*) - EMAN, gearkomste 27 (1852): Wer for soe't hert ues fjoercher *bonsgje*,/ Wer't bloed mear for yn 'e ieren *plongzgje*/ æs for ues lieve heitegroun.⁴⁶

E. v.d. Wal, geunst 14 (1852): 't Wetter stut oer seil in maest!/'t *Bonsgit* foora tsjin da stewin.

D. Uitterdyk, S. en R. 363 (1897): Hwet *bounsge* him it hert.

tinzgje - S.J. v.d. Molen, sêgeboek IV 411 (1943): Hy liet syn reisgenoaten stilhâlde en bigoun, mei de earms en it boarst oer it seal hingjende, to *tinzgjen* oer it jubeljen fan 'e hillige ingels en oer de brilloft fen it Laem mei de oerwinnende Tsjerke.

Yn 3.4.3 jou ik noch in rûfeltsje *g*-tiidwurden dy't sûnder mis literêre nijfoarmingen binne.

It liket derop dat it mei opset sin ynfoegjen fan in *g* yn *j*-tiidwurden gauris brûkt is as in middel ta stilistyske ferswierring. Dat is yn alle gefallen dúdlik sa by Eeltsje Boates Folkertsma dy't de *g*-tiidwurden yn syn frijwat barokke styl goed

⁴⁶. It is faaks wol nijsgjirrich en wiis derop dat men de 'skriuwflater' dy't yn dizze oanhaal foarkomt, ntl. *plongzgje* foar *plonzgje*, wol gauris tsjinkomt. Ferlykje *springzje* foar *sprinzgje* yn Fr.W. (1911), *Klinsg-bingsgje* by Gysbert Japiks en by deselde *bringsjen* ((Brouwer en dy (1966: 77)) ha dat feroare yn *bringsjen*, mar de Boalserter en de Ljouwerter Utjefte fan 'e 'Rymlyere' ha beide *bringsjen*) en *wringsien* yn 'e neikommende oanhaal fan S. Althuysen (Stapelkamp (1955: 41, r. 66)): *In dat dy Dæd bygint toa wringsien, in to bôljen*. At men dy skriuwwize opfetsje mei as in werjefte fan 'e artikulatoaryske oanstriid om te antisipearjen op in neikommend spraaklûd, hjirre de *g*, dan is *klinsg-bingsgje* faaks noch in oanwizing dat de *g*, yn alle gefallen tusken *z* en *j*, by Gysbert Japiks in oantsjutting wie foar in *g*-eftich lûd. Dy antisipaasje op 'e neikommende *g* soe men jin sa yntinke kinne dat de nasaliteit fan it stamlûd ûnder beslach fan 'e neikommende *g* weromynterpretearre wurdt nei in felare nasaal *ng*.

ympelearje koe. Streekrijuchte ynfloed fan Gysbert Japiks is dêrby net út te sluten. De neikommende *g*-tiidwurden komme allinnich of yn alle gefallen foar it earst by him foar:

- (30) *freezgjje* - E.B.F., It Harmen-Sytstra-boek 94 (1918): It Greate Fryslân, dat de God fen himel en ierde *freezget*, libje en bloeije oant de einichste dei.
*riizgjje*⁴⁷ - E.B.F., Tsjûg. 12 (1922): Forskate toerren *riizgjje* omheech.
 E.B.F., Y.ú.e.t. 26 (1919): En yetris *riizget* drôf gebet net God.
 E.B.F., Hold. 108 (1926): (Fryslân) *riizget* op brede wjukken.
 E.B.F., *ibid.* 140: It great forline wier yet net *herriizge*.
steatgjje - (allinnich as fuortsettend mulwurd yn attributyf adjektivysk gebrûk) E.B.F., eachweiding 134 (1950): Fryslân hat nea *steatgjende* (staatbauende, staatvormende) macht hawn.
 E.B.F. Tsjûg. 14 (1922): Ho hat it Fryske folk gjin *steatgjende* krêft hawn?

3.4.3 De 'natuerlike' ûntjouwring.

Fierwei it grutste part fan 'e *g*-tiidwurden dy't har mooglik natuerlik ûntjûn ha, hat in oarspronklike stamme op *-z*. Dat hoecht jin gjin nij te dwaan. De *g* yn 'e tiidwurden op *-tgje* en *-dgje* moat al yn it Midfrysk tiidrek ta respektyflik *s* en *z* wurden wêze (sj. 3.2.2).

Dy assiblearring hat lykwols net syn beslach krige by tiidwurden op *-stgje*, dat men soe ferwachtsje kinne dat fan sokke *g*-tiidwurden mei in oarspronklike stamme op *-st*, wol in pear it oant yn it Nijfrysk útsongen hawwe. Wier betroubere foarbylden haw ik net fine kinnen. Nei alle gedachten is de *g* yn sokke tiidwurden stil weiwurden doe't er him net fierder ûntjaan koe ta *s*; dêrnei foel de *t* wei foar *-je*, ferl. *hoastje* [wasjə].

At de *g* oars al stean bleaun wie, hie men neffens 2.4.2 ek ferwachte dat *s(t)g* ta *sk* wurden. De tiidwurden op *-stgje* dy't yn it Nijfrysk foarkomme ha dy ûntjouwring net meimakke, ferl. *treastgje* [trl.əstxjə]. Datte en it feit dat se allinnich op skrift foarkomme, makket se frijwat fertocht.

Dat skriuwers ynstee fan 'e sprektalfoarmen *treaste* en *dwêste* foarmen mei *-gje* foar kar namen, kin komme, om't se *je*-foarmen Frysker achten; dat se *-gje*

⁴⁷. *Riizgjje* haw ik ek in kear fûn by A.M. Wybenga, Libbensgong 29 (1936): Ik *riizgjje* oerein mei hasten. Om't Wybenga yn itselde (kristlik-Fryske) fermidden ferkearde as Folkertsma, kin er *riizgjje* licht fan him skipe ha.

brûkten en net gewoan *-je* (de wurdboeken jouwe oars ek in foarm *treastje* en in foarm *dwestje*) hinget, njonken de stilistyske reden dy't ik al neamd ha, faaks gear mei it feit dat foar *-je* de *t* weifalle moat, wat de stamme ûntrochsichtiger meitsje soe.

Dat lêste kin der ek mei foar soarge ha dat it Gysbert Japiks-wurd *ferwoastgje* (*ferwoestgje*) it nêst *ferwoastje* (*ferwoestje*) op skrift sa goed folhoden hat. It ferklearret faaks ek foar in part, wêrom 't *ig*-tiidwurden mei in grûnwurd op *-st* lykas *be-*, *ûntlêst(i)gje*, *ferhastigje* en *ûntrêstigje* op skrift noch aardich konkurrearje kinne mei eventuele *ig*-leaze farianten.

Neffens it foargeande soene yn it hjoeddeiske Frysk gjin 'natuerlike' *g*-tiidwurden op *-tgje* en *-dgje* bestean. Ik tink dat dat yn prinsipe krekt is. Der binne lykwols in pear tiidwurden dy't op *-tgje* en *-dgje* útgongen, fan 'e assiblearring ûntkommen, ntl. *ytgje* en *tiidgje*. Dêrnêst steane de al-assiblearre foarmen *ytsje* en *tiidzje*. *Itigje* en *tidigje* en in stiktwa oare *g*-tiidwurden dêr't *g* ta *ig* wurde koe, komme noch te praat yn 3.5.

De *g*-tiidwurden yn it Nijfrysk dy't eksponenten binne fan in 'natuerlike' ûntjouwing geane dus út op *-zgje* en, yn in stikmannich gefallen, op *-rgje* en *-lgje*. Yn (32) jou ik in listke fan mooglik natuerlike *g*-tiidwurden yn it Nijfrysk. De kritearia foar natuerlikens dy't ik brûk binne foaral (i) it foarkommen of foarkommen hawwen yn 'e sprektaal, en (ii) it ûndergien hawwen fan beskate fonologyske regels (dy't foar't neist net har beslach krige ha op 'e skriuwtafel, mar yn 'e folksmûle).

- (31) *binzgje* - Komt al foar by Gysbert Japiks. Epkema (1824: 52) seit fan 'binsgje': 'Men hoort dit woord in Friesland nog menigmaal voor *rossen*, *slaan*, vooral het zamengest. *ôf-binsgjen*'.

Fr.W. (1900-I) skriuwt fan *binsgje* 'alleen Noordelijk'.

Der is gjin fariant sûnder *g*, wol in njonkenfoarm *bunskje* (T.H. Halb. Roeker II 13 (1833): Dyn holle, dar sa folle yn omgiet, mat sommis ek ris uutspield in *bunske* wirde). *Bunskje* is út *binzgje* ûntstien troch rûning fan [e:] (nei labiale *b*?) en troch ferskerping fan 'e *g* ta *k*.⁴⁸

buolgje - Ek *bûlgje* en sûnder *g*, *buolje*, *bûlje*. It haadwurd *bûlch* sil wol sekondêr wêze njonken it tiidwurd.

⁴⁸. De ferskerping fan *g* ta *k* yn *bunskje* is dan faaks itselde ferskynsel dat him ek oppenearret yn *fersmoarkje* (út en nêst *fersmoargje*) en *ferwylkje* (út en nêst *ferwylgje*) (ferl. Sytstra & Hof (1925: 55)). It is lykwols opfallend dat *bunskje* ek foarkomt yn it Skiermûntseagersk dat gjin *g*-tiidwurden (hân) hat. Dat, at it Skiermûntseagersk *bunskje* net liend hat fan 'e fêstewâl, moat men moolk mei Spenter (1968; 319) oannimme dat *bunskje* in iteratyffoarming by *binz(g)je* is (ferl. *drave* - *drafkje*).

- drinzgje* - Gysbert Japiks hat inkeld (*for*)*drinsse*. De *g*-foarm ferskynt foar it earst by de Halbertsma's. Loopstra (1935: 25) seit fan '*mûzedrinsgje*': '...is in sommige streken (Warga b.v.) nog een heel gewoon woord'. Mar it is ûndúdlik, oft er dêr ek mei bedoelt, dat de *g*-foarm hiel gewoan is.
- fertoarstgje* - Sytstra & Hof (1925: 55) jouwe it ferwachte *fortoarstkje*. Dy foarm haw ik lykwols oars nearne fine kinnen.
- peazgje* - Ek *peazje*, *peadzje*, *pea(t)skje*. Foar de etymology sjuch Spenter (1968: 155). *Pea(t)skje* is nei alle gedachten de iteratyffoarm fan *peaz(g)je*, *peadzje*. De *g*-foarm is let oerlevere (Fr.W. (1903-II)).
- reizgje* - Hynl. *reizje*, *reizgje*, Skylgersk (Aast) *reizje*, Skiermûntseagersk *reizje*. Men soe by *reizgje*, dat algemien is yn 'e sprektal, ek tinke kinne oan analogy neffens *reizger* (mei in *g út ig!*).
- sinzgje* - Ek *sinzje*, *singe*. Fr.W. (1911-III) jout *sinz(g)je*. H. Brijker út Moarre jout yn De Pompeblêdden (1938: 12) op: '*Seinzje* ef *sinzgje* (Donger.) for *singe*; meast brûkt for it skroeijen boppe de lôge fen plôke fûgels'.
- sprinzgje* - Fr.W. (1911-III) jout *sprinzgje* en *besprings(g)je* en set efter it lêste lemma: 'Tietj. *bispreenzgje*'. Hoe wis is dy dialektyske oantsjutting?
- tjirgje* - Njonken *tjirje*. De *g*-foarm komt yn 'e sprektal foar.
- wearzgje* - Njonken *wearzgje*. Gysbert Japiks hat inkeld *werzje* (Aldfrysk *wersia*). J.J. Hof hat it wurd ôffrege en fynt [vI.əz jə] foar Nes, Easternijtsjerk, Dronryp, Rie, Wytmarsum, Wommels, Spannum, Baard, Reduzum, Idaard, Wergea, Grou en Goaiengea; [vɛ:z jə] hat er fûn yn Tsjommearum, Berltsum, Deinum, Blessum en De Rottefalle (?) (Van der Veen (1979)).
- wylgje* - Ek *wylje* en (*fer*)*wylkje*. Gysbert Japiks: *forwylgje* nj. *forwyl(l)je*. Foar de *k út g* yn *ferwylkje* sjuch noat 48.
- ûntlinzgje* - Allinnich de *g*-foarm is oerlevere; Fr.W. (1911); *ont-*, *ûntlinzgje* en Hof (1957): De jonge molk miels ek al in pear kij; dat *ûntlinzge* de oaren hwat.

In rike rispinge jout (31) net; der binne net in soad *g*-tiidwurden dy't wier ûnfertocht binne. Dat betsjut dat myn teory oer de *g*-tiidwurden by Gysbert Japiks net bot stipe wurdt troch de Nijfryske *g*-tiidwurden.

It is mooglik dat in part fan 'e *g*-tiidwurden yn (32) thúsheart yn in lêste skift fan *g*-tiidwurden dat ik jaan wol. It giet om tiidwurden op *-zgje* en *-stgje* dy't, as men de oerlevering leauwe mei, earst yn dizze ieu har *g* krige ha. It is in opfallend grut tal, dat it liket derop dat it nijfoarmjen fan *g*-tiidwurden sels yn dizze ieu

noch aardich trochgien is. Alleast yn 'e skriuwtaal, want yn 'e sprektaal binne de oanbelangjende *g*-tiidwurden amper yn gebrûk; se ha allegear in sprektaalfariant sûnder *g*. De reden foar de taaiens fan 'e *g*-tiidwurden kin wer west ha de stilistyske funksje, distansjearring fan it Hollânsk, mar faaks ek it feit dat de *g* tusken 'e *z* en de *j* de (skriftlike) taalbrûker dochs wol min ofte mear 'natuerlik' oankaam. Ik jou hjirûnder de wurden mei de earste fynplakken;

(32) *besmodzgje* - (nj. *besmodzje*)

Fr.W. (1900-I): *bismods(g)je*

Fr.W. (1956): *bismodzgje, bismodzje, bismotskje*

dwestgje - (nj. *dwestje, dwêste*)

Fr.W. (1900-I); *dwêste, dwest(g)je*

eazgje - (nj. *eazje, eaze*)

Fr.W. (1900-I) *eazgje, eaz(j)e*

Fr.W. (1952): s.v. *hozen; eaze, eaz(g)je*

fertoarstgje - (nj. *fertoastje*)

Fr.W. Nal. (1911-III): *fortoarstgje*

fertuteargje - (nj. *fertuteazje*).

Fr.W. (1952) s.v. *verwaarlozen: fortut-eaz(gje)*

ferwaarleazgje - (nj. *ferwaarleazje*)

Fr.W. (1956): *forwarleazgje, -loazgje; forwarleazje, -loazje*

grânzgje - (nj. *grânzje*)

Fr.W. (1956): *grânzgje, grânzje*

grinzgje - (nj. *grinzje*)

Fr.W. (1956): *grinzgje, grinzje*⁴⁹

heazgje - (nj. *heazje, heaze*)

Fr.W. (1956): *heaz(j)e, heazgje*

kweazgje - (nj. *kweazje, kwazje*)

Fr.W. (1956): *kweazgje, kweazje*⁵⁰

peazgje - (nj. *peazje*)

Fr.W. (1903-II): *peasgje*

Fr.W. (1956): *peazgje*

piizgje - (nj. *piizje*)

Fr.W. (1903-II): *piiz(g)je*

⁴⁹. It tiidwurd *grinz(g)je* is überhaupt noch frij jong yn it Frysk. Yn Fr.W. (1900) komt it net foar. It earste fynplak yn myn materiaal is Fr.W. (1956). Faaks hat it it âldere *swette* ferkrongen.

⁵⁰. J.J. Hof hat *kweazje* ôffrege en fûn de foarmen *kweazje, kwêzje* en *kwazje* (Van der Veen (1979)). Gjin foarmen mei *g* dus.

treastgje - (nj. *treaste*, *treastje*)

Fr.W. (1911-III): *treaste*, *treastgje*

Fr.W. (1956): *treaste*, *treastgje*, *treastje*

3.5 *Sabeare ig-tiidwurden: g > ig*

Ta beslút besprek in stiktwoa tiidwurden mei in *ig*-ilemint dat ûntstien is út *g*. Behalven *ig*-tiidwurden dy't histoarysk besjoen *g*-tiidwurden binne, binne der oars ek noch in stikmannich tiidwurden dy't yn it earste oankommen wol in soad fan *g*-tiidwurden ha, mar dochs in oar komôf ha. Yn it foarste plak fynt men tiidwurden lykas *dylgje* en *wytgje*, dy't yn it Aldfrysk al in *g* hiene, ferl. *diligia* en *witgia* (sjuch foar de etymology fierders de etymologyske wurdboeken). Foar *bibiisgje*, *bibizigje* (Fr.W. (1900)) kin men wize op Aldfrysk *bisgia*. Fierders is der it wurd *wrinzgje* (en it etymologysk identike *brinzgje*) dat in *g* hat, mar dochs tebekgean moat op 'e njonkenfoarm mei *k*, *wrinskje*, Midned. *wrenschēn*, Deensk *vrinske*.

3.5.1 '*seinigje*'

Seinigje mei in *ig*-augmint komt foar it earst foar by Jan Althuysen as *zeynigje* (Stapelkamp (1957)), mei dêrnêst oars in mulwurdsfoarm *zeynge* (ibid.) mei inkeld *g*. Yn it Midfrysk komt in foarm mei *ig* fierders net foar. Yn it Nijfrysk wurdt *seinigje* njonken 'e *ig*-leaze foarm *seinje* de goefryske foarm. Gysbert Japiks skriuwt altyd *seyngje* mei *g* (sûnder apostrof). Dêroan soe men sizze dat it in *g*-tiidwurd west hat. Althuysen hat *zeynigje* tink fan Gysbert Japiks ôfsjoen, mar hat it opfette as in *ig*-tiidwurd. Op 'e selde wize sil it Nijfryske *seinigje* by eintsjebeslút fan Gysbert Japiks oernommen en 'byholpen' wêze.

3.5.2 '*itigje*', '*tidigje*', '*nitigje*', '*witigje*'

In hiel apart tiidwurd is *itigje* mei de njonkenfoarmen *ytsje* en *ikerje*. Frysk *itigje*, *ytsje*, *ikerje* moat mei Holl. *ijken* (Midned. *iken*), Dútsk *eichen* (Midheechdútsk *ichen*) tebekgean op in Westgermaansk **ikon* dat oan it Letlatynske *aequare* ûntliend is (ferl. Kluge & Göbe (1951: 159)). De Aldfryske foarm moat **ikia* west ha. Troch jongere palatalisaasje en assibilaasje kin dêrút it lûdwettige *ytsje* ûntstien wêze (Aldfrysk **kikia* G.J. *kijtsje*, *kijtse*). *ikerje* is foarme mei in efterheaksel *-er-* op basis fan in stam *ik-* (fan it oarspronklike **ikia*, fan 'e *k-*

foarmen yn it (oarspronklike) paradigma fan *ytsje* of ûntliend?).

Hoe komme wy no oan *itigje*? Sa't ik al sein ha, soe ik *itigje* beskôgje wolle as in ûntspoaring. De *k* fan **ikia* hat him ûntjûn neffens it skema yn (20): $k' > t > t' > ts$. Ik nim oan, dat *itigje* yn it op ien nei lêste stadium stykjen bleaun is, yn tsjinstelling ta *ytsje* dat de hiele ûntjouwing meimakke hat. In hypotetysk **it'jə* hat him stabilisearre yn *ytgje* dat as *ytchje* oerlevere is by Rinse Posthumus ('*Itichje*, *ytchje*, ijken, een ijk- of wettingsmerk op maten en gewigten zetten, ter aanduiding hunner wettigheid', De Vrije Fries (1859: 397)). Fan *ytgje* is *itigje* makke om't de lju in konsonantkloft *-tgje* nuver oankaam.

Apart binne lykwols de dialektfoarmen: Hynl. *ytkje* (Blom (1981)), Skiermûntseagersk *ykje*, *iike/ytke*, *iike/ytke* en *ytker* = *itiger* (Fokkema (1968, s.v. *ykje*; *ytker*)). In *k*-foarm *iteke* is ek ien kear opjûn foar it 'Lânfrysk' (De Pompeblêden (1959: 140)). At dy *k*-foarmen net tebekbrocht wurde kinne op *ytgje*, *itigje*, dan soene se in oare ûntjouwing foar Aldfrysk **ikia* suggerearje kinne. It is net ûnmooglik dat de *k* fan *ikia* al foar de jongere palatalisaasje ta *t* wurden is ûnder'e ynfloed fan 'e *i*'s oan wjerskanten (ferl. Kieft (1945)). Fan **it-* soe dan mei it iteratyfsuffiks *-k* in tiidwurd **itk-* foarme wêze kinne. Dat tiidwurd fine wy as *ytkje* werom yn it Hynljippers en ek yn it Skiermûntseagerske *ytke* (doetiid & mulwurd) en *ytker*. Nijfrysk *ytsje* kin streekrjucht tebekgean op *it-*, mar ek, mei palatalisaasje en assibilaasje fan 'e *k* op *itk-*. De opjûne foarm *itike* kin út *itk-* foarme wêze om de *tk*-kloft te mijen. It tiidwurd *itikje* kin dan de basis west ha foar *itigje*, lykas at *sanikje* dat west hat foar *sanigje* (sj. 2.5).

Foar *tidigje* mei de njonkenfoarmen *tiidgje* en *tiidzje* (Fr.W. (1911-III)) soe men in soartgelikense ûntjouwing oannimme kinne as hjirboppe foar *itigje*. *Tidigje* is foarme út *tiidgje* om de *dg*-kloft te mijen. *Tiidgje* beskôgje ik wer as in ûntspoaring; *tiidgje* is yn it affrikatisearingsstadium stykjen bleaun. *Tiidzje* reprissentearret de wenstige ûntjouwing mei assibilearring.

Foar *nitigje*, *nytgje*, *nytsje* (en mei in *el*-suffiks *nitelje*) soe men jitris itselde ferhaal dwaan kinne, allinnich hoecht de ûntjouwing hjir net sa natuerlik west te hawwen as at ik foar *itigje* en *tidigje* oannommen ha. It is nammentlik mooglik, dat *nytgje* by Gysbert Japiks weikomt.

Wat twifelich is ek *witigje*, *wytgje*, *wite* 'wijten, ten laste leggen, verwijten' (Fr.W. (1911-III)). Dat *witigje* wer út *wytgje* komt liket oannimlik. De foarm *wijtje* komt by Gysbert Japiks wol foar, mar inkeld yn 'e betsjutting 'foarsizze'. Foar 'ferwite, oanwriuwe' hat Gysbert Japiks *wijte*, *wijtje* (ek: *forwijt(t)je*). Waling Dijkstra brûkt *wytgje* yn dy lêste betsjutting yn syn Oebele Glûper (1875: 66): Hwet dizze kearel dien hat, dat meije jy oaren net *wytgje*!. *Witigje* haw ik allinnich yn it wurdboek fûn.

4 Konklúzje

Oan dit ûndersyk nei de *ig*-tiidwurden en de *g*-tiidwurden yn it Frysk hat bliken dien dat de *g*-tiidwurden diagroan besjoen in selsstannich skift tiidwurden foarmje dat apart hoden wurde moat fan 'e *ig*-tiidwurden. It befestiget dêrmei Van Blom (1889: 121) syn ûnderskieden fan tiidwurden mei in ynfoege *g*, tiidwurden mei *g < ig* en tiidwurden op *-igje* (sj. 3.1.1).

Hoewol't de *g*-tiidwurden út dit ûndersyk nei foaren komme as in apart skift tiidwurden, betsjut dat net dat se allegear itselde komôf ha. Histoarysk moatte der trije skiften *g*-tiidwurden ûnderskaat wurde: (i) *g*-tiidwurden ûntstien troch affrikatisearing, (ii) *g*-tiidwurden ûntstien troch assimilative ynfoeging fan *g*, en (iii) *g*-tiidwurden mei *g < w*.

De trije fonologyske prosessen dy't de *g*-tiidwurden wjerspegelje, moatte geande west ha yn 'e tiid fan Gysbert Japiks en hy hat se as iennichste registrearre. Dat dat net botte konsekwint bard is en dat hy de iennichste west hat dy't it dien hat, komt nei alle gedachten troch de fariabelens en diffuzens fan 'e oanbelangjende prosessen. De *g*-tiidwurden en faaks in stikwa oare ferskynsels by Gysbert Japiks lykje te tsjuten op in grutte palatalisearjende ynfloed fan 'e *j* yn dy syn tiid.

It feit dat Gysbert Japiks ditsoarte fan subtile taalferskynsels achtslein hat en besocht hat om se yn 'e stavering wer te jaan, tsjut op it masterskip fan Gysbert Japiks as fonetikus en ortograaf. It lit ek sjen dat it alle eigenskip hat om Gysbert Japiks syn stavering tige serieuus te nimmen, at men wat te witten komme wol oer de útspraak fan it Frysk yn syn tiid.

De *g*-tiidwurden yn it Nijfrysk litte mar foar in hiel lyts part wat sjen fan in natuerlike ûntjouwing; foar it meastepart binne se it produkt fan Gysbert Japiks-neifolging en analogy. Dat se yn it skreaune Nijfrysk lykwols noch aardich wreide ha, komt faaks troch de stilistyske (ferswierjende) funksje dy't se dêr krige ha.

Ljouwert

Fryske Akademy

LITERATUER

- Blom, G. (1981): *Hylper Wurdboek*. Ljouwert/Leeuwarden.
- Blom, Ph. van (1889): *Beknopte Friesche Spraakkunst voor den tegenwoordigen tijd*. Joure
- Booij, G. (1977): *Dutch Morphology. A study of Word Formation in Generative Grammar*. Dordrecht.
- Brandsma, W.L. (1936): *Het werkwoord by Gysbert Japicx*. Assen.
- Brouwer, J.H. (1959): *De Fryske fersen fan Dirk Lenige en oare Makkumers*. Boalsert.
- Brouwer, J.H., J. Haantjes & Sipma (1966²): *Gysbert Japicx Wurken*. Boalsert.
- Buma, W.J. (1958): 'Wurdsneuperijen 10: hogge'. Yn: *Us Wurk* 7, 67-71.
- Buma, W.J. (1980): 'Wurdsneuperijen 64: behyplik'. Yn: *Us Wurk* 29, 11-12.
- Epkema, E. (bes.) (1821): *Gysbert Japicx Friesche Rymlerye*. Ljeauwert.
- Epkema, E. (1824): *Woordenboek op de gedichten en verdere geschriften van Gysbert Japicx*. Leeuwarden.
- Feitsma, A. (bes.) (1956): *Fryske sprekwurden*. Grins. (= Estrikken XI)
- Feitsma, A. (bes.) (1957): *Frysk út de 18de ieu I*. Grins. (= Estrikken XX).
- Feitsma, A. (1974): *De autografemen in het werk van Gysbert Japicx*. Ljouwert/Leeuwarden.
- Feitsma, A. & R. Bosma (1960): *Frysk út de 18de ieu II*. Grins (= Estrikken nû. XXI).
- Feitsma, A., J.H. Brouwer & P. Gerbenzon (1955): *Waatzje Gribberts Bruyloft*. Grins (= Estrikken nû. VII).
- Fokkema, D. (1969²): *Beknopte spraakkunst van het Schiermonnikoogs*. Ljouwert/Leeuwarden.
- Fokkema, D. (1968): *Wezzenlist fan it Schiermonnikoogs*. Ljouwert/Leeuwarden.
- Fokkema, K. (1948): 'Een en ander over Friese achternamen'. Yn: *Mededelingen, uitg. door de Vereniging voor Naamkunde te Leuven*, XXIV, 45-59.
- Franck, J. & N. van Wijk (1949): *Etymologisch Woordenboek der Nederlandse Taal*. 's Gravenhage.
- Friesch Woordenboek* (1900-I, 1903-II, 1911-III), bewerkt door Waling Dijkstra. Leeuwarden.
- Frysk Wurdboek* (1952), Frysk - Nederlânsk. Bolswert.
- Frysk Wurdboek* (1956), Nederlânsk - Frysk. Bolswert.
- Frysk Wurdboek* (1984), Frysk - Nederlânsk. Hânwurdboek fan 'e Fryske taal gearstald troch J.W. Zantema, Leeuwarden/Ljouwert.
- Gosses, G. (1952): 'Boast, boask en hwat dêr mei gear hinget'. Yn: *It Beaken* XIV, 142-147.
- Halbertsma, J.H. (a. 1869 - A & B): *Lexicon Frisicum A & B* (Hs. P.B.).

- Halbertsma, J.H. (1872): *Lexicon Frisicum A-FEER*. Deventer.
- Helten, W.L. van (1890): *Altostfriesische Grammatik*. Leeuwarden.
- Hoekstra, J. (1987): 'It augmint yn gearsettingen fan it type VN'. Yn: *Tydskrift foar Fryske Taalkunde* 3, 1-16.
- Hof, J.J. (1919): 'Analogywyrking'. Yn: *Swanneblommen*, 187-202.
- Hof, J.J. (1933): *Friesche Dialectgeographie*. 's Gravenhage.
- Hof, J.J. (1957): *Aanvullingen op Fr.W. [1900-1911]*. Hs. Fryske Akademy.
- Holthausen, F. (1925): *Altfriesisches Wörterbuch*. Heidelberg.
- Kieft, A.P. (1945): 'Gutturalisering en dentalisering in het Nederlands'. Yn: *De Nieuwe Taalgids* 38, 111.
- Kluge, F. & A. Götße (1951¹⁵): *Etymologisches Wörterbuch der deutschen Sprache*. Berlin.
- Krahe, H. (1860⁴-I): *Germanische Sprachwissenschaft*. Berlin.
- Laan, K. ter (1952): *Nieuw Groninger Woordenboek*. Groningen-Djakarta.
- Loey, A. van (1959⁶): *Schönfeld's historische grammatica van het Nederlands*. Zutfen.
- Loopstra, J.J. (1935): *De assiblatie in de Oudfrieze oorkonden*. Haarlem.
- Meer, G. van der (1979): 'External sandhi in Frisian'. Yn: *Us Wurk* 28, 139-153. (= Scripta Frisica, tinkbondel foar Arne Spenter).
- Meer, G. van der (1985): *Frisian 'Breaking'. Aspects of the origin and development of a sound change*. Grins/Groningen.
- Meijering, H.D. (1980): 'd(e)-Deletion in the Past Tense of the Class II Weak Verbs in Old Frisian'. Yn: D.J. van Alkemade, A. Feitsma, W.J. Meys, P. van Reenen & J.J. Spa (bes.), *Linguistic Studies offered to Berthe Siertsema*. Amsterdam, 277-286.
- Nielsen, N.A. (1976³): *Dansk Etymologisk Ordbog*. Copenhagen.
- Pannekeet, J.A. (1979): *Woordvorming in het hedendaags Westfries*. Amsterdam.
- Poortinga, Y. (bes.) (1962): *Op 'e drompel fan de Romantyk. Blomlêzing út 'e Fryske skriftekennisse oer de jierren 1822-1836*. Ljouwert.
- Rhee, F. van der (1977): 'Palatalisering, Mouillierung und Assibilierung von Urgerm. /k/ im Altenglischen und Altfriesischen'. Yn: *Us Wurk* 26, 33-44.
- Richthofen, K. Freiherr von (1840): *Altfriesisches Wörterbuch*. Göttingen.
- Roggen, C. (1976): *Woordenboek van het Oosterschellings/Wêdenboek fon et Aasters*. Ljouwert/ Leeuwarden.
- Scalise, S. (1984): *Generative Morphology*. Dordrecht.
- Schippers, H.K. (1967): 'De saneamde binings-s - in nuversma'. Yn: *De Pompeblêdden* XXXVIII, 50-54
- Siebs, Th. (1901²): 'Geschichte der friesischen Sprache'. Yn: H. Paul (bes.), *Grundriß der germanischen Philologie I*. Straßburg, 1152-1464.

- Simonides, D. & Chr. Stapelkamp (1952): *De Fryske gedichten fan Eelke Meinerts*. Boalsert.
- Singelsma, J.B. (1948): 'It boujen fan de kij'. Yn: *De Pompeblêdden* XIX, 61-63.
- Sipma, P. (1932): *Gysbert Japicx, Friessche Tjerne*. Boalsert.
- Sipma, P. (1949-II): *Ta it Frysk*. Ljouwert.
- Sytstra, O.H. & J.J. Hof (1925): *Nieuwe Friesche Spraakkunst*. Leeuwarden.
- Sjölin, B. (1969): *Einführung in das Friesische*. Stuttgart.
- Spenter, A. (1968): *Der Vokalismus der akzentuierten Silben in der Schiermonnikooger Mundart*. Kopenhagen.
- Stapelkamp, Chr. (1953): 'Wurdboekstúdzjes: 2. Benwispen'. Yn: *Us Wurk* 2, 41-42.
- Stapelkamp, Chr. (bes.) (1955): *De Friese gedichten van Symen J. Althuysen*. Grins. (= Estrikken nû. X).
- Stapelkamp, Chr. (bes.) (1957): *Jan Althuysen, Hôndert Psalmen fin David*. Drachten.
- Tamminga, D.A. (1963): *Op 'e Taelhelling I*. Boalsert.
- Tiersma, P.M. (1979): *Aspects of the Phonology of Frisian*. Amsterdam.
- Tiersma, P.M. (1985): *Frisian Reference Grammar*. Dordrecht.
- Trommelen, M. & W. Zonneveld (1982): *Inleiding in de generatieve fonologie*. Muiderberg.
- Veen, K.F. van der (1979): *Bewurking fan hânskriftlike dialekt-geografyske oantekens fan J.J. Hof*. Hs. Fryske Akademy.
- Veenstra, D. (1988): 'Oer de grammatika fan *be-ferba*'. Yn: S. Dyk & G.J. de Haan (bes.), *Wurdfoarried & wurdgrammatika*. Ljouwert, 136-174.
- Visser W. (1988): 'Wêrom't progressive assimilaasje yn it Frysk net bestiet'. Yn: *Tydskrift foar Fryske Taalkunde* 4, 1-20.
- Vries, J. de (1971): *Nederlands etymologisch Woordenboek*. Leiden.
- Vries, W. de (1920): *Iets over woordvorming*. Groningen. (Unferoare werprintinge, Zutphen, sûnder jiertal).
- Woordenboek der Nederlandse Taal* (WNT). 's Gravenhage, Leiden (1864-).
- Wurdboek fan de Fryske taal/Woordenboek der Friese Taal* (WFT). Ljouwert/Leeuwarden (1984-).
- Zuiden, J. van (1934): *Die Verba auf -igen im Deutschen*. Maastricht.

Taheakke I: List fan ig-tiidwurden en g-tiidwurden yn it Mid- en Nijfrysk

It neikommende is de list fan *ig*-tiidwurden en *g*-tiidwurden dêr't myn ûndersyk op basearre is. De list bestiet út trije kolommen. Yn 'e foarste kolom jou ik it tiidwurd yn in normalisearre foarm, d.w.s. yn 'e hjoeddeiske stavering en yn 'e stamfoarm (dus sûnder ynfinityfûtgong). In stjerke efter it wurd tsjut oan dat it om in hapaks legomenon giet. Yn 'e twadde kolom wurdt yn alle gefallen it earste fynplak (yn myn materiaal!) neamd. Fynplakken by Gysbert Japiks (G.J.) wurde opjûn yn 'e foarm, sa't se by Brandsma (1936) lemmatisearre binne. De tredde kolom is ornearre foar wjergaders yn oare talen, foar ferwizingen en foar eventuele besûnderheden.

ACHTG-	G.J. <i>achtgje</i> (nj. <i>achtje</i>) Fr. W. (1900-I): <i>achtsje</i> ... <i>ik achtsje, achtte (acht(i)ge),</i> <i>ha achte (acht(i)ge)</i>	
BEEANGSTIG-	G.J. <i>be-ængstigje</i>	holl. <i>beangstigen</i> nhd. <i>ängsten</i> WNT: <i>beëden</i> nj. <i>beëdigen</i>
BEEDIG-	Fr.W. (1956): <i>biédigje</i>	WNT: <i>beëden</i> nj. <i>beëdigen</i>
BEFEST(I)G-	G.J. <i>befest(i)gje</i> Fr.W. (1900I): <i>bifestigje</i>	âfr. <i>befestigia</i> --> FEST(I)G-
BEFOCHTIG-	Fr.W. (1984): <i>befochtigje,</i> <i>befochtsje</i>	WNT: <i>bevochten</i> nj. <i>bevochtigen</i> --> FOCHTIG-
BEFREDIG-	G.J. <i>befredigje</i>	--> FREDIG-
BEGEUNSTIG-	G.J. <i>beginstigje</i> Fr.W. (1900-I): <i>biginstigje</i>	WNT: <i>begunsten</i> nj. <i>begunstigen</i>
BEGOEDIG-	Fr.W. (1900-I): <i>bigoedige</i> Fr. W. (1956): <i>bigoede, bigoedige</i>	allinnich yn 'e mulwurdsfoarm WNT: <i>begoeden</i> nj. <i>begoedigen</i>
BEHANDIG-	G.J. <i>behan(di)gje</i>	WNT: <i>behanden</i> nj. <i>behandigen</i> --> HANDIG-
BEHERTIG-	Fr.W. (1900-I): <i>bihertigje</i>	WNT: <i>beharten</i> nj. <i>behartigen</i>
BEIERDIG-	Fr.W. (1900-I): <i>bi-ierdigje...</i> Ook <i>bi-ierdsje</i>	WNT: <i>beaarden</i> nhd. <i>beerdigen</i>
BEJEFTIG-	Fr.W. (1900-I): <i>bi-jeftigje,</i>	WNT: <i>begiften</i> nj.

	<i>bi-jeftsje</i>	<i>begiftigen</i>
BEKOSTIG-	Fr.W. (1900-I): <i>bikost(i)gje</i>	--> JEFTG- WNT: <i>bekosten nj.</i> <i>bekostigen</i>
BEKRANZG-	Fr.W. (1900-I): <i>bikrânz(g)je,</i> <i>bikrânze</i>	--> KOSTG-
BEKFREFTIG-	G.J. <i>bekreftigje</i> Fr.W. (1900-I): <i>bikreftigje</i>	WNT: <i>bekrachten nj.</i> <i>bekrachten</i>
BEKROADG-	G.J. <i>bekroadgje</i> Halbertsma (1872: 284): <i>bekroadgje, bikrodje</i> Fr.W. (1900-I): <i>bikroadsje</i>	--> KREFTIG- midned. <i>hem becrodén</i> 'jin dwaande hâlde mei'
BEKWEADIG-	Halbertsma (1872 : 317): <i>biqueadje, biqueadigje</i> Fr.W. (1900-I): <i>bikweadigje,</i> <i>bikweadsje</i>	
BELAUWG-	G.J. <i>belauwje, belauwgje</i>	ferl. Fr.W. (1900-I): <i>bileauwe</i> Hynlj. <i>belouje</i> --> LAUWG-
BELEST(I)G-	G.J. <i>belest(i)gje</i> 'opdrage' Fr.W. (1900-I): <i>belêst(ig)je...</i> Tietj. <i>bilêskje</i> Fr.W. (1984): <i>belêste,</i> <i>belêstgje, belêstigje</i>	holl. <i>belasten</i> ferl. nhd. <i>belästigen</i> 'lestich falle' --> UNTLEST(I)G-
BEMACHTIG-	Fr.W. (1956): <i>bimachtigje</i>	midned. <i>bemachtigen,</i> <i>bemachten</i>
BENYDG-	G.J. <i>benijd(j)e, benijdgje</i> Fr.W. (1900-I): <i>binide, binydgje,</i> <i>binydsje</i>	
BENUTTIG-	Fr.W. (1900-I): <i>binuttigje</i> 'snoeie' <i>binutsje, binitsje</i> 'brûke' Fr.W. (1984): <i>benutsje, benutte</i> 'brûke'; I <i>benuttigje</i> 'snoeie'; II <i>benuttigje</i> 'brûke'	ferl. Halbertsma (1872): <i>Ien beam</i> <i>binutgje</i> ferl. S. Kloosterman, gielgoerde II 20 (1944): <i>Hja binuttige de</i> <i>gelegenheit.</i> --> NUTTIG

BERJOCHTIG-	Fr.W. (1984): <i>berjochtigje</i>	allinnich yn 'e mulwurdsfoarm ferl. holl. <i>gerechtigd</i> nhd. <i>berechtigten</i> ; <i>berechtigt</i> nhd. <i>besänftigen</i>
BESEFTIG-	Fr.W. (1900-I): <i>bisêftigje</i> , <i>bisêftsje</i>	
BESKEADIG-	G.J. <i>beschædigje</i> Fr.W. (1900-I): <i>biskeadigje</i>	âfr. <i>(bi)skathigia</i> WNT: <i>beschaden</i> nj. <i>beschadigen</i>
BESKINZG-*	G.J. <i>beschinsse</i> , <i>beschinsgje</i>	rimet op: <i>to-wrinzgje</i>
BESKULDIG-	G.J. <i>beschildigje</i> Fr.W. (1900-I): <i>biskildigje</i>	WNT: <i>beschulden</i> nj. <i>beschuldigen</i>
BESMODZG-	Fr.W. (1900-I): <i>bismods(g)je</i> Fr.W. (1956): <i>bismodz(g)je</i> ; <i>bismotskje</i>	
BESPRINZG-	Fr.W. (1900-I): <i>bisprins(g)je...</i> Tietj. <i>bispreenzgje</i>	--> SPRINZG-
BESTEE(D)G-	G.J. <i>besteed'gje</i> Halbertsma (1872: 349): <i>bi- steedgje</i> , <i>bisteegje</i> Fr.W. (1900-I): <i>bisteegje</i> , <i>bisteedsje</i>	WNT: <i>besteden</i> nj. <i>bestedigen</i>
BESUNDIG-	Fr.W. (1900-I): <i>bisondigje</i> (yen)	--> SUN(D)(I)G-
BETRACHTG-*	G.J. <i>betracht(g)je</i> Fr.W. (1900-I): <i>bitrachtsje</i>	
BEWIIZG-	G.J. <i>bewijze</i> ; <i>bewijzje</i> , <i>bewijzgje</i> Fr.W. (1900-I): <i>biwiiz(g)je</i> , <i>biwize</i>	--> WIIZG-
BEWILLIG-	Fr.W. (1900-I): <i>biwilligje</i>	mld. <i>bewilligen</i> , <i>bewillen</i>
BEWISSIG-	Fr.W. (1944): <i>biwisje</i> , <i>biwissigje</i>	holl. <i>(zich) vergewis- sen</i> , nhd. <i>(sich) vergewis- sern</i> (âlder: <i>vergewissigen</i>) --> FERWISSIG-
BINZG-	G.J. <i>binzgje</i> Fr.W. (1900-I): <i>binsgje</i> ; <i>bunskje</i>	
BOASTG-	G.J. <i>boaschje</i> , <i>boostgje</i> , <i>boaskje</i> Fr.W. (1900-I): <i>boaskje</i> ; <i>boastgje</i>	âfr. <i>bostigia</i>
BONZG-	Fr.W. (1900-I): <i>bongsgje</i> ; <i>bonzje</i> ,	

	<i>bounzje</i>	
BRINZG-	G.J. <i>brinsgje</i> Fr.W. (1956): <i>brinzgje</i>	--> WRINZG-
BUTG-*	G.J. <i>buwtgje</i>	
DAUWG-*	G.J. <i>dauwgje</i>	--> OERDAUWG-
DRINZG-	Fr.W. (1900-I): <i>drinze, drinz(g)je</i> E. Halbertsma, leed 122 (1854): Krekt ien walm lykas de mirden aef- giet, as se uwt de holer <i>drinsge</i> wurde.	--> FERDRINZG
DUCHTG-*	G.J. <i>duchtgje, duchtje</i> Fr.W. (1900-I): <i>duchte, duchtjsje</i>	yn 'selsneamfunksje': J.H. Halbertsma, Fr.J.Gen. 5 (1834): De infinitiva op <i>gje</i> verdeele men aldus: <i>reis-gje, reizen</i> <i>ducht-gje, vreezen.</i>
DWESTG-	Fr.W. (1900): <i>dwêste, dwest(g)je</i>	
EARBIEDIG-	Fr.W. (1900): <i>earbiedigje</i> Eelke Meinerts (Simonides & Stapel- kamp (1952: 38, r. 45): <i>eerbiedje</i>	
EAZG-	Fr.W. (1900-I): <i>eazgje, eaz(j)e</i>	
EIDG-*	G.J. <i>eydje, eydgje</i> Halbertsma (1872): <i>eidgje, eidje</i> (mei de oanhaal út G.J.) Fr.W. (1900-I): <i>eidsje</i>	
EIN(I)G-	G.J. <i>eyngje, eynje</i> (1x <i>einigje</i>) Halbertsma (1872): <i>eingje, einje, eine</i> Fr.W. (1900-I): <i>eindigje, einje, eingje;</i> <i>eine</i>	âfr. <i>endia nj. endigia</i> WNT: <i>einden nj.</i> <i>eindigen</i>
FERDRINZG-	Fr.W. (1900-I): <i>fordrinsgje</i>	--> DRINZG-
FERHA(A)S-	G.J. <i>forhaestigje</i>	--> HASTIG-
TIG-	Fr.W. (1900-I): <i>forha(e)stigje, for- ha(e)stje</i>	
FERIENIG-	Fr.W. (1900-I): <i>forienigje; ferienje</i>	--> IENIG-
FERKUNDIG-	G.J. <i>forkund(i)gje nj. ferkundje</i> Fr.W. (1900-I): <i>forkindigje, forkondig- je, forkundigje</i>	--> KUNDIG-
FERNACHTG-*	G.J. <i>fornachtje, fornachtgje</i> Fr.W. (1900-I): <i>fornachtsje</i>	
FERNEATIG-	G.J. <i>fornaetigje</i>	midned. <i>vernietighen</i>

	Fr.W. (1900-I): <i>forneatigje</i>	nj. <i>vernieten</i> mld. <i>vernichtigen</i> nj. <i>vernihten</i> --> NATIG-
FERPLEATSG-	A. Telting, Fr.J.Gen. XI (1829): De batteryen wirdden <i>forpleatsge</i>	--> PLEATSG-
FERPLICHTG-*	G.J. <i>forplicht(g)je</i> Fr.W. (1900-I): <i>forplicht(sj)e</i>	
FERKWISTG-*	G.J. <i>forquistgje</i> Fr.W. (1900-I): <i>forkwistje</i>	
FERSEFT(I)G-	G.J. <i>forseft(g)je</i> Fr.W. (1900-I): <i>forsêftgje, forsêftsje</i> S. Kloosterman skriuwt <i>forseftigje</i> (bgl. yn Hoara's 108 (1921), Gielgoerde I 161 (1936))	--> BESEFTIG-
FERSIED(I)G-	G.J. <i>forsied(i)gje</i>	hyperkorrekt = holl. <i>verzadigen</i> (midned. <i>versaden</i> nj. <i>sadigen</i>)
FERSKANZG-	G. Postma, Hs XIV, 11 (1901): <i>ferskânsgje</i>	-->OMSKANZG
FERSLUNZG-	Fr.W. (1984): <i>ferslûnzgje</i> ; <i>ferslonzje</i>	
FERSMAADG-	G.J. <i>forsmaedgje</i> Fr.W. (1900-I): <i>forsmade</i> , <i>forsmaedsje</i>	
FERSMACHTG-*	G.J. <i>forsmacht(g)je</i> Fr.W. (1900-I): <i>forsmachtsje</i>	--> SMACHTG-
FERSTOUTG-*	G.J. <i>forstout(g)je</i>	
FERSWIETG-*	G.J. <i>forswiet(g)je</i> Fr.W. (1900-I): <i>forswietsje</i>	
FERTOARS- T(I)G-	Fr.W.Nal (1911-III): <i>fortoarstgje</i> Fr.W. (1900-I): <i>fortoarstje</i> Sytstra & Hof (1925): <i>for- toarstgje</i> - <i>fortoarstkje</i> Fr.W. (1944): <i>fortoarst(i)gje, for- toarskje, fortoarstje</i>	-->TOARSTG-
FERTREASTG-	Fr.W. (1944): <i>fortreastje, fer- streastje</i>	--> TREASTG-
FERTUT- EARZG-	Fr.W. (1952) s.v verwaarlozen: <i>fortutearz(g)je</i>	
FERWAAR- LEAZG-	Fr.W. (1956): <i>forwaerleaz(g)je</i> , <i>forwaerloaz(g)je</i>	

FERWYLG-	G.J. <i>forwyl(l)je, forwyl(g)je</i> Fr.W. (1900-I): <i>forwylgje, forwylje, forwylkje</i>	--> WYLG-
FERWISSIG-	Fr.W. (1944): <i>forwis(sig)je</i>	--> BEWISSIG-
FERWOASTG-	G.J. <i>forwôastgje (1x), forwoestje</i> Fr.W. (1900-I): <i>forwoast(g)je, forwoest(g)je</i>	
FESTG-*	J.H. Halbertsma, ewangeelje 27 (1884): Dasthou di minscen mei dyn <i>fæstgjen</i> naet yn it éach falste.	
FEST(D)G-	G.J. <i>fest(i)gje</i> Fr.W. (1944): <i>festigje, fêstigje</i>	âfr. <i>festigia</i> midned. <i>vesten nj. vestighen</i> --> BEFESTIG- --> HUSFESTG-
FETG-*	G.J. <i>fet(t)je; fetgje</i>	
FJUCHTG-*	G.J. <i>fjuechte, fjuechtje, fjuechtgje</i> Fr.W. (1900-I): <i>fjuchte, fjuchtsje</i>	--> OANFJUCHTG-
FOCHTIG-	G.J. <i>fochtigje</i> Fr.W. (1900-I): <i>fochtsje</i> R. Posthumus, Vaderl. Letteroef. 440 (1822): syn rinwiet <i>focht'get de' âde</i> seamen.	--> BEFOCHTIG-
FREDIG-	Fr.W. (1900-I): <i>freedsje, fredigje</i>	WNT: <i>vredigen ...</i> Van <i>Vrede</i> met het suffix <i>-igen</i> naast het oudere <i>Vreden</i> . --> BEFREDIG-
FREEZG-*	E.B. Folkertsma, Harmen Sytstra- boek 94 (1918): It Greate Fryslân, dat de God fen himel en ierde <i>freezget,...</i>	
FURD(I)G-	G.J. <i>firdgje, firdigje; firdde;</i> <i>*firddje - bytjientst-firddigje</i> <i>- folfirdigje</i> <i>- forfirdigje</i>	--> OANFURDIG-
GLANZ(D)G-	G.J. <i>glanzje, glanzgje</i> Fr.W. (1900-I): <i>glânz(g)je, glânzigje</i>	
GRANZG-	Fr.W. (1956): <i>grânzgje; grânzje</i> S. Feenstra, Heit. 153 (1924):	

	De kij (steane) al to <i>grânzgjien</i> .	
GRINZG-	Fr.W. (1956): <i>grinzgje, grinzje</i>	
GROETG-	G.J. <i>groetje, groetgje</i>	
	Fr.W. (1900-I): <i>groetsje</i>	
GRUNG-*	G.J. <i>gruwnje, gruwngje</i>	
	Fr.W. (1900-I): <i>grounje</i>	
HANDIG-	Fr.W. (1900-I): <i>handigje</i>	holl. <i>handen</i>
		--> BEHANDIG-
		--> OERHANDIG-
HASTIG-	Fr.W. (1944): <i>hastigje, haeste, haestje, hastje</i>	WNT: <i>haasten nj. haastigen</i>
		--> FERHA(A)STIG-
HEAZG-	Fr.W. (1944): <i>heaz(j)e, heazgje</i>	folksetym. út <i>hear(j)e</i>
		WNT: <i>hulden nj. huldigen</i>
HULDIG-	Fr.W. (1900-I): <i>hildigje</i>	
	Fr.W. (1903-II): <i>ynhildigje, ynhildsje</i>	
	J.H. Halbertsma, Matth. 4 (1858): Wy hawwe ommers syn steárre yn it éasten sjoen ind binne komd om him to <i>hildjen</i> .	
HUSFESTG-*	G.J. <i>huwz-festgje</i>	--> FEST(I)G-
IENIG-	Fr.W. (190-II): <i>ienigje</i>	--> FER IENIG-
ITIG-	Fr.W. (1903-II): <i>ytigje, ytsje... Ook ikerje</i>	holl. <i>ijken</i>
JACHTG-*	G.J. <i>jachtgje</i>	
	Fr.W. (1903-II): <i>jachtsje</i>	
JEFTG-*	G.J. <i>jeftje, jeftgje 'om sizzen jaan' = jechtsje?</i>	--> BEJEFTIG-
KLENZG-	Fr.W. (1903-II): <i>klensgje ...</i> De boask is <i>klensge</i> . Mar: J.J. Halbertsma, Lex. Fris. A 602 (a. 1869): Di boask is <i>klensd</i> , het huwelijk is geklonken.	
KLINZBINZG-		--> BINZG-, --> KLINZG-
KLINZG-	G.J. <i>klins(g)je</i> (De <i>g</i> -foarm inkeld yn <i>klinsg-bingsgje</i>) Fr.W. (1903-II): <i>klinsgje</i> Fr.W.Nal. (1911-III): <i>klinsbinsgje</i>	âi. <i>clænsian</i> midned. <i>cleinsen, clinsen</i>

KOSTG-*	G.J. <i>kostgje, kostje</i> Fr.W. (1903-II): <i>kostje</i>	--> BEKOSTIG-
KRANZG-	G.J. <i>kranzgje, kranssje</i> R. Posthumus, <i>prieuwcke</i> 84 (1824): ... Az jon holle <i>kranzge</i> wirt.	--> BEKRANZG- --> OMKRANZG-
KREAKG-*	Feitsma (1956: 19, nû. 206): Deer de nuwt wol yte motze <i>kraekgje</i> .	sj. 3.3.
KREFTIG-	G.J. <i>kreftigje</i>	--> BEKREFTIG- --> OERKREFTIG- --> UNTKREFTIG-
?KROASG-*	Fr.W. (1903-II): <i>kroasgje</i> Giet tebek op: W. Faber, Sw. 11 (1851): Da kwekjende, <i>kroasgjende</i> , wrigggeljende ein.	
KRUSIG-	G.J. <i>krjueschje</i> Fr.W. (1944): <i>krusigje</i>	holl. <i>kruisen</i> nj. <i>kruisigen</i>
KUNDIG-	Fr.W. (1903-II): <i>kindigje</i>	âfr. <i>kundegia (kêtha)</i> WNT: <i>konden</i> nj. <i>kondigen</i> --> FERKUNDIG- --> OANKUNDIG- --> UTKUNDIG-
KWEAZG-	Fr.W. (1956): <i>kweazgje; kweazje</i>	
LAUWG- I	G.J. <i>lauwgje</i> 'laavje'	
LAUWG- II*	J.H. Halbertsma, Brief oan P.C. Scheltema (1823): Ik wol it wol wer jaan, mar dan mat je mij <i>lauwgje</i> , dat je mij in jins testemint al it Friesch, dat trog jins haan skreaun is, ta- meitsje sille.	
LJOCHTG-*	G.J. <i>ljeachte, ljeacht(g)je;</i> <i>ljuechte, ljuechtje</i>	
?LJUENTG-*	G.J. <i>ljeuntje, ljoen(t)je</i> Brandsma (1956: 133): ... to <i>ljeuntgen</i> II, 49 zal wel een druk- fout zijn.	
LOOFG-	G. Colmjon, <i>ewangeelje</i> 68 (1879): Do (...) <i>loofge</i> er God.	
MYLD- DIEDG-*	G.J. <i>mijld-diedgje</i>	

MISLEDIG-	Fr.W. (1944): <i>misledigje</i>	WNT: <i>beleeden nj.</i> <i>beledigen</i>
NATIG-*	G.J. <i>naettigje</i>	--> FERNEATIG-
NEDIG-	Fr.W. (1903-II): <i>nedigje</i>	âfr. <i>nêdigia, nêda</i> --> NOAD(I)G-
NYTG-/NITIG-	G.J. <i>nijtgje</i> Fr.W. (1903-II): <i>nitelje, nytgje,</i> <i>nitigje</i>	
NOAD(I)G-	Fr.W. (1903-II): <i>noadgje,</i> <i>noadsje</i>	WNT: <i>nooden nj.</i> <i>noodigen</i>
NUT(TI)G-	Fr.W. (1956): <i>noadigje</i>	
	G.J. <i>nut(t)gje</i>	WNT: <i>nutten nj.</i> <i>nuttigen</i>
	Fr.W. (1903-II): <i>nuttigje;</i> <i>nutsje</i>	--> BENUTTIG-
OANFJUCHTG-*	G.J. <i>oonfjuechtgje</i>	--> FJUCHTG-
OANFURDIG-	G.J. <i>oonfirdigje, oonfirddje</i> Fr.W. (1903-II): <i>oanfirdsje,</i> <i>oanfirdigje</i>	--> FURD(I)G-
OANHYTG-	G.J. <i>oon-hietgje</i>	
OANKUNDIG-	G.J. <i>oon-kundigje</i>	--> KUNDIG-
	Fr.W. (1903-II): <i>oankundigje</i>	
OANPRIIZG-	G.J. <i>oon-prijzgje</i> (1x)	--> PRIIZG-
OANSPYTG-*	G.J. <i>oon-spijtgje</i>	
OERDAUWG-	G.J. <i>oer-dauwgje</i>	--> DAUWG-
OERFOCHTG-*	G.J. <i>oerfochtgje</i>	--> FOCHTIG-
	Fr.W. (1903-II): <i>oerfochtsje</i>	
OERHANDIG-	G.J. <i>oer-handigje</i>	--> HANDIG-
	Fr.W. (1903-II): <i>oerhandigje</i>	
OERKREFT(I)G-	G.J. <i>oer-kreft(i)gje</i>	--> KREFTIG-
OERLAADG-*	G.J. <i>oer-laedgje</i>	rimet op: <i>forsmaedgje</i>
OERLEST(I)G-	G.J. <i>oer-lest(i)gje</i>	
OERLOCHT(I)G-*/	G.J. <i>oer-lochtigje; oer-loftigje</i>	
-LOFT(I)G-*	(G.J. hat allinnich foarmen mei 'g)	
OERWELD(I)G-	G.J. <i>oerwjeald(i)gje,</i> <i>oerwjealdje</i>	--> UNTWELDIG-
	Fr.W. (1903-II): <i>oerweldigje</i>	
OMDOLG-*	Foar <i>omdolle</i> R. Windsma, Bledden 7 (1847): In wa scoe, az mijn-mân, de' yerde'	

	<i>om-dolgje</i> , / Ynne oan-grijmm' fenne deâd syn Tuwt.	
OMKRANZG-	G.J. <i>om-kransgje</i> Fr.W. (1903-II): <i>omkrânzgje</i>	--> KRANZG-
OMSKANZG-	G.J. <i>om-schansgje</i> R. Posthumus, <i>priuwcke</i> 62 (1824): ...Dy't hert' mej deugd', az mesck in stiel, <i>om-schânzgje</i> .	--> FERSKANZG-
OPRIIZG-	Fr.W. (1956) s.v. oprijzen: <i>oprize</i> , - <i>riizgje</i>	--> RIIZG-
OPRJUCHTG-	G.J. <i>op-rjuecht(g)je</i> (allinnich p.p. <i>oprjuechtge</i>) Fr.W. (1903-II): <i>oprjuchtsje</i>	--> RJUCHTG-
PAATG-	G.J. <i>paeye</i> , <i>paetgje</i> , <i>paetje</i> , <i>paetkje</i> Fr.W. (1903-II): <i>paetkje</i> (G.J.) <i>paetsje</i> (Salv.); <i>patsje</i> , <i>patkje</i>	
PEAZG-	Fr.W. (1903-II): <i>peasgje</i> , <i>peaskje</i> ; <i>peaskje</i> ...Ook <i>pjeatskje</i> , <i>peadzje</i> en <i>peazje</i> .	
PEINZG-	G.J. <i>peynz(g)je</i> Fr.W. (1903-II): <i>peinz(g)je</i>	
PIIZG-	Fr.W. (1903-II): <i>piiz(g)je</i>	
PINIG-	G.J. <i>pijnigje</i> (p.p. <i>pyngje</i>) Fr.W. (1903-II): <i>pinigje</i>	WNT: <i>pijnen</i> nj. <i>pinigen</i>
PLEATSG-	Allinnich by A. Teltung Fr.W.Gen. (1829): Lettinga-sijl, dy oonne muwle fenne Middelsee ijnne dijk onder it dorp Stiens <i>pleatsge</i> wier. ibid. 8 (1930): Er foar æf er tjin oon wurdde yen schijld <i>pleatsge</i> .	--> FERPLEATSG-
PLONZG-	Fr.W. (1903-II): <i>plonzgje</i> sj. 3.4.2.	
PRIIZG-	Fr.W. (1903-II): <i>priizje</i> , <i>priizgje</i>	--> OANPRIIZG-
?PRIPG-	G. Postma, F.m.n. 25 (1907): ...om net ris fyntsjes to <i>pripjen</i> , to niidgjen. Fr.W. (1903-II): <i>pripje</i> , <i>pripkje</i> , <i>prypkje</i>	
REINIG-	G.J. <i>reynigje</i> Fr.W. (1911-III): <i>reinigje</i>	WNT: <i>reinen</i> nj. <i>reinigen</i>
REIZG-	G.J. <i>reysgje</i>	--> UNTREINIG- âfr. <i>reisia</i>

RIIZG-	Fr.W. (1911-III): <i>reizgje</i> By E.B. Folkertsma	sj. 3.4.2. --> OPRIIZG-
RJUCHTG-	G.J. <i>rjuechte, rjuechtje, rjuechtgje</i> Fr.W. (1911-III): <i>rjuchtsje</i>	--> OPRJUCHTG- -->UNDERRJUCHTG-
ROASTG-	G.J. <i>rôastgje, rôstgje</i> Fr.W. (1911-III): <i>roastsje, roastkje; rustje, rûstsje, ruskje</i>	midned. <i>rostigen</i> âhd. <i>rostigôn</i>
SANIG- SEIN(I)G-	Fr.W. (1911-III): <i>sanigje, sanikje</i> G.J. <i>seyngje</i> Fr.W. (1911-III): <i>seinigje, seingje, seinje</i>	
SIEDG-	G.J. <i>siedje, siedgje</i> Fr.W. (1911-III): <i>siedzje</i>	
SINNIG-	Fr.W. (1911-III): <i>sinnigje</i>	holl. <i>zinnen</i>
SINZG-	Fr.W. (1911-III): <i>sinz(g)je; singe</i>	
SJOCHTG-*	G.J. <i>sjochtje, sjochtgje</i>	
SMACHTG-*	G.J. <i>smachtje, smachtgje</i> Fr.W. (1911-III): <i>smachtsje</i>	--> FERSMACHTG-
SPARG-	Feitsma (1956: 5, nû. 28): <i>All spergjende momme wol sed ijtte.</i>	sj. 3.3.
SPI(I)Z(I)G-	G.J. <i>spijzgje</i> Fr.W. (1911-III): <i>spizigje, spiizgje</i>	WNT: <i>spijzen nj. spijzigen</i>
SPRINZG- STEATG-	Fr.W. (1911-III): <i>springzje</i> Allinnich by E.B. Folkertsma yn'e mulwurdsfoarm Tsjûg. 14 (1922): <i>Ho hat it Fryske folk gjin steatgjende krêft hawn?</i>	--> BESPRINZG-
STIENNIG-	Fr.W. (1911-III): <i>stienigje, stienigje</i>	WNT: <i>steenjen nj. steenigen</i>
?STYPG-	Fr.W. (1911-III): <i>stypgje</i>	
SUN(D)(I)G-	G.J. <i>suwngje</i> Bog. <i>sounigje</i> Fr.W. (1911-III): <i>sondigje; sûndigje</i>	--> BESUNDIG- --> UNTSUN(DI)G-
TI(I)D(I)G-	Fr.W. (1911-III): <i>tiidgje, tidigje, tiidzje</i>	
TINZG-*	S.J. van der Molen, <i>sêgeboek IV 41</i> (1943): <i>Hy...bigoun...to tinzgjen oer it jubeljen fen'e hillige ingels.</i>	
TJIRG-	Bog. <i>tyrghie</i> Fr.W. (1911-III): <i>tiergje ...ook tsjirgje;</i>	

	<i>tjirgje</i> ...Ook wel: <i>tsjirgje; tierje</i>	
TOARSTG-	Fr.W. (1944): <i>toarstgje; toarstje</i>	--> FERTOARST(I)G-
TOCHTG-*	G.J. <i>tocht'gje</i>	
TREASTG-	Fr.W. (1911-III): <i>treaste, treastgje</i>	--> FERTREASTG-
	Fr.W (1956) s.v. troosten: <i>treast(g)je, treaste</i>	
TROGPESTG-*	G.J. <i>trog-pest'gje</i>	
TSJING-*	Feitsma (1956: 55, nû. 745): Miggen <i>tzingie</i> nin hea to fieren in wynig wear.	
TUCHTIG-	Fr.W (1944): <i>tuchtigje</i>	
UNDER-	G.J. <i>onder-rjuecht(g)je</i>	--> RJUCHTG-
RJUCHTG-	(allinnich p.p. <i>onderrjuechtge</i>) Fr.W. (1903-II): <i>on-, ûnderrjuchtsje</i>	
UNTAARDG-	G.J. <i>ontaerdgje</i> Fr.W. (1903-II): <i>ont- ûntaerdgje</i> ...Meest: <i>ont-, ûntaerdsje</i>	
UNTHAADG-	Fr.W. (1903-II): <i>ont-, ûnthaedgje,</i> <i>-haedsje, -hade</i>	
UNTKREFTIG-	Fr.W (1903-II): <i>ont-, ûntkrêftigje</i>	holl. <i>ontkrachten</i>
	<i>ûntkreftigje, -kreftsje</i>	--> KREFTIG-
UNTLBEST(I)G-	G.J. <i>ontlest(i)gje</i> Fr.W (1903-II): <i>ont-, ûntlêstigje,</i> <i>-lêstgje</i>	holl. <i>ontlasten</i> --> BELEST(I)G
UNTLINZGJE	Fr.W (1903-II): <i>ont-, ûntlinzgje</i>	
UNTREINIG-	Fr.W. (1903-II): <i>ont-, ûntreinigje</i>	holl. <i>verontreinigen</i> dú. <i>verunreinigen</i> --> REINIG-
UNTRESTIG-	Fr.W. (1944): <i>ûntrêstigje</i>	holl. <i>verontrusten</i>
UNTSKULDIG-	Fr.W. (1903-II): <i>ont-, ûntskildigje</i> holl. <i>verontschuldigen</i>	--> BESKULDIG-
UNTSTJOER-	G.J. <i>ontstjoer(ri)gje</i>	ferl. WNT <i>onstuur,</i>
(I)G-	Fr.W. (1903-II): <i>ont-, ûntstjûrigje</i> Fr.W (1944): <i>ûntstjûrgje</i>	<i>onsturig</i>
UNTSUN-	G.J. <i>ontsuwngje</i>	--> SUN(D)(I)G-
(DI)G-*		
UNTWELDIG-*	G.J. <i>ontwjealdigje</i>	--> OERWELDIG-
UTKUNDIG-	G.J. <i>uwt-kundigje</i>	--> KUNDIG-
UTRJUCHIG-*	G.J. <i>uwt-rjuechte,</i> <i>uwt-rjuecht(g)je,</i> p.p. <i>uwt-rjuechtge</i>	--> RJUCHTG-

	Fr.W. (1911-III): <i>útrjuchtsje</i>	
UTSPRIEDG-*	G.J. <i>uwt-spriedje</i> , p.p <i>uwt-spried'ge</i>	
WEARZG-	Fr.W. (1911-III): <i>wearzge, wearzje wêrsje, wêrzje</i>	sj. K.F. van der Veen (1979)
	S.K. Feitsma, F.m.n. 71 (1893): Hy hie eat glandichs yn syn eagen det in earsom frommiske as by inerlik gefoel <i>wersige</i> .	
WENG-*	Feitsma (1956, 45, nû. 585): Ik <i>wengje</i> in't foarste fek, dir de torf in leyt.	
WIIZG-	G.J. <i>wijze, wijzje, wijzgje</i>	--> BEWIIZG-
	Fr.W. (1911-III): <i>wiizje, wiizgje; wize</i>	
	A. Telting, Fr.J.Gen. 9 (1833): Sunt, master foll' to wijs, dy woe't him net forswije, / Mar <i>wijsge</i> it steed: dear eern Almenoms tsjerke stoe.	
WYLG-	Fr.W. (1911-III): <i>wylje, wylgje</i>	--> FERWYLG-
WITIG-	Fr.W. (1911-III): <i>wite, witigje, wytgje</i>	
/WYTG- I	'wijten, ten laste leggen, verwijten'	
WYTG- II	G.J. <i>wijtge</i> 'voorspellen'	âfr. <i>wîtgia</i>
	Fr.W. (1911-III): <i>wytgje</i>	âi. <i>wîtgian</i>
WIZIG-	Fr.W.(1911-III): <i>wizigje, wiisgje</i>	holl. <i>wijzigen</i>
WRINZGJE	G.J. <i>wrinzgje; to-wrinzg(je)</i>	--> BRINZG-
	Fr.W. (1911-III): <i>wrinsgje, wrinskje</i> (Woudstr.)	

**Taheakke II: List fan ig-tiidwurden yn it Aldfrysk
(út: Van Zuiden (1934: 2-3))**

Von den westgermanischen Sprachen hat das Altfriesische im ganzen 43 mittels des Suffixes -ig gebildete Verba aufzuweisen:

- aftigia ehelichen
- bifestigia befestigen
- bihriôwsigia bereuen
- bihlûdigia beschuldigen
- biruchtigia berüchtigen

bisêrigia versehren
biskathigia beschädigen
biskeldigia beschuldigen
bistedigia bestatten
bistêdigia bestätigen
biswerigia beschweren
bitigia bezichtigen
biweldegia bewältigen
bôstigia verehelichen
diligia tilgen
enigia einigen
endegia beenden
festigia befestigen
hânigia benachteiligen
hêligia heiligen
hendigia übergeben
hlestigia belästigen
hlûdigia beschuldigen
kestigia kasteien
kreftegia kräftigen
kundegia verkündigen
lavigia hinterlassen, vererben
lênigia leihen
nêdigia nötigen
nêdmundigia notzüchtigen
nettigia nutzen
pennegia bezahlen
pinigia (punighia) peinigen
rêdigia vorbereiten
riuchtferdigia rechtfertigen
sendigia sündigen
sennigia bestreiten
skathigia schädigen
skeldigia beschuldigen
stedigia gestatten
swêrigia schwierig machen
unskeldigia schuldlos machen
weldegia bewältigen